It fuortbestean en it ferdwinen fan talen as maatskiplik ferskynsel wurdt dus yn de sosjolinguistyk in soad bestudearre. Ik sil ek net mear dwaan kinne as in lytse bydrage leverje oan it tinken oer dy tematyk wat it kontakt tusken it Frysk en it Nederlânsk oanbelangen.

Heeroma (1970: 11) hat yn dy nisneande bydrage oan it 5te filologiekongres al sein: "het Fries in Friesland heeft het er in de laatste 6 à 7 eeuwen werkelijk zeer behoorlijk afgebracht". It is in libbene taal yn it hjoeddeistige Fryslân, wylst it Frysk yn oare gebieten, bygelyks yn de Ommelanden, ferdwûn is. De histoaryske ferkelearring foar de fraach "Waarom bestaat het Fries nog hier?" sikeet Heeroma (1970: 12-13) yn de ferkears- en kultuurgeografyske situaasje fan Fryslân fan de 14de oant de 18de ieu. De úntfrysking út it suden wei hat him net trochsetten en de druwendre krêft dêrwei is weifallen. De situaasje hat him om de 15de ieu hinne stabilisearre. Oan 'e sidigrins, yn 'e súdlike Wâlden, is it Frysk net fuorttreage, mar is it in bytsje omfoarme. Yn 'e 19de en 20ste ieu is de situaasje feroare en Heeroma sjocht yn it selsbewustwêzen fan de sprekers in wichtige boarne foar wat er neamt de 'kreative aktiviteit' fan it Frysk.

Heeroma wiist dus op twa faktoaren foar it behâld fan it Frysk. In histoaryske faktor, dy't te krijen hat mei it geografysk fansiden lizzien fan Fryslân, it isolemint troch syn perifeare lizzing (dêr kin men oars ek noch wol in pear nuânses op oanbringe). En foar dizze tiid, as twadde faktor, de positive taalhâlding, it aktyf opkommien foar de taal. Ik tink, dat syn histoaryske ferkelearring no ek noch in beskate wearde hat, benammen omdat de doetiidske intjouwings fansels net sùnder belang wiene foar it úntstean fan de hjoeddeiske

taalferhildingen. Syn redenaasje mei histoarysk krecht wêze, dochs is dy net alhiel befredigjend. Heeroma beskôget syn faktoraen te folle as allesbeskiedend foar it fuortbestean fan it Frysk, wylst ik tink dat it fraachstik, benammen yn dizze tiid, ek noch oare, belangrike, diminsjes hat as inkeld de positive taalhâlding fan de Frysktaligen.

2. Fitaliteit

Sa'n soarte fan 'meardiminsjonele' oanpak ha ik al ris foar kar nommen yn myn bydrage oan it 9de filologekongres yn 1981. Doe ha ik my ek dwaande hâlden mei de problematyk fan it fuortbestean fan it Frysk (Gorter 1982). Yn myn lezing fan doe ha ik it saneamde model fan de 'etnolinguistyske fitaliteit' of, oars sein, it libbenskrêfmodel fan Giles-en-dy (1977) nei foaren brocht as in oanset ta in systematyske en omfienjende analyse fan de oarsaken fan it fuortbestean fan it Frysk.

It tinkken oer minderheidstalen yn termen fan libbenskrêft hat de lêste jierren aardich oan populariteit wûn. Der binne ûnderskate artikels ferskynd dêr't dat begryp in rol yn spilet, benammen yn de ynternasjonale literatuer, bygelyks Allard en Landry 1986, Bourhis, Giles en Rosenthal 1981, Giles en Coupland 1991. Der binne ek in pear artikels oer it Frysk út dit perspektif wei, bygelyks Jonkman 1991, Ytsma 1989, Ytsma en De Jong 1993.²

Dochs binne der sa foar en nei aardich wat beswieren tsjin it model fan Giles-en-dy ynbrocht. Neffens my snije guon dêrfan hout en dérom is it model op syn minst oan revyzie ta (dat lêste is Giles sels it mei iens, sa docht út resinte publiekaasjes wol blikken, ú.o. Giles, Leetis en Coupland 1990).

It model stiet yn skema 1 en ik sil it noch efteweg koart tajochsje, mar ik sil net alle farabelen foar de Fryskke taalgroep bylâns rinne.

² It hat my hoppedat blikken dien, dat myn lezing út 1981 ferplichte learstof is foar beskate Afûk-kursisten. Dy wurde dus grutbrocht mei dat model en in beskate opfetting oer de 'fitaliteit' fan it Frysk.

LIBBENSKREFT

STATUS	DEMOGRAPHY	YNSTITUSJES
ekonomieske status	fersprieding:	- massamedia
sosjale status	- nasionaal gebiet	- ûnderwijs
sosjo-histoaryske status	- konsintraasje	- oerheidtsjinsten
taal status	- proposje	- yndustry
	numeryk:	- godstsjinst
	- absolut	- kultuer
	- bertesifer	
	- mingde houliken	
	- ymmigraasje	
	- emigraasje	

Skema 1 It model fan de fitaliteit fan in minderheidstaal
(nei Giles-en-dy 1977, sjoch ek Gorter 1982)

Neffens it model wurdt de fitaliteit fan de Fryske taalgroep, men kin ek sizze de kâns om te oerlibjen, beskaat troch trije haadfaktoaren, dy't elk in rige fariabelen omfienme: statusfariabelen (lykas ekonomieske status en taalstatus), demografyske fariabelen (lykas it ferspriedingsgebiet en it absolute tal sprekers) en de faktor ynstitútusjonele stipe (dêrby giet it om it plak fan it Frysk yn sektoren as massamedia en ûnderwijs). It model suggestearret, dat de fitaliteit fan de Fryske taalgroep op in soarte fan optelsom fan al dy fariabelen delkomt.

Op hokker punten kin it model kritisearre wurde? Ik sei yn 1981 al, dat it model tige globalaal is en dat der gjin konkrete foarsizzings dien wurde kinne op grün fan it yntfolgen fan de fariabelen. In grut beswier, dat troch Husband en Saifullah Khan (1981: 196) tsjin it model ynbrocht wurd, is, dat der wol in algemien besprek jûn wurdt fan alle strukturele fariabelen, mar dat der net oanjûn wurdet, hoe't de bydrage fan elste fariabele op himsels, oan de fitaliteit as gehiel fêststeld wurde kin. Dérom sil it model nea in adekwate diagnoaze fan in beskate situaasje stelle kinne.

Boppedat slute de fariabelen inoar net oer en wer út, mar oerlaapje se elkoar foar in part. Giles-en-dy (1977: 310) hiene it dêr as opstellers fan it model sels ek al oer. De fariabelen soene (statistysk) ûnôfhinklik faninoar wêze moatte, omdat it model in soarte fan optelsom is. Hoe grut oft it gewicht fan in beskate fariabele wêze moat, is dan dus problematysk. Giles-en-dy (1977: 316) ha fearslein, dat elke fariabele like swier wage moat, oant empirysk undersyk oars

útwiist. Dat is lykwols net in gaadlike oplossing, want foar empirysk úndersyk binne de begripen om de fariabelen mei oan te tsjutten net helder genoich definiearre (Husband en Saifullah Khan 1981: 203-04). Sa liket it in dreech kerwei om bygelyks de sosjo-histoaryske status sa te operasjonalisearjen, dat er te mijitten en dúdlik fan de sosjale status en de taalstatus te finderskieden is.

In oar beswier is, dat fitaliteit net in skraaimerk fan ien groep, bygelyks de Frysktaligen, wêze kin; de fitaliteit fan in groep foarmet de wierspegeling fan de relasje fan dy groep mei oare groepen en fan de dynamyske úntjouwing yn dy relasje. Mei oare wurden, it giet net oan om op in stuit de 'absolute libbenskrêf' fan de Fryske taalgroep fest te stellen, men kin allinne de *ferhâlding* tusken de Frysktaligen en de Nederlânsktaligen yn 'e rin fan 'e tiid bestudearje.

Suver op deseide streek as it missen fan it 'relasjonele' stiet it foarbygean oan de problematyk fan macht en oerhearsking. It fuortbestean fan in minderheidstaal is ommers net simpel in funksje fan de fitaliteit fan dy minderheidsgroep op himsels, mar hinget op syn minst ek likefolle ôf fan de krêft fan de dominante groep en fan de histoaryske útwurking fan de oerhearsking dértroch. It Frysk yn Fryslân is net in minderheidstaal omdat der minder Frysk- as Nederlânsktaligen binne, mar omdat it Nederlânsk, en dêrmei de Nederlânsktaligen, in maatskiplik oerhearskjend plak ynnimme.

As in sterke kant fan it model soe beskôge wurde kinne, dat it besiket om in min ofte near totaal ramt te jaan. Dêr kin men oars ek fraachtekens by sette,

want der is in soad diskusje mooglik oer de folseleinens fan de list fan fariabelen en oer de fraach hokfoar fariabelen oft dêr noch oan taheakke wurde kinne of moatite.

De oplossing fan Giles en syn kollega's foar de beswieren tsjin it fitaliteitsmodel hat neitiid twaderlei west. Oan 'e iene kant hawwe se de klam lein op de subjektive persepsje fan de fitaliteit fan de taalgroep troch de sprekkers sels of troch oare taalgroepen (Bourhis, Giles en Rosenthal 1981). Oan 'e oare kant hawwe se in alternatyf model útsteld, dêr't de trije haadfaktoaren út it eardere fitaliteitsmodel ynwikele binne foar ûnderskate 'klimaten', lyk as it sosjologyske, it sosjaal-psychologyske en ynteraksjonele 'klimaat' (Giles, Leets en Coupland 1990: 49-52, sjoch ek Ytsma en De Jong 1993). Troch de subjektive ynskattting fan de leden fan ûnderskate groepen te fregejen, wurde de misneamde 'mjiiproblemen' fan it fitaliteitsmodel lykwols mar foar in lyts part oplost. It alternative model yn termen fan 'klimaten' mei wakker blykje, yn 'e grûn is it net oars as it earste model en jout it dérom mar in parsjeel antwurd op de ynbrochte krityk. Sa bliuwt de kwestje fan macht en oerhearsking noch hieltyd bûtien skot en de foarsizzende wearde fan it model liket noch krekt sa lyts as earder.

In beskriwing fan de Fryske taalsituasje neffens sa'n katalogus fan fariabelen hat grif doel foar in earstyne kunde kommen mei de twataligens yn

Fryslân. Myn kritysk hifkjen ha ik bedoeld as in warskôging foar it al te maklik oannimmen fan 'fitaliteit' as in bewiisd en net-problematysk konstrukt om it fuortbestean fan it Frysk mei te 'ferklearjen'. It probleem is, dat der socht wurd om in allesomfiemjende syntezze, en it is de fraach, oft dy op dizze manier wol fûn wurde kin.

De oanleiding fan Giles om yndertiid it sosiaal-psychologyske perspektify út te werkjen, wie syn ûnfriede mei it besteande sosjolinguistyske undersyk. Hy hat de saneande 'spraakoaanpassings-theorie' opsteld, omdat de sosjolinguistyk allerhande noarmen en regels opsteld hat en de sprekkers dêremfeffens ta 'automaten' werombrocht binne (Giles en Smith 1979: 46). Dêrmei tsjut er onder oaren op de opfetting dat de sosiale noarmen dy't gearthingje mei in beskate ferdeling fan funksjes fan talen yn in mienskip, streekrjocht beskipte hokker taal of in sprekker op dat en dat stuit bruke sil. Dy opfetting oer skieding fan maatskiplike funksjes fan talen, wol oantsjutten as it ferskynsel fan de diglossy, wol ik it yn de paragraaf hjiinei oer ha.

3. Diglossy

In omkearde ferzje fan it sosjaal-psychologyske tinken oer 'etnolinguistyske fitaliteit' is te finen yn in resint boek fan Fishman (1991a), dat giet oer Reversing Language Shift (it omkearen fan taalferskowing). Fishman sjocht syn boek as in soarte fan praktykske hantering foar taalbewegers en taalpolitisy. Hoe't er dy beliedskant fan de saak útwurket, is yn it ramt fan myn skôging hjer net sa wichtich, mar wêr't ik al op yngean wol, is de 'GIDS'. Fishman hat nammentlik ek in model, of better sein, in skaal, de GIDS, makke. Dy ôfkoarting is in akronym foar de 'Graded Intergenerational Disruption Scale' en Fishman (1991a: 87) omskriwt soks as in skaal foar gradaasjes yn it ferbrekken of útinoar skuorren fan de generaasjes op it stik fan de taal.

Fishman sjocht de GIDS as in soarte fan skaal fan Richter foar it fêststellen fan de skea dy't taalmienskippen yn ús tiid oandlen is. Hy wol benammen sa in diagnoaze stelle, om op grûn dêrfan advizen jaan te kunnen oer wat dien wurde moat om te soargien dat in taal oerlibbet. Fishman (1991a: 87) neamt de skaal sels de omkearde sosjaal-kulturele ferzje fan it tinken oer fitaliteit fan Giles-en-dy.

Fishman ûnderskiedt mei syn skaal acht stadia; hy leit dêrby allegeduerigen de klam op de taaloerdracht tusken de generaasjes en op it ta stân bringen en fêsthâlden fan sosjale ferbannen yn de trieslach hushâlding, buert en lokale mienskip.

De wichtigste faktoren foar it wêrom fan taalferskowing sjocht Fishman yn 'distokaasje', it útinoar fallen of heljen fan beskate sosjaal-kulturele ferhammen. In taalminderheid wurdt yn ús tiid op near as ien manier ut syn ferbân helle:

- dat kin demografysk wêze, bygelyks troch migraasje en urbanisaasje,
- mar de mienskip wurdt sosjaal ek út 'e foegen skuord troch efterstelling yn oplyding, yn kânsen op wûrk, it fuitgean fan talint, ensfh,
- en fierders ek nochris kultureel: de kultuer fan de mearderheid is rûnoombrywêzich, wat de kulturele ferskillen ferlystet en ta im gruttere homogeniteit liedt.

Fishman sjochtit útinoarfallen fan 'e mienskip net as in ûnûntkomber proses. Foar him soe dat de 'wet fan de jungle' wêze, dy't seit dat de sterkerre de swakkere fernsatiget. Syn hiele boek is in besykjen om oan te jaan, wêr't en wan-near't beskate maatregels nommen wurde kinne of moatte. In taalgroep sil dêr-by beskate sosjale en kulturele grinzen hanthavenje moatte om syn fuortbestean te bewissigen.

Ik sil dizze GIDS, dizze skaal fan graduele yntergenerasjonele disruptsje, hjir net wiidweidich foar it Frysk behannelje: dêr kin ik foar ferwize nei Fishman syn artikel yn *It Beaken* oer de ferliking tusken Baskysk en Frysk (Fishman 1991b), en oars nei syn boek (Fishman 1991a: 87-111).

Nei onlieding fan dy skaal binne der in pear saken foar it fuortbestean fan it Frysk dy't der foar my út kypje en dêr't ik omtinken foar freegje wol. Dat binne de krúsiale kwestje fan diglossy yn de taalmienskip en, as twadde, de kwestje fan de taalsosjalisasje. Troch op dy punten yn te gean, hoopje ik ek in fiedere oanfolling te jaan fan myn krityk op it fitaliteitsmodel.

Diglossy is it kearpunt en it kearpunt yn de acht stadia dy't Fishman yn syn GIDS underskiedt; dêr kin it fuortbestean fan in taalmienskip troch garandeare wurde. Al of gjin diglossy is it draaipunt yn de stadia fan behâld en ferlies. It is in wetterskieding tusken dy stadia dat in taal inkeld yn de domeinen fan de húshâlding, de buert en de lokale mienskip brukt wurdet en de stadia dat de strijd mei de dominante taal oangien wurdet. Neffens Fishman giet it der, om wis te wêzen fan it fuortbestean fan in taal, alderearst om dat der in stabile diglossyske situaasie ta stân brocht wurdet. Yn in folgjend stadium giet it derom om 'oppe' dy folselein diglossyske ferhâlding út te kommen.

No is it begryp diglossy fansels ien fan de meast brûkte begripen yn de so-sjolinguistyk en krekt Fishman hat in wichtige bydrage levere oan it debat dêroer. Yn de ynlieding op in bibliography fan dat begryp mei meer as 1.600 titels waard yn it tydschrift *Language in Society* yn 1992 feststeld, dat it talkearen dat it brûkt wurdet de lêste tsien jier slim tanommen is. Fishman (1967) hie it diglossy-begryp fan Ferguson (1959) earder alris útwreide troch de klam te lizzen op *taalgebrûk*: dat wol sizze, op de sosjale funksjes dy't talen hawwe. Foar Fishman binne alle mienskippen diglossysk dêr't twa ferskillende talen foar ferskillende funksjes brûkt wurde. Yn de 'klassike' opfetting fan diglossy, dy't Fishman yn dat eardere wûrk ünderskriuwt, is stabilitet in wichtich skaaimerk fan de taalferhâldingen.

De beswiereren tsjin itklassike model fan diglossy komme koartsein hir op del (Martin-Jones 1993). Yn it foarste plak wurdt de taalkar fan it yndividu inkeld sjoen as de delslach fan sosjale noarmen en is der dus gjin romte foar yndividuele fariaasje (de sprekkers as 'automaten', sa't ik earder fan Giles oanhelle ha) It model giet dêrby út fan in konsensustinken oer dy noarmen en it sosjaal sanksjonearjen fan ôfwikingen. Yn it twadde plak wurd' macht' beskôge as in ferskynsel fan sekundêr belang. Treks wurdt mei dy opfetting fan diglossy net mei feroaringen yn 'e tiid rekkene. Inkeld as de taalferhâldingen (ynienen) ôfbrekke, kin de tastân fan diglossy ferdwine. De opfettingen fan it klassike tinken oer diglossy komme (mei) fuort út de oerhearskjende opfettingen fan it struktureel-funksjonalisme yn de noardamerikaanske sosjology fan de sechstiger jierren.

Der hat yn Europa, benammen onder sosiolinguisten yn Kataloanje en Oktantanie, in werynterpretaasje fan diglossy as analytysk begryp west (Kremnitz 1987: 212-215). Neffens dy undersikers moat diglossy sjoen wurde as in stadium yn in taalstriid. In striid dy't de uttering is fan in maatskipplik konflikt tusken ferskillende taalgroepen. Op dy manier wurdt besocht om better sicht te krijjen op it hoe en het fan diglossy, benammen op de historyske ûntjouwing fan de funksjonele differinsjaasje fan twa talen en op hoe't dy diglossyske ferhâlding yn 'e rin fan 'e tiid feroarie kin. Troch as útongespuut te nimmen, dat diglossy in stadium yn in taalkonflikt is, wurdt it beswier fan it statyske ûnderfongan. Boppedat komt der sa omtinken foar machtsferskilen tusken sprekkers fan dominante en fan oerhearske talen. It liket derop, dat Fishman yn syn lêste boek tichtte by dy súdeuropeeske opfettingen kommen is.

In soad lju dy't har yn de taalferhâldingen yn Fryslân ferdippe, komme op in stuit it begryp 'diglossy' tsjin foar it oantsjutten fan de maatskiplike ferskilen yn funksjonearjen tusken it Frysk en it Nederlânsk. De diskusje giet der oer, oft der yn dat ferbân wol fan diglossy praat wurde kin en, as dat al sa is, hoe wichtich oft dat foar de ferhâlding fan dy twa talen is (sjoch foar in oersjoch Gorter 1993: 25-27). Alle auteurs binne it iens oer it proses fan feroaring yn de Fryske taalferhâldingen. Moai algemien is it betinken, dat 'diglossy' eartiids fan trapping wie, mar dat it noch mar foar in part in adekwate typearring jout fan de hjoeddeiske Frysk-Nederlânske ferhâldingen. Mar der binne ek ferskilen yn opfetting. Foar guon auteurs kin diglossy inkeld in statyske situaasje mei kategoaryske swart-wyt-ferskilen yn funksjes oantsjutte; oaren fine, dat ûnder sa'n begryp net genôch de maatskiplike feroaringen beslapte wurde kinne. Boppedat is der gjin ienriedigens oer de fraach, oft foar it fuortbestean fan it Frysk in beskate ferdieling fan funksjes in betingst is, sa't bygelyks Sjölin (1976) hawwe wol.

Nei myn betinken is it wichtich om diglossy as in oantsjutting fan *relative* ferskilen yn de funksjes fan beide talen op te fetsjen. Sa kin men sjen, dat de

spreding fan it brûken fan it Frysk en it Nederlânsk oer maatskiplike domeinen mei in glydzzjende skaal werjün wurde kin. Ik soe dêrom ek fêsthâldé wolle oan de redenaasie, dat it Frysk en it Nederlânsk ek yn ús tiid noch ferskillende funksjes op it nivo fan de mienskip as gehiel hawwe. Men hoecht allinne mar oan de skreaume taal te tinken. Tagelyk oerlaapje foar guon Fryske taligen de funksjes fan Frysk en Nederlânsk elkoar en bestiet der in 'konkurrerjende twataligens' (Gorter-en-dy 1984: 2). Omdat in sletten, ientalich Fryske mienskip yn dizze tiid ûnbesteanber, ja sels ûntinkber is, sil in beskate foarm fan diglossy wêzentlik wêze foar it fuortbestean fan it Frysk as minderheidstaal.

Neffens Fishman is it foar it beskemien fan in swakke taal alderearst needsaaklik, dat alles op alles setten wordt om de oerdraacht tusken de generaasjes yn oarder te bringen en te hâlden, foardat beginn wordt mei it besykjen om de hegere domeinen (op 'en njí) te feroverjen. Dy opfetting hâldt ferbân mei syn idee fan stadia dy't in taal trochrimme moat om it ferlies fan earder wer goed te meitsjen. It Frysk hat lykwols nea yn it stadium fan it folselein (of foar it grutste part) ferlern gean fan de taaloerdrach west. Hoewol't de oerdraacht tusken de generaasjes wol bedrige wordt (sjoch paragraaf 4), moat it Frysk op de GIDS-skaal fan Fishman dochs foarby de wetterskieding fan de diglossy setten wurde.


Der leit yn de opfetting fan Fishman (en der binne ek oaren dy't der sa oer tinke) in warskôging besletten foar it taalbelied: dat moat net inkeld en allinne rjochte wurde op de hegere domeinen, op it dak fan it taalgebou, want oars soe it fûnemint ferjitten wurde kinne. Dy redenaasje kin lykwols net omdraaid wurde, sa't De Haan (1992: 9) nei't liket hawwe wol. De Haan redenearet sa: as der wat oan it dak dien wordt, nimt dêrtroch de ynstabilens fan de basis ta en foarmet dy aktiviteit in bedriving foar de fûneminten fan it Frysk. It taalbelied foar de hegere domeinen, lykas it offisiële ferkear, soe dêrom earslings wurkje. Sa'n omkearing fan de redenaasje is net logysk, dêr is de basis fan it Frysk yn 'e mienskip noch te breed en te hecht foar. Foar it Frysk sil it belied êk op saken rjochte wurde moatte dy't 'boppe' de diglossy útkomme, om sa it fuortbestean fan it Frysk te bewissigen.

Om dy reden wol ik noch koart wat better nei it 'dak fan it taalgebou' sjen. Der is ommers yn breder ferbân noch in oar proses geande dat ynfloed op de ferhâldingen tusken it Frysk en it Nederlânsk hawwe sil. Yn 'e lidsteanen fan de Europeeske mienskip üntstiet in nije diglossyske ferdeling: njonken de stearstaal kriget it Ingelsk hietylde mear funksjes yn de hegere domeinen. It Ingelsk wordt bygelyks brûkt om te foarsjen yn it ferlet fan ynternasjonale kommunikaasje en ek wat langer wat mear yn de domeinen fan wittenskip en technology, fan ynternasjonale hannel en yndustry, en benammen ek yn dat fan it massa-amusemint (De Swaan 1993: 252).

De steatsnationale talen, lykas it Nederlânsk, ha wat De Swaan neamt in

beskate 'robústens'. Dêrmei wol er oanjaan, dat dy talen minder floeiend binne as earder en har troch allerhande foarmen fan standerdisaasje net sa maklik oan ynfloeden fan bûtenôf oerjouwe. Sa'n taal wurdt stipe troch de steatsoehed en troch in protte oare ynstytusjes. Dêrom is it yn dizze tiid ek net goed yn te tinken, dat dy steatsnasjonale talen in proses fan 'pidginisearring' (reduksje fan grammaticale strukturen) ûndergean sille. Dy talen sille net, lykas earder guon dialekten, gearrane ta nije, tuskenlizzende foarmen, mar der sil in foechfunksjeferdieling mei it Ingelsk ûntsteaan.

Dat proses op Europeeske skaal liedt derta, dat der yn Fryslân in 'triglossy', in trijedieling tusken Ingelsk, Nederlânsk en Frysk, op kommendeweis is. Om ús himme kinne wy sjen, dat sa'n ferhâlding him stadichoan ûntjout. Yn skema 2 ha ik dat oanjûn.



Skema 2 In grafyske wejerjette fan de diglossyske ferhâlding tusken Frysk, Nederlânsk en Ingelsk

It Ingelsk hat al in beskieden hoekje kriegen yn beskate domeinen, bygelyks yn de wittenskip, de massa-ferdiuedaasje op televyzie en yn 'e muzyk. It Nederlânsk hat fierwei it grutste plak op de hegere nivo's, mar kringt stadichoan ek op as 'gewoane', omgongstaal foar in part fan de Frysktaligen. Yn 'e mienskip yn Fryslân stiet it Frysk it sterkste yn de domeinen fan hushâlding, buert en wurk. Yn guon formele domeinen nimt it Frysk in beskieden plakje yn.

In probleem is fansels, dat it Frysks net dy stipe fan oerheid en oare ynstitúsjes krijt dy't it Nederlânsk al krijt. Men soe mei De Swaan sizze kinne, it Frysks is sa 'robûst' net. Faaks dat der foar it Frysks dêrom wol in beskaat proses fan 'pidginiearring' fêst te stellen falt. Dat feroaring sproses kin stadiger of flugger gean en der sil eroazje fan allerhande foarmen en grammaticale struktueren mei anneks wêze. Foar it Feringer Frysks jout Ebert (sjoch dizze bondel) dat mar al te dûdlik oan. Der binne gjin oanwizingen dat sa'n reduksje fan grammaticale struktueren him wat it Frysks oanbelanget stabilisearje sil ta in soarte fan Frollânsk, Hollysk of Nederfrysks. In nije stabile sprektaal earne op healwei tusken Frysks en Nederlânsk leit net yn 'e reden, oars as dat De Haan (1992: 19) suggerearret. Dat soe allinne slagje kinne, as de oerheid en oare ynstitúsjes sa'n nije fariant fûleindich sankspionearje soene, bygelyks as algemiene ynstruksjestaal yn it underwiis en as fiertaal yn 'e media. Soks is op dit stuit ûntinkber en it hat dêrom meer kans dat it Frysks noch in moai skoft trochgean sil. Tagelyk kin men allanger sjen, dat der in grutte fariaasje bestiet yn de soarten fan Frysks dy't brûkt wurde. It Frysks fan beskate sprekkers is folle autintiker en idiomatysk riker as it Frysks fan oare sprekkers. Der binne ek wol sprekkers dy't in soarte fan mingtaal fan Frysks en Nederlânsk brûke, mar soks sels noch hieltyd wol as 'Frysks' beskôgje. It sechje "wy prate net it goede Frysks" is net inkeld in utering fan minderwaardigens, mar jout ek in stikje fan de taalwurklikheid foar guon sprekkers oan. Har idintiteit as Frysksprater has se lykwols noch altyd hanthavene.

Foar de takomst giet it der neffens my om, om dochs in beskate 'robûstens' fan it Frysks feilich te stellen. De ynfrastruktuer dêrfoar is der fierhine wol, mar dy is swak: de streekrjochte stipe fan oerheid, ynklyusyf onderwiis en media, is te lyts om wis fan it Frysks as standerdisearre taal te wêzen. Foar it fuortbestean fan it Frysks is lykwols de basis yn 'e mienskip op syn minst sa wichtich, dêrom wol ik dy no wat neier besjen.


4. Taaloerdracht

It funemint fan it gebou fan it Frysks is de taaloerdracht fan âlden op bern. Troch binnem de húshâlding in beskate taal te brûken, kin hiel lang in diglossiale ferhâlding mei de bûtewacht yn stân hâlden wurde, ek as dêr in oare taal oerhearsket. De taal dy't yn 'e hûs brûkt wurdت, is dêrom in wichtige oanwizing foar hoeft it dêrfoar striet mei de oerdracht fan in taal en dus mei de kansen op it fuortbestean dêrfan. Dêr wurd de basislein.

Om te sjen, oft en hoeft it funemint fan it Frysks yn 'e rin fan 'e tiid feroaret, kin ik de resultaten fan trije eardere ûndersiken nei de thûstaal (út 1955, 1967 en 1980) yn in grasyk op in rychie sette. Omdat de geografyske tsjinstelling

tusken stêd en plattelân karakteristyk is foar de Frysketaalferhâldingen, nim ik dy yn de werjefte mei.

Grafyk 1 Frysk as thuisstaal yn ûndersiken út 1955, 1967 en 1980³



Yn de grafyk is in delgeande line te sjen. Op it plattelân rint it Frysk tebek fan hast 94 persint yn 1955, oer noch 81 persint yn 1969 nei 'mar' 71 persint yn 1980. Yn 'e stêd is der wat in oar patroan. Dêr hat it Frysk tusken 1955 en 1967 aardich oanwûn, benammen troch de stream fan Frysktaligen fan de doarpen nei de steden yn de fyftiger en sechstiger jierren. Koartby binne wy op de Fryskes Akademy mei in nij ûndersyk úteinsetten om yn 1994 data te sammeljen under in representatieve stekproef fan de befolking fan Fryslân, mei út soarte ek wer de fraach nei de thûstaal. Dêrom binne alfест de fraachtekens op 'e linien yn de grafyk oanbrocht. Myn rûzing is, dat it stadich tebekrinnen fan it Frysk as thûstaal yn de ôfrûne jierren trochgien is en dat it op it plattelân op goed 60 en yn 'e steden op goed 30 persint útkomme sil. Benammen it fierdere ferrin fan de ûnderste line liet nijsgjirrich; wy ha dat al yn *Taal yn Fryslân* sein:

³ Boarnen fan dy ûndersiken binne Boelens en Van der Veen 1956, Pietersen 1967 en Gorter-en-dy 1984.

In fraach (...) dy't fan it grutste belang is foar it fuortbestean fan it Fryske is: hat it Fryske yn it taalmingde fermiddien en benammen dat fan de stêden takornst; kin it him dêr hanthavenje, of bliuwt it dêr allinne ûnder stipe fan it omliizzende plattelân en in stadige stream fan 'farske' plattelanners (Gorter-en-dy 1984: 15).

Dy fraach sille wy grif better bêantwurdzje kinne mei ús nije ündersyk yn 1994. De delgeande line liket benammen in gefolch fan migraasje-streamen: net al-linne fan it plattelân nei de stêd, mar ek it har navenant mear nei wenjen setten fan net-Frysktaligen fan bütten de provinsje en it om utens gean fan Frysktaligen. De persintaazjes wierspegele, dat de relative ferhâldingen benammen dêtroch ûngeumstiger foar it Fryske wurden binne. Hat it dan alhiel neat mein in tebekrimmen fan de taaloerdracht te krijen? Dêrk kin ik no ek wol wat mear oer sizze. Der komt nammentlik út ferskate ündersiken nei foaren, dat de fariabele oerdracht fan it Fryske en de fariabele buert of wenojmouwing op in beskate wi-ze mei-inoar gearhingje. Dat ferbân doch bliken út in ferskil op dit punt tusken de âlde kearn fan It Hearrenfean en de nijbowwyk De Greiden (Gorter 1985), tusken it autochtoane doarp Wergea en de nijbowwyk De Trisken yn Drachten (De Jong 1989) en ek tusken de trije taalsônes yn it Westerkertier (Gorter, Jansma en Jelsma 1990). Detalgearstalling fan de buert (mear of minder Frysktalich) is in faktor by it faker of minder faak oerdragen fan it Fryske. It wengebiet of de buert is netrin op himsels steande ûnôfthinklike fariabele; it bin-ne út soarte de sosjale relaasjes fan de lju dêre dy't ynfloed op it oerdragen fan it Fryske oan de bern ha kinne. Hoe't sosjale relaasjes yn nijboubuerten oars bin-ne as yn âldere kearnen, hoe't lju ferskille neffens libbensstilen en hoe't dat wer ynfloed hat op de taaloerdracht, liket my in saak fan neier ündersyk ta. Dêrby moet dan fansels ek acht slein wurde op ferskillen yn ferhûsgedrach (en dêrmei migraasje) yn ferskillende buerten.


Ien fan de saken dy't in protte lju foar de oarsaak fan de tebekgong fan it Fryske oanmerke, is it net oerdragen fan it Fryske oan de bern troch twa Frysktalige âlden. Ik sil net úthâlde, dat soks net in beskate faktor is, mar it is benammen sa'n opfallend ferskynsel, omdat dêrmei yn 'e kiif steld wordt wat eartids sa fansels wie. Likegoed wie de 'skeá' yn alhiel Frysktalige húshâldingen anno 1980, foar safier't wy neigean koene, net mear as in 15 persint, en der wiene oanwijzingen dat soks ien of twa generaasjes ferlyn ek als sa'n 10 persint wie (Gorter-en-dy 1984: 68). Alhiel njit sil it ferskynsel ommers ek net wêze, want it moat him yn 'e stêden by migranten fan it plattelân bygelyks al langer foardien ha.

Tagelyk moat fêststeld wurde, dat it tal taalmingde houliken tamint: sa'n 30 persint fan alle houliken mei bern is mingdalich. By de Fryske taalgroep is dat 20 persint, mar by de Nederlânske is it al 50 persint. It wurdt begryplik fûn, dat

it Frysk yn taalmingde houliken ferliest, ek as dat flugger giet as dat neffens tafal ferwachte wurde mocht (dan wie it de helte). Soks liket minder op te fallen as it ferlies yn in alhiel Fryske talige húshalding. Dochs is der eins gjin reden wêrom't dat sa wêze moatte soe. Eartiids wie it op it Fryske talige plattelân hiel gewoan, dat yn in mingdalige húshalding it Frysk oerdroegen waard en dat is foar in part noch sa.

Mearynsjoch yn it eventuele fluggere ôfbroazeljen fan de taaloerdracht kinne wy krije troch te sjen nei it bertejier fan it âldste bern en de taal dy't dat bern fan de âlden oerkrijt. Yn *Taal yn Fryslân* (Gorter-en-dy 1984) ha wy dy sifers net rapportearre en dêrom ha ik de gegevens foar dit stik op 'en nuj berekkene. Ien fan 'e útkomsten ha ik yn stédiagrammen weijjn yn grafyk 2.

Grafyk 2 Bertejier fan it (âldste) bern en taaloerdracht (allinne Frysk en Nederlânsk)



Taljochting: yn grafyk 2 stiet foar de bertekohorten 'foar 1950', '1950-70' en '1970-80' oanjûn hokker taal as se oerdroegen krije fan de âlden. Dat wol sizze, fan bern dy't berne binne foar 1950 kriget 63 persint Frysk oerdroegen en 20 persint Nederlânsk (en de oerbliuwende 17 persint in streektaal). Foar elke stêf wurd' ek mei arsearning oanjûn hoeffolle as dêrfan fuortkomt út getallen fan mingdalige âlderpearen (fan foar 1950 is der op it gehiel 7 persint foar it Frysk út mingdalige húshaldingen ôfkomstich).

Der is in tebekgong waar te nimmen fan 63 persint by it skift bern foar 1950 nei 54 persint by it kohort dêrmei (1950-1970). Dat ferskil is, oars as dat men faaks tinkke soc, net it gefolch fan it minder wurden fan de taaloerdracht fan it Frysks, mar benammen fan tanommen migraasje. In protte Frysktaligen binne om uteins gien en navenant near net-Frysktaligen ha har yn Fryslân nei wenjen setten. Sa bliuwt de grutte fan de Fryske taalgroep yn absolute sifers min offe meer op peil, mar rint it relative oanpart tebek, omdat it tal ynwenners fan de provinsje tanimt. It ferlies dat fuortkomt út it net oerdragen fan it Frysks troch Frysktalige âlden, wurdت kompinseare troch gefallen dat ien fan 'e âlden fan hûs út net-Frysktalich is. Dat wurdت oanjûn mei it arsearre part fan de stêven: sawat 7 persint fan it Frysks by de bern fan foar 1950, oprinnend oant in 14 persint by de bern fan nei 1970. Dy 'winst' fan it Frysks komt, sa doch út de berekkeningen bliken, benammen fan streektaalpraters en wat minder fan Nederlânsktalige partners. Myn konklúzje is, dat de Fryske taalgroep, absolút sjoen, troch de faktor taaloerdracht noch net folle lytser wurden is. Der is wol in oare driging, en dy leit yn de Nederlânsktalige groep. Ut de arsearrings yn de twa kohorten bern fan nei 1950 docht bliken, dat de 'winst' foar de Nederlânsktalige groep foar de heite bestiet út winst fan de Frysktalige en de streektalige groep.

Yn it Fryske taalsjologyske ûndersyk is oant no ta foar taaloerdracht (of taalgebrûk en taalhâlding) noch net folle nei ferskillen tusken de generaasjes sjoen. Dêrby moatte net allinne bertekohorten beskôge wurde, mar de ferskillen yn maatskiplike ûnderfinning tusken generaasjes moatte ek achtslein wurde, omdat elke generaasje yn in oar tiidrek syn wichtichste foarming kriget. 'Generaasjes' is dêrom in aspekt dat meinommen wurde moatte sil by it mijne survey-ûndersyk fan de taalfierhâlding.

Der is injonken de taaloerdracht en de migraasje ien oare faktor, dy't ik noch net neamdhâ: dat is it oanlearen fan it Frysks as twadde taal. Op grûn fan ûnder-
syk kinne wy ek feststelle dat sawat 20 persint fan alle ynwenners fan Fryslân it Frysks as twadde taal praten leard hat (meast buiten de húshâlding om). Trochinoar 73 persint kin it Frysks prate en foar 54 persint is it de earste taal (Gorter-en-dy 1984: 76 en 16). Omtrint de helte fan dy twadde-taallearders leart it Frysks al foar it 12de jier; dat wol sizze, dat de oare helte, hast 10 persint fan de befolking, it Frysks net as lyts bern praten leard hat. Hoe ha sokken it dan al leard? Grif net inkeld en allinne op in Afûk-kursus. Net omdat se it dêr net leare kinne soene, mar gewoan omdat der net mear as in man as 400 jiers op in kursus sitte. Dêr binne de kursussen dêr't se it Frysks leare te ferstean en te lezen by ynbegrepen. En wy ha it oer 10 persint fan de befolkings, mei oare wurden oer in 60.000 praters. Dy sille it Frysks yn fierwei de measte gefallen oanleard ha yn 'e deistige omgong mei oaren: op 'e buorren, mei buorju, famyje, kunde, freonen en, net te ferjitten, kollega's. Dêrby binne sosjale netwurken fan

grut belang, en guon netwurken sille meer bydrage oan de oerdracht fan it Frysk as oaren. In goed foarbyld fan de ynfloed fan sosjale netwurken sjoch men by de Friezen om utens (sjoch Jansma en Jelsma 1993 en yn dizze bondel). In tige wichtich domein is it wuk. Dêr bringe in soad folwoeksemen in grub part fan har tiid troch. Yn guon wukfermiddens is it sa, dat net-Frysktaligen dêr it Frysk praten leare. Hoefolle oft dat krekt binne, kin ik op grûn fan it ûndersyk oant no ta net sizze, mar dat dat gâns in pear binne, dêr bin ik wol wis fan.

Yn 'e omgong mei oaren binne der regels foar de taalonggong: der is in beskate 'taal-etikette'. Dêrtroch kin it oanlearren fan it Frysk stipe of krekt opkeard wurde. Yn myn ûndersyk onder amtners op it Hearrenfean (Gorter 1993) ha ik in stikmannich fan dy omgongsregels foar it Frysk en it Nederlânsk formulearre. Ik ha dat dien troch mei te gean wat de amtners - de Frysktalige en de net-Frysktalige - der sels fan sizze en wat ik der fan fêststelle koe yn de observaasje fan it deistige taalgebrûk. De haadregel is faaks sa: Fryskaligen moatte Nederlânsk prate tsjin Nederlânsktaligen en Frysk tsjin Frysktaligen. Dy regel wurket, suver rekkenkundich al, slim yn it foardiel fan it Nederlânsk (Gorter 1993: 169-172). Wy sjogge lykwols ek, dat, tsjin de regel yn, guon Frysktaligen Frysk trochprate en guon Nederlânsktaligen Frysk brûke. Sa'n omgongsregel kin dus net absolút tapast of ynterpretearre wurde, mar kriget in beskate ynfolling dy't mei othinget fan de konkrete situaasje fan de spreker. It opstellen fan in pear omgongsregels op himsels kin men it al of net oanlearren fan it Frysk as twadde taal net folselein mei ferklearie.

5. Ofsluting

Ik ha yn dizze bydrage it fraachstik fan it fuortbestean fan it Frysk sintraal steld. Dêrta ha ik it fitaliteitsmodel nochris kriyks hifke en der guon beheiningen fan oanjûn. Fierders ha ik besocht om oan te jaan, dat diglossy in wichtich begryp is om de ûngelikense taalferhâldingen yn Fryslân meite karakterisearjen. Dêrby ha ik ek besocht om oan te jaan dat it by it taalbelied fan belang wêze kin om fierder te gean as de diglossy yn stân te hâlden en om te besykjen om dêr boppe út te kommen. Dêrmei ha ik in stikmannich opmerkings makke oer it fûnemint ûnder it fuortbestean fan it Frysk: de taaloerdracht yn 'e hûshâldingen. Dêrby hat koart de kant fan it Frysk as twadde taal op it aljemint west. Neier ûndersyk nei generaasjes en ek fan de taal-etikette yn deistige ynteraksjes liet winsklik en nedich.

Yn myn ûfsluitend besprek fan it amtnersûndersyk (Gorter 1993: 225-240) bin ik yngongen op de machtsferhâldingen tusken it Frysk en it Nederlânsk. Dy analyze fan taal en macht sil ik hji net oerdwaan, mar ik wol der wat oan ta-heakje, omdat no de fraach nei it fuortbestean fan it Frysk sintraal stiet. Yn ferskillende konteksten hawwe it Nederlânsk en it Frysk in beskate wear-

de, se fertsjinxwurdigje in beskaat 'taalkaptaal' soe Bourdieu (1982) sizze. Troch ús sosjalsusaasje hawwe wy in gefoel kriegen foar wat yn beskate situaasjes kin en mei, yn dit ferbân foar wat gaadlik taalgebrûk is en wat net; dat is wat Hymes (1974) de 'kommunikative kompetinsje' neamt. It binne disposysjes om op in beskate manier te hannelejen en te reagearjen, it is, om it wer yn de termen fan Bourdieu te sizzen, ús 'taalhabitüs'. Men soe ek sizze kinne, dat sprekkers fan taal (of fan twa talen) har beskate wearden en noarmen oaneigene ha (dy ha se ynternalisearre). As se besykje om tsjin dy wearden en noarmen ynt te gean, wurde se dêr wolris troch blokkearre. Dat is net samar in mijtber statysk gegeven', want de taalhabitüs leare wy net inkeld as bern oan, dy wurdت ek hieltyd op 'en nij befestige yn de destigje ynteraksjes mei oaren, en kin dus feroarie.

De bestende sosjale struktuer jout beskate mooglikheden foar it brûken fan in taal lykas it Frysk, mar tagelyk wurde der behinneingen oplein: der is in soarte fan dualisme. Giddens (1991) hat it oer de 'strukturaasje fan de sosjale werklikheid' om dy twa kanten oan te jaan. Dêrom moat der oan beskate kondysjes foldien wêze om yn it kontakt tusken Frysksktaligen en net-Frysksktaligen yn in formeel domein dochs Frysk (troch) te praten. De ynskatting fan de Frysksktalige sprekker moat wêze, dat der net oare saken op it spul steane of troch de oansprutsen persoon (of oare oanwêzigen) op it spul set wurde kinne. As dy kâns al bestiet, sil in Frysksktalige earder op it Nederlânsk oergaan. De oansprutsen persoon kin wol sizze "ik versta het Fries wel", mar as de Fryskprater der net wis fan is dat soeks gjin oare konsekwinssjes hat, bygelyks yn de persoonlike ferhâldings, is dat net genôch as legitimasaasje om oan it Frysk fêst te hâlden. Sa komt de sosjaal-strukturele ferhâlding tusken it Frysk as minderheidstaal en it Nederlânsk as dominante taal yn ynteraksjes tusken sprekkers nei foaren. Yn alle ynteraksjes spilet dat gegeven (yn potinsje) mei en de sprekkers kinne har dêr net of mar foar in part oan üntwine. It taalgebrûk fan twatalige sprekkers leit dus ek besletten yn de algemiene relaasje tusken it yndividuele hanneljen en de sosjale struktuer. Wat der yn ynteraksjes bart tusken persoenen - bygelyks sprekkers fan it Frysk en it Nederlânsk - üntlient syn foarm oan de maatskiplike relaasje tusken de oanbelangjende taalgroepen. Yn it yndividuele hanneljen is de ûngelikens tusken beide talen oanwêzich.

Ik ha mei it foargeande dûdlik meitsje wollen, dat sprekkers net alhiel beskiaden wurde troch sosjale wearden en noarmen. Sa't Giles al sei, sprekkers binne gijn 'automaten', dy't beskate regels allinne mar folgje kinne. Tagelyk binne sprekkers ek net alhiel frij om neffens eigen foarkar of betinken mar te dwaan en te litten wat har goed taliket; it taalgebrûk is ynbède yn beskate sosjale struktueren. Dy struktueren wurde hieltyd op 'en nij befestige yn it taalgebrûk en sa wurdت yn in twatalige situaasje ek de ûngelikens legitimearre dy't mei dy struktueren anneks is.

It Frysk si formeinen inkeld fierder feroverje kinne, as de sprekkers fan de dominante taal it Frysk oernimme. It moatte dan yn 'e eagen fan de taalkopers ek legitime sprekkers wêze, want út harsels sille se de stigmatisearre taal net oernimme, om it nochris sei Bourdieu te sizzen, by brekme aan better ("faute de mieux").

Literatuur

- Allard, R. en R. Landry (1986)
Subjective ethnolinguistic vitality viewed as a belief system. Yn: *Journal of Multilingual and Multicultural Development*, vol 7, nr 1, pp. 1-12.
- Boelens, Kr. en J. van der Veen (1956)
De taal van het schoolkind in Friesland (Cijfers en beschouwingen).
Ljouwert.
- Bourdieu, R. (1982)
Ce que parler veut dire (l'économie des échanges linguistiques). Paris.
- Bourhis, R.Y., H. Giles en D. Rosenthal (1981)
Notes on the construction of a 'subjective vitality questionnaire' for ethnolinguistic groups. Yn: *Journal of Multilingual and Multicultural Development*, vol 2, nr 2, pp. 145-155.
- Ferguson, Ch. (1959)
Diglossia. Yn: *Word*, vol 15, pp. 325-340.
- Fishman, J.A. (1967)
Bilingualism with and without diglossia; diglossia with and without bilingualism. Yn: *Journal of Social Issues*, XXIII, r 2, pp. 29-38.
- Fishman, J.A. (1991a)
Reversing Language Shift (Theoretical and Empirical Foundations of Assistance to Threatened Languages). Clevedon.
- Fishman, J.A. (1991b)
It Baskysk en It Frysk. Yn: *It Beaken*, jrg 53, nr 3/4, pp. 121-149.
- Giddens, A. (1991)
Handeling, structuur en macht. Yn: Q.J. Munters et al (red) - *Anthony Giddens - Een kennismaking met de structuratietheorie.* Wageningen, pp. 93-104.
- Giles, H. en P. Smith (1979)
Accommodation theory: optimal levels of convergence. Yn: H. Giles en R. St-Clair (eds) - *Language and Social Psychology.* Oxford, pp. 45-65.
- Giles, H., R.Y. Bourhis en D.M. Taylor (1977)
Towards a theory of language in ethnic group relations. Yn: H. Giles (ed) - *Language, ethnicity and intergroup relations.* London, pp. 307-348.
- Giles, H., L. Leets en N. Coupland (1990)
Minority language group status: a theoretical conspectus. Yn: D. Gorter et al (eds) - *Fourth International Conference on Minority Languages (Volume I: general papers).* Clevedon, pp. 37-55.
- Giles, H. en N. Coupland (1991)
Language: Contexts and Consequences. Buckingham.

- Gorter, D. (1982) De libbenskrѣt fan it Fryske in oanset ta analyze. Yn: *Philologia Frisica anno 1981 (lezingen en neipeareen fan it njoggende Frysk filologekongres)*. Ljouwert, pp. 91-105.
- Gorter, D. (1985) De taalsituasie yn de gemeente Hearrenfean (In ûndersyk nei it hâlden en dragen foar it Fryske oer fan de befolking). Ljouwert.
- Gorter, D. (1993) *Taal fan klerken en klanten (Undersyk nei it Fryske en it Nederlânsk yn it ferkear tusken siktary-ammers en ynwenners fan de gemeente Hearrenfean)*. (Dissertaasje Universiteit van Amsterdam) Ljouwert.
- Gorter, D., L.G. Jansma en G.H. Jelsma (1990) *Taal yn it Grinsgebiet, (Undersyk nei de taalferhâldingen en de taalgrins yn it Westerkertier yn Grinslân)*. Ljouwert.
- Gorter, D., G.H. Jelsma, P.H. van der Plank en K. de Vos (1984) *Taal yn Fryslân (Undersyk nei taalgedrach en taalhâlding yn Fryslân)*. Ljouwert.
- Grosjean, F. (1982) *Life with two languages (an introduction to bilingualism)*. Cambridge.
- Haan, G.J. de (1992) *Meertaligheid in Friesland*. Dordrecht.
- Hakuta, K. (1986) *Mirror of language (the debate on bilingualism)*. New York.
- Heeroma, K. (1970) Het voortbestaan van het Fries. Yn: *Philologia Frisica anno 1969 (lezingen en neipetearen fan it 5te Frysk filologekongres)*. Ljouwert, pp. 11-20.
- Hymes, D. (1974) Why linguistics needs the sociologist. Yn: D. Hymes - *Foundations in sociolinguistics*. Philadelphia, pp. 69-82.
- Husband, C. en V. Sahfullah Kahn (1982) The viability of Ethnolinguistic Vitality, Some Creative Doubts. Yn: *Journal of Multilingual and Multicultural Development*, vol 3, nr 3, pp. 193-205.
- Jansma, L.G. en G.H. Jelsma (1993) Friezen om utens. Migrasje en taalbehâld by de Fryske Kriten en studinteferieënings. Yn: *It Beaken*, jrg 55, nr 3, pp. 107-123.
- Jong, C. de (1989) Taaloerdracht yn húshâldings yn Fryslân. Yn: *It Beaken*, jrg 51, nr 2, pp. 66-78.
- Jonkman, R.J. (1991) Triangulation and trilingualism. Yn: *Journal of Multilingual and Multicultural Development*, vol 12, nrs 1 en 2, pp. 73-83.

- Kremnitz, G. (1987) Diglossie/polyglossie. Yn: U. Ammon, N. Dittmar en K.J. Mattheier (eds) - *Sociolinguistics/Soziolinguistik (an international handbook of the science of language and society)*. New York, pp. 208-218.
- Martin-Jones, M. (1993) Tides and Rockpools in the Social Sciences: Implications for the study of Minority languages. Lézing op ALA '93. (10th World Congress of the International Association of Applied Linguistics, Amsterdam, 10 August 1993).
- Pietersen, L. (1969) *De Friezen en hun taal (een onderzoek naar de lees- en spreksgewoonten in Friesland en naar de houding ten aanzien van het Fries)*. Drachten.
- Romaine, S. (1989) *Bilingualism*. Oxford.
- Sjölin, B. (1976) 'Min Frysk' een onderzoek naar het ontstaan van transfer en 'code-switching' in gesproken Fries. Groningen.
- Swaan, B. de (1993) The Evolving European Language System: A Theory of Communication Potential and Language Competition. Yn: *International Political Science Review*, vol 14, nr 3, pp. 241-255.
- Ytsma, J. (1989) Help! It Frysk fersupt. In sosjaal-psychologysk ûndersyk nei taalbehâld. Yn: *It Beaken*, jrg 51, nr 2, pp. 29-40.
- Ytsma, J. en S. de Jong (1993) Frisian. Yn: G. Extra en L. Verhoeven (eds) - *Community Languages in the Netherlands*. Amsterdam, pp. 29-49.

'Van sekere grote ende kleine buecken'¹

Fries boekenbezit tot 1600: een bijdrage aan de kennis van de regionale cultuurgeschiedenis

Jos.M.M. Hermans (*Rijksuniversiteit Groningen, Vakgroep Mediaevistiek*)

Ter inleiding

De laatste jaren realiseert men zich steeds meer, hoe ons beeld van wat vroegere generaties bewogen heeft, afhankelijk is van een heel klein bestand aan bronnen, in feite een fractie van wat er geweest moet zijn. Niet alleen de - al dan niet opzettelijke - vernietiging en het anderszins verdwijnen van materiaal heeft reeds een forse selectie gemaakt in wat wij kunnen kennen. Ook de aard van de bronnen bepaalt in hoge mate ons geschiedbeeld. Zo zijn er oorkonden, juridische, kerkelijke en financiële stukken waaruit we een belangrijk deel van de sociaal-economische achtergrond kunnen halen, maar de wezenlijke inkleuring van het beeld, de details die de mogelijkheid geven om ons min of meer te verplaatsen in die ver vervlogen tijd, in een enkel geval zelfs min of meer te identificeren, moeten van elders komen. Daartoe dienen uiteraard met name de verhalende bronnen, groot of klein. Enerzijds zijn er de meer en minder breed opgezette wereld-, streek- of kloosterkronieken of berichten van partijtwisten (zoals het zgn. 'egodocument' van Jancko Douwama over zijn problematische positie tussen Schieringers en Vetkopers), vaak geschriften van reeds in hun eigen tijd bekende kloosterlingen of aanzienlijke partijgangers. Anderzijds zijn er de ogenschijnlijk verwaarloosbare aantekeningen, de kleine verslagen van dagelijkse voorvalen, over een stadsbrand, een epidemie of een terechtstelling, zoals bij voorbeeld vervat in een eenvoudig briefje van een studerende zoon aan zijn vader (waarbij 'en passant' om wat extra geld gevraagd wordt).

De soorten bronnen zijn al langer bekend, en zo ook hun uiteenlopende waarde (en onwaarde; men moet de bronnen - ook al zijn ze oud - met voorzichtigheid hanteren) en daarmee blijft elk historisch verhaal een bouwsel dat in hoge mate berust op hypothesen. Zekerheid over 'wie es eigentlich gewesen' is nooit te geven; in het beste geval kan de waarschijnlijkheid vergroot worden, en daar mee moeten we het doen.

¹ De titel is ontleend aan een van de in Friesland bewaarde boekenlijsten, te weten

'Inwentaris van sekere grote ende kleine buecken', Rijksarchief Friesland, Arch. 313, nr 38², een stuk zonder datum, stammend uit Tjaardastate.

De opzet van deze bijdrage is om een extra bron van kennis wat meer in het licht te brengen, te weten het middeleeuwse en vroeg-moderne boek als boek. Daarbij gaat het om een project dat in hoofdzaak gedragen wordt door de Fryske Akademy, maar waaraan door vele onderzoekers uit archief, bibliotheek en anderszins, wordt bijgedragen.² De onder neming beoogt alle vermeldingen en bewaard gebleven boeken uit Fries bezit tot en met het jaar 1600, hetzij geschreven of gedrukt, te inventariseren en waar mogelijk aan een nader onderzoek te onderwerpen.³ Daarbij gaat het niet zozeer om de tekst, maar juist om de indi viduele exemplaren, de telkens voor de bezitter of gebruiker unieke *tekstdragers*. De studie beperkt zich niet tot complete boekwerken; ook fragmenten zijn de moeite waard, en bovenal: niet alleen wat we nu nog in diverse bibliotheken en archieven kunnen vinden, maar ook de werken die we slechts kennen omdat ze ergens vermeld staan, worden in de studie betrokken.

Deze benadering brengt een vernieuwing van informatie, omdat nu - alleen al voor het huidige Friesland - voor de periode tot ca 1600 rond de zesduizend boeken bekend worden, een gigantische vergroting ten opzichte van wat tot dusver 'echt', 'tastbaar' en 'zeker' beschikbaar was voor de historische verbeelding.

De *methode* om op basis van boekenlijsten een beeld te schetsen van aard en inhoud van geletterdheid in een bepaalde tijd en plaats is niet nieuw. Tot dusver werden zulke onderzoeken veelal op veel kleinere schaal uitgevoerd, meestal

² Hier moet expliciet de dank uitgesproken worden voor de eindrachige samenwerking, bovenal met mijn mede-editoren van de boekenlijsten (Philippus Breuker, Ferenc Postma en medewerker Cor Zijlstra), alsmede met name met de bevriende collegae van binnen en buiten de Frysk Akademy, Folkert Bakker, Wiebe Bergsma, Martin Engels, Pieter Gernbenzon, Hans Mol, Paul Noomen, O.D.J. Roemeling en Oebele Vries.

¹⁰⁰ Vgl. *Moderne Encyclopedie van de Wereldliteratuur*, I (Hilversum, 1963), 91-92, i.v. Amadis, en de daar opgegeven literatuur.

en 'D'Historye Doctoris Joannis Faustij'.¹⁰² Nieuwgierig worden we naar de inhoud van 'een cluchtboeck in duyts', dat onmiddellijk, een regel verder, gevolgd wordt door de 'bekentenis van Obbe Philippus in duyts'.¹⁰³ Luchting zullen ook geweest zijn 'Djammerlycke Claghe der deughenyeten' en 'Den Francoyschen Morgenwacker'.¹⁰⁴ Nadere studie behoeft zeker 'een boeck Georgij Nathenij van t'Rethorijcx Spelen'.¹⁰⁵

We zullen ons niet te veel illusies moeten maken over de leesvaardigheid in vreemde talen. Daarom intrigeren nog meer in de nalatenschap van weduwe Tryn Wopkes dochter 'etickle olde Italiaense, Franchoise ende hoech ende nederveldische boecken van cleijne waerdije' ...¹⁰⁶ Wat zal dat geweest zijn? Dat men het Frans redelijk meester geweest moet zijn, kan men vermoeden uit de aanwezigheid van talrijke titels in het frans, ja zelfs meer dan een enkel exemplaar van Rabelais' Pantagruel, maar wellicht meer nog uit het voorkomen van een 'francoys amoureuss lyedtboecken',¹⁰⁷ dat toch zonder een meer dan gemiddelde kennis van die taal ternauwernood ten volle gewaardeerd kan zijn. Daarbij moet bedacht worden dat we ook al franse uitgaven en vertalingen van werken uit de Oudheid aantroffen, en onderdaad kommen dergelijke 'roman'-titels in dezelfde lijsten of tenminste in verwante kring voor - waar uiteraard de woordenboeken en hulpmiddelen om de taal te leren evenmin ontbraken.

Ook werd zeker aan muziek gedaan, maar daarover vinden we in boekencatalogi niet al te veel terug. Voor het Groninger land is inmiddels duidelijk dat er bepaald meer aan uitvoering gedaan werd dan men lang aannam,¹⁰⁸ en er zijn zeker ook zangoefeningen gehouden.¹⁰⁹ Ook Friesland bleef niet achter, lijk het, en in ieder geval bestond er in 1593 een *Collegium musicorum* te

¹⁰² 1599.01.28.

¹⁰³ 1594.04.04 en 06. Laatstgenoemd werk is zeker geen 'divertiment': de auteur beschrijft daarin zijn afscheid van het Doperdom.

¹⁰⁴ 1599.01.25 en 26.

¹⁰⁵ 1599.11.5 en vaker.

¹⁰⁶ 1589.09.08.

¹⁰⁷ 1599.01.22.

¹⁰⁸ Zie Hermans, 'Boekcultuur' (noot 23), 228.

¹⁰⁹ Zo interpreteer ik de aanwezigheid van enkele bladen met zangoefeningen, ca 1400, die aan het einde van de vijftiende eeuw te Groningen verwerkt werden in een boekband, thans Groningen, Universiteitsbibliotheek, Inc. 70 (zie verder M. van Daalen & F. Harrison, 'Two keyboard intabulations of the late fourteenth century on a manuscript leaf now in the Netherlands', in: *Tijdschrift van de Vereniging voor Nederlandse Muziekgeschiedenis* 34, 1984, 97-108).



Foto 5: Een blad met zangoefeningen, geschreven ca 1400, in 1497 te Groningen in een boekband verwerkt als achterdekblad. Groningen, UB, Inc. 70.

Leeuwarden.¹¹⁰ Vanuit de boekelijsten doet het merendeel der zangboekjes toch een kerkelijke context vermoeden. Aardig zijn in ieder geval de 'Cantiuncula in parckement gedruckt Louanij anno 49',¹¹¹ en 'Een boeck van Musiege, langwerpt zynde',¹¹² 'Een gescreuen refereyn boeck' en 'Een lyedeboecken olt zynde' en het reeds genoemde framse 'amoureuss lyedboexken'.¹¹³

Op de grens van divertiment en serieuze zaken liggen wellicht de occulte teksten, zoals de 'armatura spiritualis', 'Zamengesprech von tzauberen',¹¹⁴ of 'Vanden Spoockeesten'.¹¹⁵ Zulke geschriften zijn overigens - in de lijsten - gelardeerd met teksten als 'de vanitate scientiarum', over de ijdelheid van de wetenschappen,¹¹⁶ of nog weer verder 'Etlicke Contrafeytingen van olde geleerde personen'.¹¹⁷

Tot slot zijn er in de lijsten nog opmerkelijke zaken te vinden die hier en daar een tipje van de sluier optillen, maar meer dan een glimp kunnen we niet oppangen. Wat moeten we ons voorstellen als in ieder geval aan het einde van de zestiende eeuw 'enige kinderboeken' en 'alderhande cleine kinderboeken',¹¹⁸ expliciet genoemd worden, maar niet toegelicht? Aardig is het om te weten dat (ook) in Marum de boeken aan de ketting gelegd werden, of dat boeken werden bewaard en getransporteerd zonder 'haeken' en in tonnen, zoals b.v. in 'een hamburger tonne waer in beuonden syn vijff ende sestich boeken soe groet als cleyn'.¹¹⁹

¹¹⁰ Vgl. Ph.H. Breuker, 'It Ljouwerter collegium musicum waard oprjochte yn 1593', in: *Ut de Smidte fan de Fryske Akademy* 16, 1982, nr 1, p. 14 en dezelfde, 'Nochris oer de oprjochting fan it Collegium Musicum', in: *Ut de Smidte* 16, 1982, nr 2, p. 12.

¹¹¹ 1575.01.31.

¹¹² 1586.04.01.

¹¹³ 1599.01.15, 21 en 22.

¹¹⁴ 1585.03, voorlopig aangeduid p. 462, r. 3.

¹¹⁵ 1600.10.13.

¹¹⁶ 1585.03, voorlopig aangeduid p. 462, r. 27.

¹¹⁷ 1585.03, voorlopige aanduiding p. 465, r. 17.

¹¹⁸ 1600.07.03 en 04.

¹¹⁹ 1594.04. of 'Een tonne met oude bueken' (1599.21.01).

[pag. 263]

Bij Vrbaen Hans zoon / geswooren Clerk vanden Secretaris / In
 Leenwärden Inden woninge Vibrandi hallum / ant Oldehoffter [hoger]gescreven: kerckhoff
 ter Instantrie ende / Versoecke van Schele Cyrcks zoon te Menaldum / als Beste vader ende
 Curator ouer de kynderen / van wylen Jorrijt Hanye van Seckere / Hier nae gespecificerde
 Boecken omme / gereden geilde te beralen mits dat de Penninghen / van dien sullen wesen
 excusabel ten minsten / bij Prouisie sonder voorgaende Condemnatie / ende voortz op
 gewoontlike Conditiën /¹

Begonnen den xix July 1581 / Nae noon

	Bartelt Lambert zoom te Sneecck <1> opera / Augustini & <2> Musculus Jn Genesim voor	<3> Catalogus / veritatis qui reclamauerunt	xvij f
	Suffridius Paulus Prædican te Marrum	Papa. in octauo / met haucken	xv str
st ²	Joannes Fungeri <4> Augustinus Stenodus in / quartu voor		xv str
1 st	Ruardus Acronius <5> Chronologia Funxij in / secundo voor		xxxvij str
st	Gerardus Lamberti <6> Musculus in Joannem / In secundo met haucken		xxxix str
	D. Vrck Doyem <7> Methodus Historicus / Boddini in octauo met haucken		xvj str
st	Myn Heer Grouwstins <8> Paratilia Mesinbechij / in Pandectas in secundo met haucken	ij f. j str	xij str
st	Andreas Herco <9> Encomium moriae. Lingua / Erasmi voor		
2 ³ st	Ruardus Acronius <10> Concordantiae biblio-/rum in secundo mit haucken voor		xxxvij str
st	Frans Canter ⁴ <11> Chronica tur-/corum Jn secundo met haucken voor	ij f. vij str	
st	Myn Heer Grouwstins <12> Platina de vita / Pontificum Jn pap voor	xx str	
st	Taco Folkeri <13> Rerum Hungaricarum decades / tres in pap voor	xv str	

28.15./⁵

Lateris - xxvij f xv str

¹ In marge: 'solui - ij stris / solui - ij stris'.² 'solvit'; hiermee werd aangegeven dat betreffende koper heeft betaald.³ Acronius kocht ook titel <5>, zie hierboven.⁴ Veranderd uit 'Peter Peters boeckebinder'.⁵ Toraalbedrag voor deze bladzijde: 28 gulden en 15 stuiver.

Toelichting:

Overzicht van de boeken uit de nalatenschap van Jorrijt Hanye, zoals die verkocht werden op 19 juli 1581. In de lijst werd ook de naam van de koper genoteerd en de prijs die betaald werd. Daarmee is dit een voorbeeld van een boekenlijst, in afbeelding en directe transcriptie (zonder correcties, ook van evidentie fouten in namen en titels!). Wat afgekort werd in het handschrift staat hier in cursief. De boektitels kregen (tussen scherpe haken) een volgnummer. In de uiteindelijk uitgave worden zulke kwesties wel opgelost, krijgen de genoemde personen een zekere context en zijn de boektitels geïdentificeerd.

47

26

Antiquarische Bibliothek Prof. Dr. J. G. Meissner
geöffnete Sammlung der Sachen
der Litteraturgeschichte und Kulturkunde
und des Rechts, Politik, Kunst, Philologie
und Geschichte des Menschen
als letzte Wieder-Erinnerung eines alten
Wissenschafts-Dienstes, der die Welt bereiste
und nach dem Tode seines Erbauers
in den Besitz der Universität übertragen wurde.
Die Sammlung ist eine wertvolle
Erinnerung an die Freundschaft und die
Leidenschaft, die ein Mensch für seine
Land und seine Freunde empfand, und
die er auf die ganze Welt ausstrahlte.
Es sind in ihr viele wertvolle
Bücher und Dokumente, die man nicht
sonst mehr finden kann.

Erinnerung an Augustinus Strudius m.
Augustinus 15.8.1911

Regnum reg. xix 15.8.1911

Max Moen.

*R*ückblick Lambethianum Etymologica opera
Augustini C. Agustini in Gramm. nov. 15.8.1
Scripsit Paulus Ferraris de Menni Catalogus
periodicis que hibernaverunt paper. in artico
mist. facilius 15.8.1911

*E*hemaliger Fassung Augustinius Strudius m.
Augustinus 15.8.1911

*R*ecordatio decimae Chronologiae fuisse m.
secundo nono

*G*eneratio Lambethi Myszkow in Gramm.
In scinde mit facilius non

*F*rederick Dovon Methodus historicus
Baldini in operatu magister 15.8.1911

*F*rederick Dovon Methodus historicus
in Rendelstria insciendo magister 15.8.1911

*F*estinating Barco. Enseigne mons. Lingua
Englism. nov.

*R*ecordatio decimae concordantia libellus
nunc in secundo met. fuisse non 15.8.1911

*F*rançois Petrus Clites de Poitiers. Chronia sive
*cora apocrypha met. postea. E*st. 15.8.1911

*F*allum. Sessum. Scensum. Nutrum de vita
Dottifacum. Dux de Prope non 15.8.1911

*F*rançois fallari. Recensum Britannicum duxit
nunc un proposito non 15.8.1911

*L*iberij. Compt. 203

Ter afsluiting

Omdat het genoemde project al redelijk gevorderd is - een zeer groot deel van de lijsten is bewerkt - werd hier geprobeerd op basis van deze veronachtzaamde, maar veelal regionaal en chronologisch betrouwbare gegevens al enkele merktekens en bakens aan de culturele 'horizon' te schetsen. Wanneer het project afgerond is, zullen er meer vragen, en dan bovendien stelliger, beantwoord kunnen worden. Zo blijft voorlopig nog schimmig hoe men aan zijn ideeën kwam, of heel dicht bij huis 'wat las men' - of althans: 'wat had men, en - zéker zo belangrijk - 'hoe reageerde men daarop'?

Om een voorbeeld te geven: het is opvallend dat in de late vijftiende eeuw en in de zestiende eeuw een opmerkelijk groot aantal Friezen ging studeren aan de universiteit, in die dagen vooral Leuven en Keulen, maar vaak ook nog verder van huis. De vraag is dan natuurlijk wat men daarvan opstak. Drongen de humanistische gedachten door, ging dat snel, las men b.v. Grieks en wat dan wel, en meer precies: wat in het origineel en wat in de - veel vaker voorkomende (en wellicht ook eenvoudiger) Latijnse (of zelfs volkstaal)vertaling? In de late zestiende eeuw was er veel vertaald werk, zoals we zagen, maar hoe stond het daarmee in eerdere tijd? Over de teksten in de volkstaal zijn we toch al zeer mager ingelicht. Kende het boekenbezit écht vooral een 'nuttig' karakter (er zijn héél veel juridische en pastoraal-theologische werken bekend), of was er toch ook iets meer behoeftie aan 'divertiment'? Prevalerde de voorkeur voor 'kloeke' geleerde werken?, of lag het zwaartepunt op schooledities en handganhanteerbare praktische gidsen voor alledag? En, niet te verwaarlozen: in welke kringen vooral vonden b.v. godsdienstige ideeën een gunstig onthaal? Was men ook in kerkelijke, dus voor de betreffende tijd veelal rooms-katholieke, kring geïnteresseerd in reformatorische geschriften, en welke richting hing men aan of - voorzichtiger geformuleerd - welke richting was aantoonbaar het meest vertegenwoordigd ... De kleine exercitie op het terrein van de Bijbeledities die al dan niet in Emden verschenen zouden zijn, maakte al duidelijk hoeveel en hoe gespecialiseerd werk er nog nodig is alvorens we echt zicht hebben op de Friesezen en hun boeken.

Dit is bepaald niet het laatste woord over de boekcultuur in de Friese landen, maar daarvoor moet ook nog veel werk verzet worden. Veel is niet precies te achterhalen, weinig is exact te identificeren. En dan nog: hoe werden de boeken gebruikt? Werden ze wel gebruikt, of stonden ze alleen maar in de kast?

Zoveel staat evenwel vast: de titel 'Van sekere grote ende kleine buecken' betekent in ieder geval óók dat we uit moeten gaan van de zekere gegevens, groot en klein, en dat die - bij voorzichtig gebruik - een ongelooflijke rijkdom aan informatie kunnen opleveren.

Oer de oerienkomst tusken de dialekten fan Noard-Hollân en it Frysk

Eric Hoekstra (*P.J. Meertens-Instituut, Amsterdam*)

1. Ynlleding

Der hat yn 't ferline striid west oer de fraach oft der yn 'e dialekten fan Noard-Hollân jitte Frysk spoaren te finen binne. Ik woe it oars besjien. Binne der njisgjirnige oerienkomsten tusken Noard-Hollân en Fryslân op taalkundich mêd? At we dy fraach posityf beänderje kinne, dan leit it yn 'e reden en tink ris oan Frysk spoaren. Ik sil yndie argumenten jaan dat we by oerienkomsten tusken Noard-Hollân en Fryslân tinke meie oan Frysk spoaren. Myn argumen-ten ha net te krijen mei de histoaryske ûntjouwing fan it Noardhollânsk, mar mei ideeën oer taalkontakt.

Der is yn it dialektgeografyske ferline foaral sjoen nei fonologyske oerienkomsten en nei op himsels steande oerienkomsten yn 'e wurdfoarried. De morfology en de syntaksis hawwe net sa bot omtiniken kriegen. Sadwaande dat ik yn dit stik in lyts korpus gearfandelje woe fan morfo-syntaktykske parallellellen tusken it Noardhollânsk en it Frysk dy't yn it Nederlânsk, alteast it saneamde Algemien Beskaafde Nederlânsk, net te finen binne. Lykwols binne der yn it Noardhollânsk ek parallellellen mei it Nederlânsk, benammen op it mêd fan 'e wurdfoarried en de fonology. Ik sil it patroan fan parallellellen mei it Frysk en it Nederlânsk ynterpreteate yn it ramt fan Van Coetssem (1988) syn theory oer taal-kontakt.

Op basis fan Van Coetsem syn theory wurdت konkludearre, dat it Noard-hollânsk besjoen wurde kin as it risseltaat fan taalkontakt tusken it Frysk en it Nederlânsk, mei Frysk as earste taal. Ik sil it ôfwikseljend hawwe oer it Noardhollânsk of oer de Noardhollânske dialekten. De taalferskynseis dy't ik besprek, binne yn 'e measte gefallen tige algemien yn Noard-Hollân of se wienien dat, net al te lang ferlyn.

Dit stik hat njoggen parten. Nei de ynlleding woe ik in koart oersjoch jaan fan 'e wichtichste posysjes oangeande Frysk spoaren yn Noard-Hollân dy't yn 'e literauer te finen binne. Tred komt in korpuske fan syntaktykske parallellellen, fjird ien fan parallellen út 'e morphology en fyft de wurdfoarried. Yn it sechste part komt Van Coetsem syn theory fan taalkontakt op it aljemint. Mei help fan dy teory kin it patroan fan oerienkomsten fan it Noardhollânsk mei it Frysk, dat oars in riedsel wêze soe, ferlearre wurde. Yn it sânde part wurde twa Frysk-Noardhollânske oerienkomsten út 'e ymfleksjonele morphology jûn en

besprütten, as in demonstrasje fan Van Coetsem syn teory. Yn it achtste part jou ik in argumint, basearre op Heeroma (1935), dat der yn Súd-Hollân ek Fryske praat is en it njoggende befeftet de konklúzje.

2. Lyts oersjoch fan 'e literatuer

2.1. *Stridfraach*

Lykas sein, hat der yn it ferline striid west oer de fraach yn hoefier oft der nijsgjirige taalkundige oerienkomsten binne, en oft jo dy oerienkomsten Fryskke spoaren neamme meie. Dat lëste, Fryske spoaren, soe meibringe dat der yn Noard-Hollân Frysk praat is. At men de literatuur lëst, dan falt it jin op dat der aardich wat strideraasje west hat. De Keninklike Akademy foar Wittenskippen hat op 4 augustus 1942 sels in stúdzjedei organisearre, dêr't Karsten, Heeroma en Gosses elts in lezing oer dizze stridfraach holden.

De posysjes en argumenten fan 'e taalkundigen dy't har mee boppesteande stridfraach dwaande holden ha, wurde hjirunder werjûn. Dêrby wurdت útgonken fan twa yndielingskritearia. Yn it foarste plak, wat is de posysje fan 'e wittenkipper yn 'e diskusje oer Fryske spoaren? Yn it twadde plak, hokker argointaasje wurdت der foar dy posysje jûn?

2.2. *Gjin Fryske spoaren, nea Frysk praat*

Heeroma ((1935: 134), ferlykje ek (1942)) fertelt ús wat er tinkt fan Fryskke spoaren yn Noard-Hollân:

Indien dus achter de Rekere Friezen hebben gewoond, wier taal overeenkomst heeft gehad met die der Friezen tussen Vlie en Lauwers, dan hebben ziz in de Noordhollandse taal niet de geringste sporen nagelaten.

Syn wichtichst argointint is lykwols tige ymplisyt. Hy lit, frijwat oertsjûgjend, sjen dat Noard-Hollân ien gebiet foarne mei Súd-Hollân, at jo fierder yn 'e tiid weromgeane. Oer de ferskillen tusken Noard-Hollân en Súd-Hollân seit er (121) dat Noard-Hollân in reliktgebiet is dat âlde foarmen fêsthâldt, wylst Súd-Hollân fernijd wurdت troch eastlike of südlike ekspansjes. Men kin jin no ôffreege: hoe kin út 'e âlde ienheid fan Noard- en Súd-Hollân ôflaat wurde, dat it net Frysk west hat?

Lit ús Heeroma syn ymplisyt argointint eksplisyt meitsje: Noard-Hollân foarne ien gebiet mei Súd-Hollân; at der yn Noard-Hollân Frysk praat is, dan

moat der yn Súd-Hollânsk ek Frysk praat wêze; en dat is absurd. Mar Heeroma fettelt ús net, wêrom't der yn Súd-Hollânsk gjin Frysk praat wêze kin. Sûnder bewiis naam er oan dat yn Súd-Hollânsk net Frysk praat wêze kin. Dêrfandinne dat ik syn argumint fersmite moat: it is basearre op in oannimming dêr't gjin bewiis foar is. Der binne út 'e nammekunde wei troch Blok (1959, 1968) en oaren sels arguminten jûn *foar* Fryske spoaren yn Súd-Hollânsk; dêr wol ik it aansen noch efkes oer ha.

Pannekeet (1979: 135) nimt in posysje yn dy't op Heeroma sines liket, al seit er it folle hoedener:

We blijven, o.a. gezien de geografische scheiding, voorlopig sterker geloven aan oer verwantschap dan aan fri. relicten.

Pannekeet jout lykwols al in nustke oerienkomsten tusken Fryske en Noard-hollânske wurdfoarming, en konstateert dat de oerienkomst tusken it Noard-hollânsk en it Frysk grutter is as de oerienkomst tusken it Nederlânsk en it Noardhollânsk. Van der Meer (1982:156) bestrijdt dat, mar ik tink dat Pannekeet gelyk hat. We moatte ek betinke, dat it Nederlânsk yn Noard-Hollânsk al meer as 500 jier de sosjaal dominante taal is. At we dat achtslaan, is it in namste grutter wûnder dat we noch safolle fine kinne.

It probleem mei oeroerienkomst is, dat it net dûdlik is wat soks betsjut en hoe't it te falsificearjen is. It argumint dat Pannekeet foar oeroerienkomst jout, is de geografyske skied tusken Noard-Hollânsk en Fryslân. Dat argumint moatte we lykwols fersmitte: de Sudersee of de Flevomar stekt men maklik oer mei in skip, en farre wie yn earder tiden *it* middel fan fertier, benammen yn it marreskip, gebiet oan wierskanten de Sudersee. Boppedat wie de Sudersee lytser neigebied dat we fierder yn 'e tiid weromgeane. Oars sein, de geografyske skied wie gjin skied.

As Pannekeet (en Heeroma) oeroerienkomst opfetsje wolle as yngweoanske oeroerienkomst, dan soe men finke dat de oare yngweoanske kriten, lykas See-lân en Flaanderlân, ek gauris meidogge mei de oerienkomsten tusken Fryslân en Noard-Hollânsk. Mar dat liket sa net te wêzen, foarsafer't ik dat no besjen kin.

Der is ek in oar probleem mei it idee dat we te krijgen ha mei yngweoanske oerienkomst. Om it yn 'e wurdken fan Schönfeld (Van Loey 1959:xxxii) te sizzen: it yngweoanske gebiet is ferbrokkele. Alde oerienkomsten binne tige oanfretten en hast net werom te finen. Mar de Noardhollânsk-Fryske oerienkomsten binne, men soe hast sizze, sa geef as kryt. Dat sil ik aansen sjen litte. Dat, de oerienkomsten tusken Noard-Hollânsk en Fryslân binne fierstente geef om yngweoansk te wêzen.

2.3. *Al Frysk praat, mar gjin spoaren meer*

Daan (1957: 197) nimt in aparte posysje yn, sa't oan it neikommende sitaat blikken docht:

Voor de tegenwoordige tijd zal niemand ook maar een ogenblik veronderstellen dat de dialecten van Noordholland en duidelijke verwantschap met het Fries vertonen. ... Toch is het zeer waarschijnlijk dat er eerder in Noord-holland Fries is gesproken.

Neffens Daan is oan 'e plaknammen te sjen, dat der fan neisten Frysk praat is, en yndiejout de nammekunde har datoangeande gelyk. Oan 'e hjoeddeiske taal is it neffens har net near te sjen. Se doch al in stikmannich suggestjes en jouw in stikmannich potinsjele oerienkomsten. Lykwols hat Daan yn oar wark in beskriwing fan ymfinitiven yn it Noardhollânsk jûn dy't it ús mooglik makket om in tige wichtige parallel tusken it Frysk en it Noardhollânsk op it aljemint te bringen, sa't wy aansen sjen sille.

2.4. *Al Frysk praat, Frykske spoaren assertearre, mar net jûn*

Van Haeringen (1923) docht oars net as de arguminten foar Frykske ileminten yn it ABN en de dialekten dy't jûn binne troch Muller (1923) en Vor der Hake (1908) ôfbreakje. It is nijsgjirrich dat it Van Haeringen hjir giet om Süd-Hollân, Utter en sidlicher. Oer Noard-Hollân skriuwet er ien sintsje del (Van Haeringen 1923: 2):

Daarentegen moet het als vaststaand gelden dat in Noord-Holland benoorden het IJ eenmaal Fries is gesproken en de sporen daarvan nog te zien zijn.

Hy fertelt ús spittigernôch net wat dy "sporen" binne, dat Van Haeringen ha we fierders net folle oan. Iselde jildt ek foar Heeroma (1972), dy't skriuwt dat der yn Noard-Hollân wol Frysk praat wêze sil, mar gjin arguminten jouw; dêrfandinne is it ek net diidlik, wêrom't er fan betinken feroare is.

Woudt (1984) hat in nijsgjirrich boek skreauen dat tsjûget fan syn leafde foar it Saanske dialekt. Hy fertelt ús (1984: 47):

Zowel in het Westfries als in het Zaans kan op allerlei overeenkomsten met zelfs het huidige Fries worden gewezen.

Yndie, Woudt syn rifeltsje Saanske wurden (181-333) is genôch yn te finen dat

nei Fryslân wiist. Lykwols spesifisearret Woudt sels net hokker oerienkomsten oft der tusken it Saansk en it Fryske binne.

2.5. Fryske spoaren assertearre en jûn

Dochs ha der ek guon west dy't oerienkomsten mei it Fryske opmurken ha. Ik neam hir fan 'e taalkundigen Boekenoogen (1897/1971), Karsten (1931), Gosses (1942), W. de Vries (1942) en Fokkema (1943). Boekenoogen jout fonologyske oerienkomsten, en seit (1971: 23):

Zoals hierboven reeds werd opgemerkt kunnen de eigenaardigheden van het Noordhollands niet uit het Frankische dialect van Holland worden verklard. Wij moeten de verklaring elders zoeken en wel in het feit, dat de vroeger in Noord-Holland gesproken taal een Fries dialect was.

We meie Boekenoogen de heit neamme fan it idee dat it Noard-Hollânsk tebek-giet op âlder Fryske (substraat) en nijer Nederlânsk (superstraat). Hy neamt it dan ek in *Friso-Frankysk* dialekt.

Boekenoogen jout ek wat histoaryske oanwizings foar dat idee. Len is it sitaat fan 'e fiskers út Wetterlân ("Waterland"), sitearre yn Roemer Visscher syn Sinnepoppen (158):

Hy leut, die 't leut, ick en leut naet

It fokalisme fan dit Wetterlânske sechje lit in dûdlike oerienkomst mei it Fryske sjen.

Heeroma (1936: 135) woe ha, dat de Wetterlânske fiskers hir foar Roemer Visscher in Fryske sechje sitearren, dat se op har reizen heard hienen. Men heart fiskers net gau útlânske sechjes sitearjen, foaral net mei in korrekt fokalisme: of it moast al wêze, dat dat fokalisme yn har eigen taal foarkam Dat, it liket my ta dat we Heeroma syn idee hir fersmite moatte, om't it tige ûnwierskynlik is en om't der gjin bewiis foar is.

W. de Vries (1942) jout in stikmannich nammekundige en etymologyske arguminten foar Fryske substraat yn Noard-Hollân. Hy wijleit de arguminten fan Heeroma tsjin Fryske substraat, lykas Gosses (1942, 1950).

Letter ha ek oaren de miening útsprutsen dat der yn Noard-Hollân Fryske praat is en dat despoaren dêrfan noch te sjen binne. In moi oersjoch fine we ek yn 'e skripsje fan Bakker (1992). Sjoch ek Weijnen (1984), dy't in lyste gearfetting jout fan arguminten út 'e lûdntjouwing en út 'e studzie fan 'e wurdfoarried.

2.6. Utlieding

It dochtbliken, dat der úngelyk tocht wurdت oer de fraach oft der Fryske praat is yn Noard-Hollânsk en oft dêr noch spoaren fan werom te finen binne. Taalkundige arguminten, as dy al jün wurde, beheine har hast altyd ta de fonology of de wurdifarried. It is nuttich om morfosoantaktske evidinsje ek yn dizze striidfraach te beheljen. Dan docht bliken, dat der nijsgjirrige oerienkomsten tusken it Noardhollânsk en it Fryske binne.

3. Syntaktyske oerienkomsten: ynfinitiven

3.1. Ynlieding

Hoekstra (1992) hat sjen littin dat *te*-ynfinitiven deselde eigenskippen ha yn it Fryske, it Noardfryske en it Eastfryske, en dat it Noardhollânsk op syn minst foar in part meidocht. Ik sil no yngaeande parallelle sjen litte tusken it Fryske en it Noardhollânsk op it mēd fan 'e ynfinitiven, dy't de oerienkomsten dy't Hoekstra (1992) al jün hat fierder oanfolje. Neffens Hoekstra, sjoch ek Dyk (1992), hat dat kompleks fan eigenskippen te krijen mei it hawwen fan twa efterheaksels foar ynfinitiven. De iene giet yn it Fryske út op *-e*, de oare op *-n*. De lêste wurdet ek wol gerundium neam. Joast Halbertsma hat yn 1865 al opmerken, dat de Fryske dialekten, mar it Ingelsk en it Nederlânsk net, in ûnderskied tusken twa typen ynfinitivityf bewarre ha: it type ynfinitivityf op *-e* en it type ynfinitivityf op *-en*. No docht bliken, dat it Noardhollânsk, altest dialekten dêrfan, dat ûnderskied ek bewarret. En ik bedoel net allinnich dat se dan it fonologyske ûnderskied bewarje, mar ek dat de bân tusken type ynfinitivityf en syntaktyske omkriten gelyk is.

3.2. Twa soarten ynfinitivityf

De syntaktyske distribúsje fan eltse soarte is yn it Noardhollânsk en it Fryske krekt gelyk. Foar it Noardhollânsk, sjoch Daan (1956), dêr't de simmen (1-7) út wei komme; (8-9) komme út Daan (1950); (10-12) komme út it tydskrift 'West-Frieslands Oud & Nieuw' (60: 101), en (13) komt út Butter (1944: 148), in boarne dy't Daan (1956) ek brûkt hat. Foar it Fryske is it ferskynsel al beskreauun yn âlde grammaticika's (bygelyks Van Blom (1889: 126 e.f.)).

- (1) a. Ik zag him liggen
b. Ik seach him lizzzen

NH
Fryske

- (2) a. Je hore enkeld de klok tikKEN
b. Jo hearre inkeld de klok tikJEN NH
Frysk
- (3) a. Hai voelde 't ankommen NH
b. Hy fielde it oankommEN Frysk
- (4) a. Het zal wel hangEN biaivE NH
b. It sil wol hing^JEN bliuwE Frysk
- (5) a. Vader zel deer voor zurregE NH
b. Heit sil der foar soarge Frysk
- (6) a. Je moetje maar dinkE NH
b. Jo moatte maar tinkE Frysk
- (7) a. Ik heb m'n heer knippE leiten NH
b. Ik ha myn hier knippE litten Frysk
- (8) a. 't soup kouwe litte NH
b. it sop kâld wurdE litte Frysk
- (9) a. Ik gaan te melkEN NH
b. Ik gean te melkEN Frysk
- (10) a. DonderE deed it niet NH
b. TongerjE die it net Frysk
- (11) a. Bai 't valien NH
b. By it fallen Frysk
- (12) a. Wat 't raaïEN met 't hondekartje anbelanget NH
b. Wat it ridDEN mei it hûnekarke aanbelanget Frysk
- (13) a. Die d'r hele kapitaal in d'r twei hande zittEN NH
b. Dy't har hiele kaptaal yn har twa hanen sittEN
ha
NH
Frysk
- Tiidwurden fan persepsje ha de EN-ynfinityf (1-3). Modale helptiidwurden lykas *sille* en *moatte* ha de E-ynfinityf (4-6). It aspektuele helptiidwurd *bliuwe* nint de EN-ynfinityf (4). It kausative tiidwurd *litte* nint de E-ynfinityf ek (7-8). *Nei te* komt de EN-ynfinityf (9). Bij *dwaan*, mei foaropsetting fan 'e ynfinityf, ha we wer de E-ynfinityf (10). By nominalisaasjes dy't beginne mei it lidwurd *it* (sjuch De Haan 1984, Dyk & Hoekstra 1987, Visser 1989) fine we de EN-ynfinityf (11-12), lykas by in konstruksje mei *hawwe*, dêr't de ynfinityf as predikaat fungearret (13). We sjogge hoe't yn it Frysk en it Noardhollânsk yn ûnderskate syntaktyske omkriten itselde slach ynfinityf brûkt wurd.
- It Noardfrysk fan Feer hat ek twa typen ynfinityf, en dy wurde foar in grut part (net alhiel) yn deselde syntaktyske omkriten brûkt. De neikommende Noardfryske sinnen komme út Hoekstra (1992: 106-107):

(14) Ynfinityf I (-e / -)

- a. Wi skul jüüb at letj paasE
We moasten op de lytse passE
- b. Wi leet a temermaan en néi hús apsaat-
We litte de timmerman in njí hús delsettE

(15) Ynfinityf II (-in)

- a. Wi hiard'n jolIN am halep
We hearden him razeN om help
- b. Det fuhrIN faan a löwen
It fluorjen fan 'e liuwen
- c. Hat as goor ei so lacht, (am) fering tu snaakIN
It is hielendaal net sa maklik (om) Fering te pratEN
- d. Hi blaft jüüb een plak sturnEN
Hy bliuwt op ien plak stean (cf. sittEN)

Dat, it is net inkeld sa dat it Frysk, it Noardhollânsk, it East- en it Noardfrysk twa typen ynfinityf ha, boppedat komme se yn fierhinne deselde syntaktykske omkriten foar.

3.3. Eigenskippen fan preposysjonele ynfinnitiven

Dit slach ynfinityf kin foarôfgongen wurde troch in preposysje-eftich wurdjie, lykas *úr* yn 'e neikommende foarbylden:

- (16) a. dat Jan uit te winkelen gaat
b. dat Jan uit winkelen gaan
c. dat Jan út te boadskipjen giet

NH
Ned
Frysck

It preposysje-eftige wurdjie hoecht der net te wêzen. De betsutting fan it tiidwurd is lykwols allitten direksjoneel. Preposysjonele ynfinnitiven ha fierder as skaaimerk dat se allitten lofts fan it búgde tiidwurd foarkomme kinne. It is lykwols net allinnich yn it brûken fan *te* dat der oerienkomst is.

Dit slach ynfinityf hat oard as skaaimerk dat it in passive betsutting ha mei, lykas de neikommende sinnen sjen lite.

- (17) a. Jan het te opereren weest
b. *Jan is wezen opereren

NH
Ned

- c. Jan hat te operearjen west
- (18) a. Ik gaan te heerknuppen
 b. *Ik ga haar te knippen
 c. Ik gean te hierknuppen

It is op himselfs nijsgjirrich dat hjur net iens in direkt Nederlânsk ekwivalent jûn wurde kin. Sa't te sjen is, rinne it Frysk en it Noardhollânsk hielendal mei me-koar lykop. Foar it Noardhollânsk, sjoch Daan (1950:206-207) en oaren. In tredde eigenskip fan dit slach ynfinitiven is, dat der nomenynkorporaasje by mooglik is (sjoch bygelyks Dyk 1992). Nomenynkorporaasje betsjut, dat it haadwurd dat oars saaktlik foarwerp wêze soe no ferskynt as in part fan it tiid-wurd. Nomenynkorporaasje is yn it Noardhollânsk en Frysk folle produktiver as yn it Nederlânsk.

(19) Noardhollânsk

- a. Ik gaan te heerknuppen
 b. Ik kom te ov-ouwen (baarchútslachtsjen)

c. Je kom niet meer te vleisvragen (te freegjen oft ik fleis brek bin)

(20) Frysk

- a. Ik gean te hieeknuppen
 b. Ik kom te koslachtsjen
 c. Komst net near te fleisfreegjen

Sjoch ek de kaart dy't Gerritsen (1991) fan 'e geografyske distribúsje fan it ferskynsel yn Nederlân makke hat. It komt foar yn Noard-Hollân, Fryslân en (sjoch Schuurman (1987)) Grinzerlân. By de grins mei Duitslân hâldt it lykwols net op. We kinne it ferskynsel ek weromfine yn it Noardfrysk en it Eastfrysk.

3.4. Brûken fan 'te' by sentinsjele ynfinitiven

It Noardhollânsk en it Frysk brûke *te* ek yn oare syntakyske omkriten, dêr't it Nederlânsk soeks net docht, sa't yn 'e neikommende sinnen te sjen is (foar it Noardhollânsk, Boekenogen (1897: LXXXII), Karsten (1931: 103), Daan (1950: 206)).

- (21) a. Ik blaif te slapen
 b. Ik blijf slapen
 c. Ik bliuw te sliepen

Frysk
 NH
 Ned
 Frysk

Dit slach *te*-yndinfinityf wurdت troch Hoekstra (1992) sentinsjeel neamd, om't it allinnich rjochts fan it hûgde tiidwurd yn ünderskikte sinnen foarkomme kin, en om't it nomenynkorporaasje talit. It Fryske en it Noardhollânsk geane lykop yn it brûken fan *te*.

3.5. Folchoarder yn 'e tiidwurdkloft

De folchoarder yn 'e tiidwurdkloft yn 'e Noardhollânske dialekten is gelyk oan dy yn it Fryske, net oan dy yn it Nederlânsk (Boekenoogen (1897: LXXII) en oaren). Besjoch bygelyks de neikommende sinnen:

- (22) a. Toe had Duuw best bemerke keunen
b. Toen had Duuw best kunnen merken
c. Doe hie Duuw bêst merke kinnen

De folchoarder fan it Nederlânsk kin der yn it Fryske en Noardhollânsk yn ditsoarte sinnen net op troch. Fan neisten binne de feiten komplekser. Mar ik wol hjir net fierder op folchoarder en op IPP-effekten (Infinitivus-Pro-Participo) yngean.

Der binne ek oare syntaktske oerienkomsten, lykas it brûken fan it pronommen ynsteet fan it refleksivum, it efterlitten fan ferhâldingswurden, en sa fierder. Lykwols woe ik no de morfology yn mei it doel om sjen te litten dat der op dat mêd ek nijsgjirrige oerienkomsten binne. De betsutting fan 'e oerienkomsten kom ik aansen oer op 'e tekst.

4. Morfology

4.1. Bynmorfemen by gearstalling

It Noardhollânsk en it Fryske ha in produktif bynmorfeem *yn -ers-* (Hoekstra (1987)). Dat bynmorfeem komt foar yn gearstellings:

(23)	NH	Fryske	Noardhollânsk
eterstoid			etenstiid
melkerstoid			melktijd
hooirersweer			hooiweer
huishouwersgeld			huishoudgeld
waskersdag			wasdag

Yn it Frysk keppelet *-ers-* in tiidwurdstamme oan 'e loftekant gear mei in haadwurd oan 'e rjuchterkant. Yn it Noardhollânsk is dit bynmorfeem noch produktiver as yn it Frysk. It komt dêr in soad foar by tiidwurd-haadwurd-gearsetting, mar hat him dêrbûten ek wreide (Hoekstra (1987)). Dy lêste ûntjouwing soe dan typisks Noardhollânsk wêze kinne.

Hoekstra stelt út dat it bynmorfeem *-ers-* ûntstien is út it efterheaksel *-er* foar

nomina agentis (lykas yn *bakker*, *haaier*, en sa fierder). Dat, it gie earder om in gearstalling fan it type haadwurd-haadwurd. It earste lid dêrfan (it nomen agentis) waard steefest útwreide mei it *-s-* bynmorfeem. Letter is de kloft *-ers-* weranalysearre as ien bynmorfeem. Dêr is it Noardhollânsk it fierste yn gongen.

Yn dizze histoaryske analyze giet it *-ers-* bynmorfeem tebek op in prodyktif *-er*-etterheaksel foar nomina agentis. Men kin jin yntinke dat dat etterheaksel *-er* ek al ringen weranalysearre is as in bynmorfeem. En dat is krekt wat we yn it Noardffysk fine (Århammar (1993), Mungard (1913/1974)). It bynmorfeem is dêr dy *-er* dêr't we it krekt oer hiene. Besjoch de neikommende foarbylden:

(24)	Noardffysk Helgolân	<i>skairetid</i>	'húshimmelstiid
cf. NH		<i>huisuiddoemerstoid</i>	'fishersnet'
Noardffysk Söl	<i>feskernat</i>		'fishersnet'
Noardffysk Feer	<i>faskernet</i>		
cf. NH			
Noardffysk Feer	<i>viskerman</i>	'fisherman'	
Noardffysk Oonram	<i>aprederkleet</i>	'ferklaiuersjûpe'	
	<i>deskerslont</i>	'ôfdroegersdoek'	

Neffens Århammar is it *-er*-etterheaksel tige produktyf yn it Helgolânsk. Foar de oare Noardffyske dialekten is it ek net in toer en fyn in pear foarbylden. Dat, fan Noard-Hollân oant Noard-Fryslân is dit etterheaksel weranalysearre as in produktif bynmorfeen.

De oerienkomst tusken it Noardhollânsk en it Frysk giet fierder as de oerienkomst met it Noardffysk. Yn it Noardhollânsk en it Frysk is *-er-* faak útwreide mei *-s-*. Boppedat is net inkeld it bynmorfeem itselde, mar we fine dat ek yn deselde wurden. Om it bynmorfeem net oeral like faak brûkt is, kinne der fansen ferskillen wêze yn 'e wurden dy't it bynmorfeem keppelet. It *-ers-*-bynmorfeem is yn it Noardffysk lykwols net follein ünbekend. It komt foar yn in form as *apredersbrek* 'ferklaiatersbroek', om ris ien te neammen. Tusken it Noardffysk en it Frysk/Noardhollânsk is der dus op syn heechst in relatyf fer-skil. By oare ferbiningsfoarmen fine we ek oerienkomsten. It Frysk en it Noard-hollânsk hawwe in bynmorfeem *-s-* dat it Nederlânsk yn dy wurden net hat (Pannekeet (1979: 130-135)):

(25) NH

Frysk

Nederlânsk

b <u>e</u> dplank	bedsplanke
k <u>e</u> elsgat	kielsgat
s <u>l</u> ootswater	seatswetter
g <u>oo</u> t(s)gat	goatsgat

De -s- liket net inkeld produktiver yn it Noardhollânsk en it Frysk, mar komt ek gauris yn deselde wurden foar. It is faaks net tafallich, dat we hjiir itselde lûd (-s-) tsjinkomme dat we sakrekt tsjinkamen as part fan -ers-. Dat -s- yn it Noardhollânsk en yn it Frysk produktiver wêze soe as yn it ABN, soe moai strike mei Hoekstra syn idee dat -ers- úntstien is út -er-, útwreide nei dit byn-morfeem -s-.

4.2. *Efterheaksels*

It Frysk en Noardhollânsk ha gjin ferbiningsfokaal tusken haadwurden ferlytsingsefierheaksel, lykas yn it Nederlânsk (Boekenoogen (1897: LXI), Karsten (1931: 79)). Dat is fan dy gefolgen, dat it Frysk en Noardhollânsk hjiir mei in wurdliid minder ta kinne:

- a. mantje, pantje, spinanje, ventje, zontje, boltje, steltje, tortje, bentje, ensfh.
- b. mannetje, pannetje, spinnetje, vennetje, zonnetje, bolletje, stelleitje, torretje, hennetje, ensfh.
- c. mantsje, pantsje, spintsje, fentsje, sintsje, boltsje, steltsje, hintsje, ensfh.

Fierders fine we benammen yn it *âldere* Noardhollânsk it efterheaksel -ke (Pannekeet (1979: 132)), mar yn it *nijere* Noardhollânsk is it weiworden, en fine we -tje:

(27) Noardhollânsk

Frysk

kooike	koaike
deurke	doarke
popke	popke
worfke	wyfke

Nederlânsk
kooitje
deurtje
popje
wijfje

Wat we fierder yn 'e tiid werongean, wat de oerienkomst mei it Frysk grutter wurdert. Dat makket ek dûdlik, dat it Noardhollânsk feroare troch taalkontakt mei it Nederlânsk. De efterheaksels dy't net Nederlânsk lykje, ferdwine. Dat giet no al ieuwen sa, en it is in merakel dat der noch safolle oerienkomsten mei it Frysk te finen binne.

By minder produktive efterheaksels rinne it Frysk en it Noardhollânsk ek gauris lykop, wylst it Nederlânsk it oars hat:

(28) Noardhollânsk	Frysk	Nederlânsk
groetenis	groeten	
anwensit	aanwensel	
betrouwwd	betrouwbaar	
goedekek	guodlik	goedig
ienelek	ienlik	eenzaam
vergetelek	fjerjilik	vergeetachtig
alliening	allinnich	alleen
gebrekkelek	breklik	gebrekkig

Yn 'e morfology binne dus ek yngende parallelle ten finen tusken de dialekten fan Noard-Hollân en it Frysk.

5. De wurdfoarried

Fierders binne der allerhande nijsgjirrige oerienkomsten dy't de wurdfoarried oambelangje. Spesjaal Karsten (1931) ferwiist wit-net-hoe-faak nei it Frysk (sjoch ek J. de Vries (1909), Nawijn (1928), Van der Meer (1982), Weijnen (1984) en de earder neamde Noardhollânske wurdlisten).

(29) Noardhollânsk	Frysk
Karsten (1931: 196-201)	
hennemelker	hinnemelker
hoinstere	heisterje
hompe	hompe
hondebaai	hûnebei
op honk sitte	te honk wêze

(30) Pannekeet (1984), Van der Meer (1982)	
tokkere	tûkerje
stikkend	stikken

wezeling	wezeling
dooieling	deadeling
zuipé	sûpe (haadwurd)
nei	nei
begrotelijk	begrutlik
kant	kant
onkant	ûnkant
krokke	krôkje
bedare	bedarje

(31) Saansk (Woudt (1984:220-221))

glop	glop
gnap	gnap
gnaphandeg	knaphandich
gniepe (tiidwurd)	gnypsk
gof	goffe(rt)

(32) Gosses (1942)

blé	blei
ienelik	ienlik
an de jui weze	oan 'e jui wêze
mosk	mosk
onsjoch	ûnsjuch
sjouw	sjou
verzin	fersin
vuilendig	fûleindich
zoete veentjes	fintjes
hai doegt	hy docht

Der moat mei rekene wurde, dat it foarkommen fan in wurd yn it WNT (*Woordenboek der Nederlandsche Taal*) 'Wurdoek fan 'e Nederlânske Taal') net sizze wol, dat it wurd inkeld Nederlânsk is en net Frysk wêze soe. De reden is, dat ferskate dialekten, lykas dy fan Noard-Hollân en dy fan Grinzerlân, foar in grut part tebekgeane op Frysk substraat, sa't wy híj foar Noard-Hollân sjen litten ha. Troch dy dialekten, spesjaal troch dy fan Noard-Hollân, ha Frysk wurden tagong ta it Nederlânsk, al stiet der yn it WNT trochstrings net by, dat sa'n wurd ek yn it Frysk te finen is (byg. *by jaarral*, *by krokk'en krôkje*' net, oer *jaar sjoch* Heeroma (1936)).

Yn 'e wurdfoarried binne der grute oerienkomsten mei it Frysk, itselde jildt foar de morfosyntaksis. Yn 'e neikommende paragraaf sille we besykje om dy oerienkomsten te ferklearjen.

6. Taalkontakt

6.1. Ynljeding

We ha sjoen dat der grutte oerienkomsten binne tusken de dialekten fan Noard-Hollân en it Frysk op it mêd fan de syntaksis, de morfology en de wurdfoarried. De fraach is no: hoe kin dat? As it Noardhollânsk gewoan in dialekt fan it Nederlânsk is, lykas dialektyndielingen hawwe wolle, dan is it in riedsel dat der sokke fiergeande oerienkomsten mei it Frysk binne. Van Coetsem (1988) syn teory fan taalkontakt is it teoreytysk ramt dêr't we dy fraach yn beänderje sille.

6.2. Taalkontakt

Van Bree (1993) hat okkerlêsten, mei help fan Van Coetsem (1988) syn teory, moai sjen litten, hoe'it Stedsk tebekgiet op Frysk-Nederlânsk taalkontakt, en ik woe itselde úthâlde foar it Noardhollânsk. Ik sil dy teory yn it koart útilizze. We wite, dat de iene taal de oare ferkringe kin as lju yn sosjaal kontakt, bûten de famylje in oare taal brûke as dy't se thuis prate. At lju de grammatica fan 'e nije taal einiks net yn 'e macht ha, falle se werom op 'e grammatica fan 'e taal dy't se al goed prate. Mei oare wurden, at jo besykje en praat Nederlânsk, mar jo prate fan hús út Frysk, dan folje jo alles dat jo yn it Nederlânsk net wite oan mei it Frysk. Sa giet it gauris at jo leare om in fijemde taal te praten. It riseltaat is eat dat net earlik Frysk is en net earlik Nederlânsk, mar in nije taal. Neffens Van Coetssem sil sa'n taal de neikommende skaaimerken ha. In grut part fan 'e syntaksis, fan 'e morfology en fan 'e wurdfoarried fan 'e memmetaal sil oanholden wurde. Fan 'e twadde taal komt foaral de fonology, en ek in part fan 'e wurdfoarried.

Van Coetssem syn teory past moai op 'e berte fan it Noardhollânske dialekt. De fonology is foar in grut part Nederlânsk. Mar yn 'e morfology, de wurdfoarried en de syntaksis fine wy in soad dat jin it Frysk yn 't sin bringt. Dy spesifieke mingeling fan Frysk-Nederlânske skaaimerken is krekt wat Van Coetssem syn teory foarseit, at it Frysk de earste taal west hat en it Nederlânsk de twadde. Der is dus yn Noard-Hollân Frysk-praat. Dat dialekt is benammen yn 'e úspraak ferhollânske, ik tink nei't West-Fryslân yn 1289 by Hollân kaam. Dat makket dan ek dûdlik, wêrom't it Stedsk en it Noardhollânsk wol wat faninoar wei ha, sa't troch Boekenogen (1897), Fokkema (1943) en oaren opmurken is. Beide dialekten binne it trisseltaatfan Frysk-Hollânsk taalkontakt, mei Frysk as earste taal en Nederlânsk as twadde. Der binne fansels ferskillen tusken it Noardhollânsk en it Stedsk. It proses hat him yn it Noardhollânsk ommers langer lyn ôfspile; it gong om ûngelykense dialekten fan it Frysk en it Neder-

lânsk (syngroan en diagroan), en sa fierder. Mar fierders lykje it Noardhollânsk en it Stedsk in soad op mekoar. Dat, it Stedsk lit sjen, hoe't de skiednis him werheillet. Van Coetsem syn teory kin sa de oerienkomst tusken it Stedsk en it Noardhollânsk ferkearje.

Van Coetsem syn teory ferkearret ek, wêrom oft guon dialektologen yn it ferline de oerienkomst tusken Noard-Hollân en Fryslân net sjoen ha. Betink, dat de fonology fan it Noardhollânske dialekt Nederlânsk liket, krekt sa't Van Coetsem syn teory foarseit, al binne sels híjre dochs jittie Fryske spoaren te finnen (Gosses 1942, W. de Vries 1942). De dialektologen wienen tige op 'e fonology ôfjage; de syntaksis, de morfology en sels de wurdfoarried yn syn gehiel hienien se net folle omtincken foar. En just dêrekin men de oerienkomsten mei it Fryske fine. Om't de dialektologen dus einliks allinnich nei de fonology sjoen ha, ha se de morfo-syntaktyske oerienkomst mei it Fryske net sjen kind.

7. Ynfleksjonele morfology

7.1. Ynlleding

Yn dizze paragraaf wurdت in demonstraasje jûn fan hoe't mei help fan Van Coetsem syn teory nije oerienkomsten fún wurde. Yn 7.2. giet it om in abstrakte yntraparadigmatische oerienkomst, ek al is der suver fonologysk gjin oerienkomst. Dat hoecht jin, útgeande fan Van Coetsem syn teory, net te fernuverjen, omdat de fonology it meast nei de twadde taal ta lúkt. Yn 7.3. giet it om in konkrete oerienkomst, dy't better net te witten net earder opmurken is.

7.2. Bûging yn 'e notiid en ynfinittiven

Besluch no de bûging fan it tiidwurd yn 'e notiid yn 'e trije talen dy't we mei-inoor ferlykje:

(33) NH

Nederlânsk

Fryske

ik roep
je roepe
hai roept

ik rop
je roeft
hij roeft

ik rop
do ropst
hy ropt

Fonologysk liket it Noardhollânsk gewoan Nederlânsk. Ommers, de útgongen fan it Noardhollânsk komme allegearre foar yn it Nederlânsk, wylst it Fryske der út kypyt mei syn twadde persoan.

Mar lit ús no ris sjen nei hoe't dy fonologyske foarmen brûkt wurde yn 'e morfosyntaksis. Dan is der oerienkomst tusken it Frysk en it Noardhollânsk:

(34) NH	Frysk	Nederlânsk
I	I	I
II	II	II
III	III	II

It Frysk en it Noardhollânsk ûnderskiiede yn it iental noch de trije persoanen, wylst yn it Nederlânsk de twadde persoaan gearflapt is mei de tredde (yn ynverzje mei de earste). Dat, at wy nei it abstrakte tiidwurdsysteem sjogge, dan rint Noard-Hollân lykop mei it Noarden, net mei it Westen. It Noardhollânsk makket lykas it Frysk in ûnderskied tusken de trije persoanen; de fonologyske foarmen fan 'e útgongen binne lykwols deselden as dy't tek yn it Frysk en it Nederlânsk te hearren binne. De fonologyske útgong dy't inkeld Frysk en net Nederlânsk is, -st, is eliminearre.

7.3. Sterk ôfslutend mulwurd

As wy de sterke ôfslutende mulwurden besjutte, falt it op dat it Nederlânsk hat in -e (stavere as -en), dêr't it Frysk yn guon gefallen -en hat. It Noardhollânsk hat, neffens de risseletten fan 'e Wenker-enkête, yn guon doarpen -en, te witten yn dy gefallen dat it Frysk ek -(e)n hat, lykas yn valIEN/fallIEN, stoIEN/stellIEN, vondEN/ffuN, brokEN/brutsEN. De Wenker-enkête is yn Nederlân offrege as enkête 3 fan it P.J. Meertens-Instituut yn Amsterdam (sjuch Vragenlijsten met Register (1931-1958); de risseletten fan 'e Wenker-enkête sitte yn it argyf fan it P.J. Meertens-Instituut). It sterke ôfslutend mulwurd rint yn it Noardhollânsk lykop mei it Frysk, en net mei it Nederlânsk.

7.4. Gearfetsjend

De yntraparadigmatische struktuer fan it Noardhollânsk liet oerienkomsten mei it Frysk sjen. Lykas yn it Frysk wurde yn it iental de trije persoanen ûnderskaat, en wurdت de -n fan it sterke ôfslutend mulwurd yn guon gefallen al útsprutsen. Van Coetsen syn teory bewiist syn nut ek op itmêd fan 'e ynfleksjonele morfology. Oan 'e iene kant jout dy in ramt om it patroan fan oerienkomsten tusken it Noardhollânsk en it Frysk en tusken it Noardhollânsk en it Nederlânsk yn te ferkleaijen. Oan 'e oare kant is er ek in ynstrument om nije oerienkomsten mei op it spoar te kommen.

8. Súd-Hollân yn it koart

Ik leau, dat Heeroma de stôk by de rjochte ein hat, at er de ferskillen tusken Noard- en Súd-Hollân taskriuw oan eastlike en súdlike ekspânsjes. Ik leau, dat Heeroma ek gelyk hat, at er tinkt dat der ð of yn beide Hollannen ð of yn gjin ien fan beiden Frysk praat is, om't Hollân yn it ferline ien gebliet wie, ek út taalkundich eachweid wei. Ik ha yn 'e pleit west foar it idee, dat der yn Noard-Hollân noch gâns Frysk spoaren te finen binne, en dat der Frysk praat is. At yn Noard-Hollân Frysk praat is, dan folget út 'e troch Heeroma oannumlik makke ienheid fan Noard- en Súd-Hollân fansels, dat yn Súd-Hollân ek Frysk praat is.

Is der foar dy nijsgjirtige konklúzie ûnôfhinklike evidinsje? Wis en wrachting! De nammekundige Blok hat sjen litten, op it Frysk Filologekongres fan 1966, dat it nammepatroan fan Súd-Hollân oanslút by it Frykske (sjuch ek Blok (1959)). Hy jout twa typen evidinsje. Yn it foarste plak, evidinsje dy't basearre is op it ferspriedingsgebiet fan nammekundige efterheaksels. Sa kinne belyks de Nederlânske *heem*-nammen ferkleare wurde as in útrunner fan 'e Frysk nammen. In twadde type evidinsje binne Frysk lûdferskynsels yn 'e nammen, lykas opgeande twilûden, dy't er yn âlde fjildnammen yn Súd-Hollân (by Valkenburg by Leien) fin hat. Opeande twilûden wurde as typysk Frysk beskôge. We ha híjer te krijen mei histoarysk-fonologyske evidinsje, dy't faak inkeld noch werom te finen is yn de âldste fynplakken fan plak- en fjildnammen. Yn letter datearre staverings binne datsaarte fan ferskynsels faak al ferdwûn. Yn wurden dy't gijn plak- of fjildnammen binne, is yn it hjoeddeiske dialekt, sa't men útgeande fan Van Coetsem ferwachtet, neat werom te finen. Wat de nammekunde fún hat,strykt mei in taalkontaktynterpretaasje fan syn-groane taalfeiten. We ha híjer dus, om it mei dojere wurden te sizzen, in konverginsje fan ûndersykssrisselaten.

9. Konklúzie

Yn 't ferline waard der net rekkene mei de morfosoantaksis. Mar dat is te begripen, want it tinken oer taal waard foar it grutste part beskaat troch úntjouwings yn 'e fonology. Mar sa't ik no sjen litten ha, binne der hjoeddei goede reden om op syn minst al mei de morfosoantaksis te rekkenjen. Morfo-syntaktyske feiten binne net inkeld folle komplekser as dat wolris tocht is; de morfosoantaksis kin ek dúlik substraat mei sjen litten wurde. Yn it ramt fan in taalkontaktynterpretaasje oan sa'n morfosoantaktsk substraat jún.

Fansels binne der ek guon gefallen dat it Noardhollânsk op himsels stiet en op it Frysk noch it Nederlânsk liket. Sa is allinnich yn it Noardhollânsk de

twadde persoan gelyk yn iental en meartal. Dat kinne we sjen as generalisaasje fan it meartal nei it iental. Dy foarm is wer gelyk oan 'e ynfinifyf op -e, ûngelyk oan dy op -en.

It hat neffens my foar in taalkundige gjin doel om te hottefyllen oer de fraach, oft it Noardhollânsk no in dialekt fan it Fryske of fan it Nederlânsk is. Oan de iene kant is it in op himsels steand en unyk dialekt, dat ûndersyk near as wurdich is. Oan de oare kant is it in dialekt fan it Fryske en in dialekt fan it Nederlânsk. Dat lêste is einliks wat Boekenoogen (1897) al sein hat, at er it hat oerit Noardhollânsk as *friso-frankisch dialekt*. De taalfleiten wize ommers beide kanten út. At it Noardhollânsk mei alle geweld in dialekt fan *ien* standerttaal wêze moat, dan is der allinnich in polityk andert te jaan. Mar dat politike andert hat gjin wittenskiplike ynhâld en sil him ek net bekroadzie om taalkundige argumintaasje. Taalkundige argumintaasje litlykwols sjen, dat it Noardhollânsk net inkeld besibbe is oan it Nederlânsk, mar ek oan it Fryske. Van Coetsen syn teory fertelt ús, hoe't we de typologyske feiten fan it Noardhollânsk útlizze meie: as in gefolch fan Frysk-Nederlânsk taalkontakt, mei it Fryske as earste en it Nederlânsk as twadde taal.

Ferantvurding en betanknoat

Ik woe Siebren Dyk, Lammert Jansma en Jarich Hoekstra betankje foar har kommintaar op 'e ynhâld fan dijt stik (en op 'e foarm); Cor van Bree, Caroline Smits en Georges de Schutter foar kommittaar op in eardere Nederlânske ferzje, dy't yn *Taal & Tongval* (1993) útkommen is; en Jan Berns, Ton Goeman, Reitze Jonkman, Jaap van Marie, Jan-Wouter Zwart en de tahearders op it Frysk Filologekongres fan 1993 foar diskusje.

Bibliografy

- Århannar, N. (1993)
'Helgöländische VN-Komposita mit Augment-*-er*' (Lêzing op 'e Morfology-dei fan it Taalkundich Wurkferbân fan 'e Fryske Akademy, 17 april 1993, Ljouwert).
- Bakker, G. (1992)
Fries en Westfries (skripsje, Universiteit fan Amsterdam).
- Blok, D.P. (1959)
'De vestigingsgeschiedenis van Holland en Zeeland', Yn: *Bijdragen en mededelingen van de naamkundecommissie van de KNAW*, 17, pp. 13-34.
- Blok, D.P. (1968)
'Plaatsnamen in Westfriesland', Yn: *Philologia Frisica anno 1966*, pp. 11-19.
- Blom, P. van (1889)
Beknopte Friese Spraakkunst. Joure.
- Boekenogen, G.J. (1897, 1971²)
De Zaansche Volkstaal. Leiden (1987)/Zaandijk (1971²).
- Bree, C. van (1993)
'Het probleem van het ontstaan van het Stadsfries in verband met nieuwe talen in contact-theorieën' (sil ferskine yn de *Handelingen* fan it Colloquium Nederlandicum fan 1993 te Wroctaw).
- Butter, F. (1944)
Trienke Boôd. De roman van een boerdochter. Hoorn.
- Coetsem, F. van (1988)
Loan Phonology and the Two Transfer Types in Language Contact. Dordrecht.
- Daan, J. (1950)
Wieringer land en leven in de taal (dissertasje, Universiteit van Amsterdam).
- Daan, J. (1956)
'Onze Friese familie', Yn: *West-Frieslands Oud en Nieuw*, 23, pp. 106-110.
- Daan, J. (1957)
'Betrekkingen tussen het Fries en het Noordhollands', Yn: *It Beaken*, 19, pp. 197-205.
- Daan, J. & D.P. Blok (1970)
Van Randstad tot Landrand. Amsterdam.
- Dyk, S. (1992)
- 'Warum gibt es im westlauwerschen und Föhrer Friesischen eine Nomeninkorporation?', Yn: V. Faltings, A. Walker & O. Wilts, eds., *Friesische Studien I* (=NOWELE Supplement vol. 8), Odense, pp. 143-169.

- Dyk, S. & J. Hoekstra (1987)
'Oersjoch fan 'e Stidzje fan 'e Fryske Syntaksis', Yn: S. Dyk & J. Hoekstra,
eds., *Ta de Fryske Syntaksis*, Ljouwert, pp. 7-43.
- Fokkema, K. (1943)
'Het Westfries en het Stadsfries in het defensief', Yn: *Westfriesch Jaarboek*,
pp. 11-24.
- Gerritsen, M. (1991)
Atlas van de Nederlandse Dialectsyntax (AND), Amsterdam.
- Gosses, G. (1942)
'Een Fries substraat in Noord-Holland', Yn: *Bijdragen en Mededelingen der
Dialecten-Commissie van de Nederlandse Akademie van Wetenschappen*, II,
pp. 4-14.
- Gosses, G. (1950)
'De herkomst van het Fries', Yn: *De Vrije Fries*, 40, pp. 166-181.
- Haan, G. de (1984)
'Friesche Kortstaarten', Yn: G. de Haan, M. Trommelen & W. Zonneveld, eds.,
Van Periferie naar Kern, Dordrecht, pp. 73-80.
- Haeringen, C.B. (1923)
'Friesche elementen in het Hollands', Yn: *De Nieuwe Taalgids*, 17, pp. 1-16.
- Hake, vor der, J.A. (1908)
De Aanspreekvormen in 't Nederlandsch, Utrecht.
- Halbertsma, J. (1865)
Besprek fan 'B. Bendsen, Die Nordfriesische Sprache nach der Mooringer
Mundart, Leiden, 1860', Yn: *De Vrije Fries*, 10, pp. 345-438.
- Heeroma, K. (1935)
Hollandse Dialektstudies, Groningen.
- Heeroma, K. (1936)
'De Nederlandsche benamingen van de *uer*', Yn: *Handelingen van de Konin-
klijke Commissie voor Toponymie en Dialectologie*, 10, pp. 113-184.
- Heeroma, K. (1942)
'Een Fries substraat in Noord-Holland?', Yn: *Bijdragen en Mededelingen der
Dialecten-Commissie van de Nederlandse Akademie van Wetenschappen*, II,
pp. 26-35.
- Heeroma, K. (1972)
'Fries en Saksisch in de Nederlanden', Yn: *Taal en Tongval*, 24, pp. 97-112.
- Hoekstra, E. (1993)
'Over de implicaties van enkele morfo-syntactische eigenaardigheden in
West-Friese dialecten', Yn: *Taal & Tongval*, 43, pp. 135-154.
- Hoekstra, J. (1987)
'It augmint yn gearsettingen fan it type VN', Yn: *Tydskrif foar Fryske
Taalkunde*, 3, pp. 1-16.

- Hoekstra, J. (1992) 'Fering *tu*-infinitives, North Sea Germanic syntax and Universal Grammar', Yn: V. Faltings, A. Walker & O. Wilts, eds., *Friesische Studien I* (=NOWE-LE Supplement vol. 8), Odense, pp. 99-142.
- Karsten, G. (1931) *Het Dialect van Drechterland*, Purmerend.
- Karsten, G. (1942) 'Het Fries substraat tussen Sincfal en Vlie', Yn: *Bijdragen en Mededelingen der Dialecten-Commissie van de Nederlandse Akademie van Wetenschappen*, II, pp. 15-25.
- Loey, A. van (1959) *Schöñfeld's Historische Grammatica van het Nederlands*, Zutphen.
- Meer, G. van der (1982) Besprik fan 'J.A.Pannekeet, Woordvorming in het Hedendaags Westfries', Amsterdam, 1979', Yn: *Leuvense Bijdragen*, 71, pp. 253-257.
- Muller, J.W. (1891) 'Sprektaal en Schrijftaal in het Nederlantsch', Yn: *Taal en Letteren*, 1, pp. 196-232.
- Mungard, N. (1913,1974²) *Ein Inselhordfriesisches Wörterbuch*, Westerland.
- Nawijn, T. (1928) 'Het Westfries en het Fries, Yn: *West-Frieslands Oud en Nieuw*, 2, pp. 140-145.
- Pannekeet, J.A. (1979) *Woordvorming in het Hedendaags Westfries*, Amsterdam.
- Schuurman, I. (1987) 'Incorporation in the Groningen dialect', Yn: F. Beukema & P. Coopmans, eds., *Linguistics in the Netherlands* 1987, Dordrecht, pp. 185-194.
- Visser, W. (1989) 'Ta de nominale ynfinitif yn it Frysk', Yn: *Philologia Frysica anno 1988*, Ljouwert, pp. 51-72.
- Vragenlijsten (1931-1958) Vragenlijsten met Register (1931-1958), Yn: *Bijdragen en Mededelingen der Dialecten-Commissie van de Nederlandse Akademie van Wetenschappen*, II, pp. 1-92.
- Vries, J. de (1909) *Westfries Woorden*, Nieuwe Niedorp.
- Vries, W. de (1942) *Iets over de verbreidheid en herkomst van het Fries*, Assen.

- Weijnen, A. (1984)
'Fries in Holland', Yn: N.R. Århammar et al., eds., *Miscellanea Frisica*. In
mje bondel Fryske stúdzjes, Assen, pp. 97-102.
- Woudt, K. (1984)
Deer hoor ik je. Gedachten over de Zaanse streektaal, Wormerveer.

In nijsgjirige folchoarderbeheining yn it Frysk en it spjalten fan foarnamwurdlike bywurden

Jarich Hoekstra (*Fryske Akademy, Ljouwert*)

0 Ynlieding

Ferlykje it neikommende kontrast tusken it Frysk (1a) en it Hollânsk (1b):

- (1) a. Kom *ris *hijr* / *hijr ris!*
b. Kom *eens* *hier* / *hier eens!*

Wylst yn it Hollânsk it bywurd fan plak/juchting *hier* likegoed foar as nei it modale partikel *eens* komme kin, kin yn it Frysk *hijr* mar allinnich foar *ris* stean.

Yn 'e Fryske grammatica's wurdt dy aparte folchoarderbeheining gjin omtinken oan jûn, mar yn 'e wat kontrastiver ynstelde learboekjes wurdt der wol gauris op wiisd (ferl. Douma (1946, 16), Tsjepkema (1978, 100), Stiensstra (1982^o, 61), Breuker e.o. (1984, 77-78)). In adekwate beskriuwing fan it fersknysSEL fynt men dêr lykwols net; dat hâldt meast op mei it jaan fan ien of twa foarbyldsimisjes.

Yn dit stik wol ik sjen litte dat it folchoarderfersknysSEL yn (1) justjes wider fiemet as oft men út 'e literatuer ôfnimme kin. Dêrta jou ik alderearst in sa folslein mooglik iversjuch fan 'e data.

Dérnei sil ik besykje om te ferklearjen wêrom't it Frysk yn gefallen lykas yn (1) in strangere wurdskikking hat as it Hollânsk. Dêrta bring ik it kontrast yn (1) gear mei in oar ferskil tusken it Frysk en it Hollânsk: yn it Frysk wurde foarnamwurdlike bywurden ormaris spjalt, wylst se yn it Hollânsk ek yntakt bliwe meie.

Fryske folchoarderfeiten fan it slach yn (1) foarmje sterke stipe foar de opfetting dat bywurdlike ileminten lykas *hijr* feitlikks analyseearre wurde moatte as ferhoalen ferhaldingswurdkloffen mei in leech ferhaldingswurd (ferl. Bresnan & Grimshaw (1978), Emonds (1987), McCawley (1988)).

1 In beskriuwing fan 'e folchoarderbeheining

Yn dizze paragraaf jou ik earst in neiere beskriuwing fan 'e folchoarderbeheining yn (1). Dêrby gean ik nei wêrt it fersknysSEL him oppenearet en hoker ileminten oft der mei anneks binne.

Men kin om te beginnen fêststelle dat it ferskynsel net allinnich foarkomt by de wurdjes *ris* en *hjir*; de foarbylden yn (2-7) litte sjen dat oare modale partikels (*ek*, *dan*, *doch(s)*, *no*, *mar*, *wol* ensfh.) en it bywurd fan plak/fjuchting *dér* ek meidogge:

- (2) a. Hast it programma **ek hjir / hjir ek*?
b. Heb je het programma *ook hier / hier ook*?
(3) a. Wemnet dyn suster **dan dér / dér dan*?
b. Woont je zus *dan daar / daar dan*?
(4) a. Sjuch **doch hjir / hjir doch!*
b. Kijk toch *hier / hier toch!*
(5) a. Lit dy kat **no dér / dér no!*
b. Laat die kat *nou daar / dear nou!*
(6) a. Set de roazen **mar hjir / hjir mar!*
b. Zet de rozen *maar hier / hier maar!*
(7) a. Ik gean **wol dér / dér wol* sitten
b. Ik ga *wel daar / daar wel* zitten

Men obstrewearret wer itselde kontrast tusken Frysk en Hollânsk as yn (1): yn it Frysk (de a-foarbylden) kinne *hjir* en *dér* mar allinnich lofts fan it modale partikel stean, wylst yn it Hollânsk (de b-foarbylden) *hier* en *daar* oan wijsers kanten it partikel komme kinne.

Hoewol't it ferskynsel faaks it dúdlikst útkomt yn 'e omkritie fan in modaal partikel, is it dér út noch yn net ta behaind. Yn relaasje ta guon oare, meast bywurdefte ilemminten binne *hjir* en *dér* yn it Frysk eindiks ek allinnich mar goed mooglik yn 'e loffer posysje, wylst yn it Hollânsk sawol de rjuchter as de loffer posysje beskikker binne. Yn (8-12) wurdt soeks sjien liitten foar de graad-partikels *al*, *noch* en *ek*, it negaasjepartikel *net* en it bywurdsje fan tid *wer*.¹

¹ Yn it Hollânsk kinne *hier* en *daar* yn 't bûn mei it tiidwurd *wêze* in idiomatske ferbinning foarmjje mei de betsjuutting 'oankommen wêze', 'oanbrutsen wêze' (ferl. (i-ia)); yn it Frysk is soeks net mooglik (ferl. (i-ib)):

- (i) a. De pianostenmer is (ner) hier, mevrouw
b. *De pianostimmer is hjir, vrou
(ii) a. Het grote moment was (eindelijk) daar
b. *It grutte momint wie dér

Yn har idiomatsk gebruik kinne *hier* en *daar* inkeld nei in partikel, bywurd, ensfh. komme. Hja ferlieze har idiomatske betsjuutting, at se derfoar set wurde:

- (8) a. Is de foarsitter *al *hjir* / *hjir* al?
 b. Is de voorzitter *al hier* / *hier al*?
- (9) a. Har auto stiet *noch dēr / *dēr noch*
 b. Haar auto staat *noch daar* / *daar nog*
- (10) a. Jo *ek *hjir* / *hier ook*, Boersma?
 b. U *oock hier* / *hier ook*, Boersma?
- (11) a. Hāld dyn finger *net dēr / *dēr net!*
 b. Hou je vinger *niet daar* / *daar niet!*
- (12) a. Frits kaam *wer *hjir* / *hijer wer*
 b. Frits kaam *weer hier* / *hier weer*

En dērmei binne wy der noch net. De folchoarderbeheining oppeneearret him seis yn 'e omkrite fan haadwurdkloffen. Yn (13a) is *hjir* yn it Frysk mar allinnich goed mooglik foar it ûnbekaat foarnamwurd *ien*; yn 'e Hollânske wjergader (13b) kin *hier* oan wjerskanten it foarnamwurd stean:

- (13) a. Hja hinget *ien *hjir* / *hjir ien*
 b. Ze hangt er *eenje hier* / *hier eenje*

Foarbyld (13) is nijsgjirrich. At men it ûnbekaat foarnamwurd yn dy sin nammentlik ferfangt troch in beskaat foarnamwurd, dan kin it bywurd fan plak, yn it Frysk likegoed as yn it Hollânsk, inkeld rjuchts dêrfan stean:

- (14) a. Hja hinget *it dēr* / **dēr it*
 b. Ze hangt *het daar* / **daar het*

De rolle dy't de definitens fan it foarnamwurd *hjir* spilet, liket der op te wizen dat it plak fan *hjir* en *dēr* mei ôfshinklik is fan 'e effekten fan *scrambling*, it orderjen fan konstituïnten yn it middenfjild fan 'e sin op grûn fan har presupposysjonaliteit.

Der binne oanwijzingen dat de presupposysjonaliteit fan *hjir* en *dēr* sels ek mei beskiedend is foar it plak dat se ynnimme yn 'e sin. Ik ha oant no ta suggerere dat yn it Frysk *hjir* of *dēr* nei partikels ensfh. altyd like min is en dat it yn it Hollânsk neat útmakket oan hokker kant oft *hier* of *daar* stiet. Dat is lykwols net alhiel krekt.

(iii) De pianostemmer is hier ('op dit plak') net

(iv) Het grote moment was daar ('op dat plak') eindelijk

Yn (iv), *dēr't daar* syn temporele betslutting ('oanbrusen') kwytrekken, laat soks fansels ta in sin dy't semantysk besjoen wipwap is.

Wurden lykas *hjir/hier* en *dér/daar* kinne yn prinsipe op twa menieren brûkt wurde: *deiktysk* (ferwizend nei immen of eat yn 'e konkrete taalgebrûks-situasje) of *anafoarysk* (ferwizend nei immen of eat yn 'e kontekst fan 'e taal seß). Wylst *hjir/hier*, yn alle gefallen yn it Fryske, ornaris deiktysk brûkt wurdت², kin *dér/daar* likegoed deiktysk as anafoarysk ymplejearte wurde.

It liket der no op as hat *dér/daar* yn anafoarysk gebrûk in foarkar foar de po-wjerskanter stean kin, is dat it dûdlikst. Yn in sin lykas (15b), *dér/daar* dûd-likernoch anafoarysk brûkt wurdت, is de posysje foar it partikel favoryt:

- (15) a. Ast it *by dy oare* better krije kunst, dan bliuwst *dér mar / *mar dér / maar daar!*
b. Als je het *bij die ander* better krije kunst, dan blijf je *daar maar / maar daar!*

Yn it Fryske, dér't *dér* altyd foar it partikel komt (firl. (15a)), is soks net sa goed te kontrolearjen. Mar in sin lykas (16), mei *dér* nei it partikel, is foar myn gefoel justjes minder min yn syn deiktyske lêzing as yn syn anafoaryske:

- (16) a. [?]*Bliuw *mar dér!*
b. *Bliuw *mar dér!*

[deiktysk]
[anafoarysk]

Yn paragraaf 3 kom ik werom op 'e rolle fan scrambling en presupposy-sjonaliteit by it folchoarderferskynsel dat *hjir* op it aljemint is. Wat my yn-earsten lykwols it meast ynteressearret, binne net sa lyk de absolute, mar de relative oardielien oer de boppeseteande sinmen. De fraach dy't ik beänderje wol, is: wêrom hearre - ôfsjoen fan 'e niisneamde pragmasemantyske subtiliteiten - de bywurden fan plak/rjuchting *hjir* en *dér* yn it Fryske yn it ginneraal bryk nei in partikel ensfh., wylst yn it Hollânsk *hier* en *daar* dér folle minder of alhiel gjin lêst fan ha.

2 De posysje fan plak- en rjuchtingsoantsjuttingen

Semantysk besjoen liket der gjin mis op dat *hjir* en *dér* oantsjuttingen fan plak/rjuchting binne. Syntaktysk rinne se lykwols net earlik op 'e stap. Dat

² Yn it Hollânsk kin *hier* anafoarysk brûkt wurdت (benammen yn 'e skriuwtaal); yn it Fryske is soks kwealik mooglik. Ferlykje:

- (i) a. Een eindie buiten it dorp stond *een kasteeltje*. *Hier* woonde tot voor kort de barones van Heemstra.
b. In eintsje buiten 'e buorren stie *in slotje*. [?]**Hjir* wenne oant foar koart de baronesse van Heemstra.

wurdt dúdlik, at men it hâlden en dragen fan *hjir* en *dér* yn 'e omkrite fan in modaal partikel ferliket mei dat fan oare plak- en rijuchtingsoantsjuttingen. Oantsjuttingen fan plak/rijuchting fyt men foar 'tuterlike yn alderhanne skik en fatsoen. Mar likefolle yn wat foar stal oft se ferskine, hja *kinne* altyd rijuchs fan it modale partikel stean. Yn 'e foarbylden yn (17) komme se ferplichte nei it partikel:

- (17) a. Kom *ris* by *heity* / *by *heity ris*!
- b. Kom *dan* nei *boppen* / *nei *boppen dan*!
- c. Kom *mar fierder* / *fierder *mar*!
- d. Kom *no tichterby* / *tichterby *no*!
- e. Kom *doch thuis* / *thuis *doch*!
- f. Kom *ris del* / **del ris*!

Yn (18) kin de plakoantsjutting foar of nei it partikel komme. Dérby is de posysje nei it partikel ûnmarkearre.

- (18) Sykje *mar op 'e souder* / *op 'e souder mar*!

Mei oare wurden, de posysje dér't *hjir* en *dér* hosk binne yn it Fryske, deseide nei it partikel, is foar oare oantsjuttingen fan plak/rijuchting de wenstige of sels de iennichste.

It ferskil tusken (17) en (18) hinget gear mei it feit dat plak- en rijuchtingsoantsjuttingen twaderlei grammaticale funksje ha kinne: se kinne tsjinje as bywurdlike tafoeging (adjunkt) of as predikative oanfolling (predikaat fan in Small Clause).³ De rijuchtingsoantsjuttingen yn (17) binne predikative oanfollingen, wylst de plakoantsjutting yn (18) fungearret as in bywurdlike tafoeging. Wylst predikative oanfollingen altyd swette moatte oan it tiidwurd, meie bywurdlike tafoegingen dér ek fan skaat wurde troch oar wurdmateriaal. Ien en oar is op 'en bêsten waar te nimmen yn bysinnen, dér't it bûgde tiidwurd gjin foaropsetting ûndergien hat:

- (19) a. (It mei gjin kwea) dat er (*ris*) yn 'e *tobbe* (*ris*) sjongt
[bywurdlike tafoeging]
- b. (It mei gjin kwea) dat er (*ris*) yn 'e *tobbe* (**ris*) komt
[predikative oanfolling]

Yn (19a) kin it partikel *ris* tusken 'e bywurdlike tafoeging yn 'e *tobbe* en it

³ Sjuch foar dat ûnderskie ûnder oaren T. Hoekstra (1984) en Luif (1993).

tiidwurd komme; yn (19b), dêr't yn 'e *tobbe* fungearret as in predikative oan-

folling, kin dat net.

It liket der op as lûke de plak- en rjuchtingsoantsjuttingen *hjir* en *dér* har fan dat ferskil neat oan; *hjir* en *dér* komme altyd foar it partikel, sels at se sa't it liet fungearje as predikative oanfolling en troch it partikel skaat wurde fan it tiidwurd (ferl. (20b)):

- (20) a. ...dat er *hjir ris / *ris hjir* sjongt

b. ...dat er *hjir ris / *ris hjir* komt

[bywurdlike tafoeging]

[predikative oanfolling]

In hiel aardige obstrewaasje fynt men ek by Douma (1946, 16). Wylst *hjir* yn it Fryske ferplichte foar it modale partikel komt, komt it foar in part synonime (mar feraidere) bywurd fan rjuchting *har(re)n* 'hjir(hinne)' der just nei.⁴ Ferlykje dérta (1a), *hjir* efterhelle as (21a), mei (21b):

- (21) a. Kom **ris hjir / hjir ris!*

b. Kom *ris har(re)n / *har(re)n ris!*

Har(re)n hâldt en draacht him dus krektlyk as oare rjuchtingsoantsjuttingen (ferl. (17)).

In ferlykber ferskynsel sjucht men yn 'e foarbylden (22) en (23): de ûn-aakseptabele farianten fan (22a) en (23a), d.w.s. deselden mei *hjir/dér* nei it modale partikel, wûnde better at men ynstee fan *hjir* en *dér* de útwreide, emfatyske foarmen *hjirre* en *dêre* brûkt (ferl. (22b) en (23b)). Yn 'e posysje foar it modale partikel kinne sokke *e*-foarmen der net op troch (foar in skynder tsjinfoarbyld, sjuch noaat 9).

⁴ It wurd *har(re)n* hat noch oant yn dizze ieu yn 'e sprektaal yn 'e swang west, nei alle gedachten allinnich yn 'e ferbinning *kom har(re)n*. Ferlykje de neikommende oanhâal (boarneoantsjutting neffens WFT):

(i) Kom mar harn!

[W.A. v.d. Meulen, ynketing 16 (1903)]

De skriuwweuze dêr soe oantsjutte kinne dat de útspraak [han] west hat. Dat is yn alle gefallen de útspraak dy't Ype Poortinga yn it WFT (s.v. *harren*) opjout foar Peazens-Moddergat. Njonken *harren* stiet noch in foarm *darren*, dy't lykwols mar allinnich foarkomt yn 'e feste ferbinning *harren en darren*. Sjuch fierders, foar de etymology fan *har(re)n*, Buma (1954).

- (22) a. Bring de bal *ris *hjir* / *hjir* ris!
 b. Bring de bal ?ris *hjirre* / **hjirre* ris!
- (23) a. Smyt dy klean *mar *dér* / *dér* mar!
 b. Smyt dy klean 'mar *dére* / **dére* mar!

Sels nei it partikel binne *hjirre* en *dére* oars net botte limich en frijwat ûngebrûklik yn ditsoarte fan sinnen. Dochs komt men ferlykbere gefallen wolris tsjin yn 'e literatuer, mar dan benammen yn konteksten dêr't it rym sines ha wol:

- (24) a. Bêste berntsjes, bliuw *mar hjirre*, /
 en yt rogenbreia mei *ljirre*
 [Diet Huber, Tutte mei de linten 33 (1973)]
- b. Do hast my yn dyn skjirre /
 Knip! Ik knap, kom no *gau hjirre*
 [Wiegels Wijukkelsmine, Fan 'e wrâld (1991)]

Yn alle gefallen liket it der op dat de emfatyske foarmen *hjirre* en *dére* har meer jouwe nei de oare plak- en rijuchtingsoantsjuttingen as har ûnfersterke wjer-gaders *hjir* en *dér*.

Yn it ginneraal kin men nei oanlieding fan 'e data yn dizze paragraaf fêststelle dat, at *hjir* en *dér* al plak- en rijuchtingsoantsjuttingen binne (wat har betsjutting suggesterret), se der syntaktysk frijwat útrinne by har maten, sels by hast synonyme wurden lykas *harren* en *hjirre/dére*. It andert op 'e fraach wêrom oft *hjir* en *dér* har sa oars hâlde en drage as oare plak- en rijuchtingsoantsjuttingen leit sùnder mis besletten yn it spesjale karakter fan dy wurdjes. Dat ik sil yn it neikommende earst ris sjen nei de status fan *hjir* en *dér*. Dêrûwei besykje ik dan in ferklearring te finen foar de folchoarderbeheining yn it Frysk en it ferskil datoangeande mei it Hollânsk.

3 Scrambling

Yn 'e foarige paragraaf ha wy sjoen dat plak- en rijuchtingsoantsjuttingen altiten nei it modale partikel stean kinne, yn guon gefallen sels moatte. It plak nei it partikel liket mei oare wurden de basisposysje te wêzen foar sokke ileminten. Men soe dan oannimme kinne dat *hjir* en *dér* ek ginnearre wurde yn 'e posysje nei it partikel en dêrmei ferplichte ferskood wurde nei in posysje deroar. Yn it Hollânsk, dêr't *hier* en *daar* oan wierskanten it partikel foarkomme kinne, soe dy ferskowing dan opsjoneel wêze.

Dêrmei soe it probleem net meer wêze, wêrom oft *hjir* en *dér* net, lykas oare

plak- en *rj*ichtingsoantsjuttingen, nei it partikel komme kine, mar wêrom oft *hjir* en *dér* ferskood wurde (moatte) en hokfaar type ferskowing oft dat dan is.

Der is **Ín** kompleks fan folchoarderferskynsels dat wol oantsjut wurdt as *scrambling* of *object shift* (bgl. Diesing & Jelinek (1993)). Under dy term wurde ferskowingen fan haadwurdkloften yn it middenfjild is rillevant foar de ynformaasjestructuer **fan** 'e sin. Dêrby is it út 'en rûgen sa dat alde/bekende ynformaasje foarliker yn 'e sin stiet as nije/fûnbekende. Haadwurdkloften kinne woegen wurdde neffens *har* 'presupposysjonele krêft', d.w.s. neffens oft se mear of minder sterk weroefnerwize nei eat dat al bekend is. At men jin efkes beheint ta pronimale haadwurdkloften, dan kriget men saút 'en rûgen de neikomende presupposysjonaliteitskkaal (ferl. ek Bennis (1986, 223)):

- (25) swakke pronomina > beskate pronomina (anafoarysk) > beskate pronomina (deiktysk, universeel kwantifisearjend) > ûnbeskate pronomina

[> 'ha in gruttere presupposysjonele krêft as']

Dat de presupposysjonele krêft fan pronomiale haadwurdkloften fan belang is foar it plak dat se ynnimme yn 'e sin, wurdt dûdlik at men sjucht nei de folchoarder fan foarnamwurden en modale partikels:

- (26) a. Jou my ***ris it / it ris!*
b. Jou my **ris dat / dat ris!*
c. Jou my ?*ris dit/dat / dit/dat ris!*
d. Jou my *ris alles / alles ris!*
e. Jou my *ris ien / *ien ris!*

Swakke pronomina, dy't it sterkt binne yn termen fan presupposysjonele krêft,

moatte perfoarst oer it modale partikel hinne scramble wurde (ferl. (26a)). It-selde jildt foar anafoarysk brûkte beskate pronomina (ferl. (26b)). Deiktysk brûkte en universeel kwantifisearjende pronomina kinne oan wierskanten it modale partikel stean, al liket de posysje lofts derfan it normaalst (ferl. (26c,d)). Unbeskate pronomina, dy't typisk brûkt wurde om nije ynformaasje te yntrodusearjen en dy't dus presupposysjoneel it swakst binne, ûndergane gijn scrambling (ferl. (26e)).

Yn 'e earste opslach liket it faaks net sa oannimlik dat wy yn it gefal fan *hjir* en *dér* ek te krijen ha soenen mei scrambling. *hjir* en *dér* binne plak- of rjichtingsoantsjuttingen en de presupposysjonaliteit fan sokke eleminten hatsa't it liket ornaris gijn ynfloed op har plak yn 'e sin. Sa makket it yn (27) foar de folchoarder neat út oft de predikative oanfolling beskaat of ûnbeskaat is:

(27) Gean *mar op 'e stoel / op in stoel* sitten!

Likegoed is der in sterke oanwizing dat *hjir* en *dér* yn it Frysks àl scrambling ûndergeane. *Hjir* en *dér* foarnje mei noch in stikmannich oare wurden de sa- naamde R-pronomina (ferl. Van Riemsdijk (1978)):

(28) *R-pronomina:*
deR, hjIR/déR, eaRne/neaRne, oeRal (Rûnom)

At men no ris sjucht nei it hâlden en dragen fan al dy R-pronomina, net allinnich fan *hjir* en *dér*, yn 'e omkritie fan in modaal partikel, dan fynt men it patroan yn (29):

- (29) a. Sykje ***mar der / der mar*!
- b. Sykje **mar dér / dér mar*!
- c. Sykje ?**mar hjir/dér / hjir/dér mar*!
- d. Sykje *mar oeral (rûnom) / oeral (rûnom) mar*
- e. Sykje *mar earne/hearne / *earne/hearne mar*!

It swakke R-pronomene *der* ('op it plak') giet ferplichte oer it modale partikel hinne (ferl. (29a)). It beskate R-pronomene *dér* ('op dat plak') docht itselde, at it anafoarysk brûkt wordt (ferl. (29b)). It deiktryske *hjir* ('op dit plak') en *dér* kinne wol net oan wierskanten it partikel stean yn it Frysks, mar bimme wol minder min yn net-scramble posysje as har anafoaryske wjergaders (ferl. (29c) mei (29b)). It universeel kwantifiseartjende *oeral* of *rûnom* ('op alle plakken') kin oan wierskanten it modale partikel foarkomme (ferl. (29d)). It fûnbeskate R-pronomene *earne* ('op in plak') en syn negative wjergader *nearne* ('op gjin plak') meie net oer it partikel hinne scramble wurde (ferl. (29e)).

It sil klearrichheid ha dat de R-pronomina yn (29) yn rûge halen deselde folchoardermooglikheden sjen litte as de pronominale haadwurdkloften yn (26). Soks wiist der sterk op dat se lykas dyselden haadwurden binne en scrambling ûndergien ha.

Men soe no oannimme kinne dat it ferskil tusken R-pronomina lykas *hjir* en *dér* en oare plak- en rijuchtingsoantsjuttingen him sit yn 'e kategoriale status fan 'e R-pronomina. R-pronomina binne haadwurden. Hja wurde, lykas oare plak- en rijuchtingsoantsjuttingen, basisginnerarearre yn in posysje neit modale partikel, mar kinne dêr, as haadwurdlike ileminnen, oerhinne scramble wurde, at se presupposysjoneel sterke/môch binne.

Hoewol't soks faaks in ferklearring jaan koe foar de ferskillen tusken *hjir/dér* en oare plak- en rijuchtingsoantsjuttingen dy't yn 'e foarige paraagraaf op it aljemint brocht binne, bliuwe der noch in pear diuwende fragen iepen. Yn it

foarste plak moat men jin ôffreegje, oft haadwurdlike ileeminten wol de funksje fan plak- of rjuchtingsoantsjutting ha kinne. Boppedat is de fraach dêr't it ús yn dit stik om te rêden is, noch net beändere. Hoewol't it dúlik is dat de presuppositionaliteit fan *hjir/hier* en *daar/dêr* in beskate rolle spilet foar har posysje yn 'e sin, hâlde en drage se har net alhiel as oare haadwurdkloften; (29c) mei *hjir/dêr* nei it partikel is minder as (26c). Dat, der moat yn alle gefallen near te rêden wêze as allinnich scrambling. It ferskil tusken it Fryske haadwurdkloften hâldt en draacht lykas it Fryske, ûntrinne de talen inoar by it scrambljen fan *hjir/hier* en *dêr/daar*.

4 Ferhoaleen ferhâldingswurdkloften

Dat *hjir* en *dêr* har syntaktysk hâlde en drage as haadwurdkloften is op himsels gin nijss. Yn 'e saneande *fârnawurdlike bywurden* (ferbiningen fan in R-pronomens + in efteropset ferhâldingswurd) ferwize dy ieminten ek dúliker- noch nei haadwurdkloften. Yn (30) is *dêr* bygefyks korifferinsjeel mei *har fluitsje*:

(30) De plysje krige *har fluitsje* en bloes *dêr op*

Yn 'e foarige paragraaf ha wy lykwols sjoen dat *hjir* en *dêr* har ek as haadwurdkloften hâlde en drage, at se funksjonearje as plak- of rjuchtingsoantsjuttingen. It liket der mei oare wurden op as kinne de haadwurdkloften *hjir* en *dêr* likegoed nei dingen as nei lokale ferhâldingen ferwize. Dat is moai te sjen yn in sin as (31), *dêr't hjir* yn it iene gesal nei *dizze tâne* ferwize soe en yn it oare nei *yn dizze tâne*:

(31) In ferneamd filosoof hat $\left\{ \begin{array}{l} \text{yn dizze tâne} \\ \text{hjir yn} \\ \text{hjir} \end{array} \right\}$ wenne

Men soe no oannimme kinne dat der twa haadwurden *hjir* en *dêr* binne, ien dat ferwiist nei dingen en ien dat ferwiist nei lokale ferhâldingen. At men net oan homonymen wol, soe men ek úthâlde kinne dat it in ideosynkratyske eigenskip fan *hjir* en *dêr* is dat se nei dingen en lokale ferhâldingen ferwize kinne.

Yn beide gefallen sil men lykwols oannimme moatte dat der haadwurden binne dy't nei lokale ferhâldingen ferwize. No ha wy al sjoen dat plak- en rjuchtingsoantsjuttingen har sa foar 't each yn alderhanne foarmen oppenearje kinne, dat men soe ornearje kinne dat yn prinsipe alle syntaktyske kategorieyen

de funksje fan plak- of rjuchtingsoantsjutting krije kinne. In botte oanlokklik idee is dat lykwols net. Men soe op 'en moaisten ha wolle dat syntaktske kategoryen strang korrespondearje mei konseptuele begripen: haadwurden korrespondearje mei dingen, eigenskipswurden mei eigenskippen, tijdwurden mei hamelingen/foarfallen, en ferhaldingswurden mei ferhaldingen. Men soe dus ha wolle dat lokale ferhaldingen altyd útdrukt wurde troch in preposysjonele konstituent. Om't soks yn fierwei de measte gefallen ek bart, liket it in goede strategy om yn problematyske gefallen te sjen, oft in analyze as ferhaldingswurdkloft dochs net op ien of oare wize te ferdigenen is.

Wy ha fêststeld dat *hjir* en *dér* har syntaktsk altyd hâ尔de en drage as haadwurdkloften. Lit ús dus oannimme dat se as sadanich altyd ferwize nei dingen (yn (31) soe *hjir* dus yn beide gefallen op *dizze tûne* slaan). Dan sitte wy mei in paradoxs yn it gefal dat *hjir* en *dér* sa't it liket nei in lokale ferhalding ferwize. Dat is hiel dúdlidk yn in foarbyld lykas (32), dêr't *dér* funksjonearret as in plakoantsjutting yn 'e twadde sin, mar ferwiist nei in haadwurdkloft yn 'e earste:

- (32) Yn in museum yn Grikelaân wurdت *îld tûne* bewarre. *Dér* wenne alearen in ferneamđ filosoof.

Der is lykwols in ienfâldige en klassike oplossing foar dy paradoks.

Bresnan & Grimshaw (1978) ha op grün fan ferlykbere problemen mei frije relativen yn it Ingelsk útfsteld om saneamde keale bywurdlike haadwurdkloften te analysearjen as ferhaldingswurdkloften mei in leech (fonetysk net realisearre) ferhaldingswurd. ⁵ Foar it plak- of rjuchtingoantsjuttende *hjir* en *dér* yn it Fryske soe soks betsjutte dat it feitliks ferhoalen foarnamwurdlike bywurden binne; se soene in leech efteropset ferhaldingswurd by har ha. Dat wurdt yllustrearre yn


⁵ Bresnan & Grimshaw besjuge net allinnich keale bywurdlike haadwurdkloften dy't in plak oantsjutte, mar ek sokken dy't in tiid oantsjutte (bgl. *when(ever)*). Yn it Ingelsk fyt men oars justjes meer as yn it Fryske net-pronominale bywurdlike haadwurdkloften dy't in plak oantsjutte. Ferlykjic.

- (i) a. You go *this way*, I go *that way*
b. She wants to move (to) *someplace new*

In Fryske foarbyld is:

- (ii) Frits socht syn heil (yn) *oarrewei*
Sjuch oer keale bywurdlike haadwurdkloften dy't in tiid oantsjutte yn it Fryske, Hoekstra (1989).

(33):



Neffens Bresnan & Grimshaw mei in lokaasjef([Loc]) ferhaldingswurd allinnich leech wêze, at de haadwurdkloft yn syn komplemint ek murken is mei it skaaimerk [Loc]. Yn (31) is it net-realisearien fan it ferhaldingswurd opsjoneel, alneigeradeen oft de klam lein wurd op 'e tûne as 'das Ding an sich' of op 'e moat, ntl. at *hjir* of *dér* ferwiist nei in typsk lokaasjewurd (lykas *stêd* of in plaknamme). Ferlykje dêrt (34):

(34) Hja wemmet

$$\left\{ \begin{array}{l} \text{*}yn \text{ } Ljouwert / \text{ } yn \text{ } dy \text{ } stêd \\ *dêrym \\ dér \end{array} \right\}$$

Yn it ramt fan 'e ginnerative grammaatika hat Bresnan & Grimshaw har analyze in bykommand teory-yntern foardiel. Yn 'e Government & Binding-theory moatte haadwurdkloften abstrakte Fal krije fan in iemint dat se regeearret (fer. Chomsky (1981)). Keale bywurdlike haadwurdkloften steane typsk yn posysjes dy't net regeearre wurde. Yn Bresnan & Grimshaw har útsłet kinne keale bywurdlike haadwurdkloften lykwols kreas Fal tawissd krije fan it lege ferhaldingswurd.

Yn in artikel út 1985 komt Richard Larson yn 't ferheft tsjin Bresnan & Grimshaw har analyze fan keale bywurdlike haadwurdkloften. Hy wol der op út dat sokke wurdkloften wier haadwurdkloften binne mei bywurdlike funksje. Der kaan fûle krityk op Larson syn artikel fan twa ginnerativisten fan 'e earste oere, nammentlik Emonds (1987) en McCawley (1988). Hja litte sjen dat Larson syn argumenten tsjin 'e ferhoalen struktuer'-analyze fan Bresnan & Grimshaw gijn teoretyske en empiryske argumenten by foar Bresnan & Grimshaw har analyze. Dat, in analyze fan keale bywurdlike haadwurdkloften as ferhoalen ferhaldingswurdkloften is, yn alle gefallen foar it Ingelsk, op dit stuit aardich ûnderboud. Ik sil net yngjean op 'e details fan 'e boppeneamde diskusje. Ik wol hjir inkeld sjen little dat Bresnan & Grimshaw har analyze ek op 'e Fryske (en Hollânske)

keale bywurdlike haadwurdkloften tepasbrocht wurde kin en dat de wurdfolch-orderfeiten dy't hjer op it aljemint brocht binne, dy analyze stypie.

5 It spjalten fan foarnamwurdlike bywurden

At *hjir* en *dér* yn it Frysk yndie analysearre wurde meie as ferhoalen foarnamwurdlike bywurden, dan hat sin (1a), nei't ferskowing syn beslach krite hat, de diestruktuuer yn (35):

$$(35) \text{ Kom } \underset{\uparrow}{\textit{hjir}} \text{ ris } [\textit{pp} \ t \ \textit{P}_\phi]$$

It wurdse *hjir* is net sels in rjuchtingoantsjutting, sa't wy oant no ta ûnfoarsjenoens oannommen hienen, mar in haadwurd dat befette is *yn* in rjuchtingoantsjuttende ferhâldingswurdkloft (PP) mei in leech ferhâldingswurd (P_φ). Dy rjuchtingoantsjuttende ferhâldingswurdkloft, dy't funksjonearret as predikative oanfolling by *komme*, stiet kreas nei it modale partikel, sa't men fan sa'n ille-mint ferwachsjie mei (ferl. § 2). As haadwurd kin *hjir* scrambling ûndergean en dat moat it yn dit gefal sels. Ien en oanhâldt yn dat *hjir* ekstrahearre wordt út e ferhâldingswurdkloft nei it partikel, dêr in spoar (*t(race)*) benefiteliten ferskood wordt nei in posysje foar it partikel. Dêrby bliuwt it lege ferhâldingswurd efter. Wy ha hjir dus te krijen mei in gefal fan *Preposition Strandung* (sijch foar de eigenskippen fan Preposition Strandung yn it Frysk, Hoekstra (1991)).⁶

At men der fan út giet dat ileminten lykas *hjir* en *dér* 'ferhoalen struktuer' ha, d.w.s. diel útmeitsje fan in ferhoalen foarnamwurdlik bywurd, dan kin men it begin fan in ferkearring jaan foar it ferskil tusken it Hollânsk yn (1). It kontrast dat wy dêr en yn gâns oare foarbylden obstrewearre ha, oppe-

⁶ Behalven út foarnamwurdlike bywurden wei is Preposition Strandung yn it Frysk ek mooglik út 'gewoane' ferhâldingswurdkloften mei in lokatyefteropset ferhâldingswurd. Yn sokke ferhâldingswurdkloften kin it komplement yn it Frysk ek in foarnamwurd wêze:

- (i) a. Gean *mar dat lâns / dat mar lâns
b. Gean mar dít/dat lâns / dit/dat mar lâns

Sa't oan 'e foarbylden yn (i) bliken doch, hälde en drage sokke foarnamwurden har by scrambling mear as de pronomina yn (26) as as de R-pronomina. Hja ûndergeane ferplichte scrambling, at se anafoarysk brûkt wurde (ferl. (ia)) en by deikysk gebruik is scrambling gewoan, mar net perfoarst nedich (ferl. (ib))).

nearret him nammentlik allyksa by 'iepentlike' foarnamwurdlike bywurden. Ferlykje dêrta de simen yn (36) en (37):

- (36) a. Kom **ris h̄jir yn / h̄jir ris yn!*
b. Kom *eens hier in / hier eens in!*
(37) a. Lis dyn hân **mar d̄er op / d̄er mar op!*
b. Leg je hand *maar daar op / daar maar op!*

Yn sokke gefallen hat it Frysk ek in tsjinnichheid yn *h̄jir* en *d̄er* nei it modale partikel, wylst it Hollânsk dêr gjin of minder lêst fan hat. It Frysk hat, mei oare wurden, in hiele sterke oanstryd om foarnamwurdlike bywurden te spjalten;⁷ yn it Hollânsk meie se ek yntakt bliuwe.

It kontrast tusken sin (13) en (14) korrespondeert no ek kreas mei it kontrast tusken (38) en (39):

- (38) a. Hja hinget **ien h̄jir njonken / h̄jir ien njonken*
b. Ze hangt er *eenje hier naast / hier eenje naast*
(39) a. Hja hinget *it d̄er njonken / *d̄er it njonken*
b. Ze hangt *het daar naast / *daar het naast*

It sil klearrichheid ha dat de parallel tusken simen mei iepentlike foarnamwurdlike bywurden en simen mei in keal *h̄jir* of *d̄er* yn it Frysk en Hollânsk analyze is datnammentlik krekt wat men ferwachtet: foarbylden lykas (36) oant hoalene bart. Yn in analyze dy 't der fan út giet dat *h̄jir* en *d̄er* gin ferhoalen struktuer ha, bliuwt dy parallel in riedling.

It wurd no ek diidlik wêrom oft synoniem lykas *harren* en de emfatyske foarmen op -*e* (*h̄jirre, d̄ere*) har hâlde en drage as gewoane plak- en ruchting-

⁷ Yn gefallen dêr't it foarnamwurdlik bywurd sa foar 't each net spjalt is, lykas yn (i), moat men dan nei alle gedachten 'string-vacuous' ferskowing oannimme yn it Frysk:

(i) Kom *h̄jir t yn!*



Soks leit ek yn 'e reden foar it gefal dat in foarnamwurdlik bywurd adjungearre is oan in haadwurdkloft (ferl. (ii)) of allinnich stiet yn in 'ynkoarte' fraach (ferl. (iii)):

(ii) de wente *d̄er* (lyk) *under* / **lyk d̄er under*
(iii) *Wēr* (oars) *mei?* / **Wērmei* oars?

oantsjuttingen. Soke wurden kinne, sa't de foarbylden yn (40) sjen litte, gjin diel úrmeitsje fan in foarnamwurdlik bywurd:

- (40) a. *Kom *harren* ris *yn!*
b. *Kom *hijire/dêre* mar *yn!*

Harren en *hijire/dêre* kinne gjin ferhâldingswurd by har ha, likefolle oft dat leech of sichtber is. It binne net, lykas *hijir* en *dêr*, haadwurdklofien dy't befette binne yn in plak- of rjuchtingoantsjuttende ferhâldingswurdkloft. Nei alle gedachten binne it sëls plak- of rjuchtingsoantsjuttingen.^{8,9}

6 Einsluitende opmerkingen

Wat ik dien ha yn dit stik is net folle near as it redusearjen fan it iene probleem ta it oare. Ik haw sjen litten dat mei Bresnan & Grimshaw har analyze fan keale bywurdlike haadwurden it folchoarderkontrast yn (1) tusken it Frysk en it Hollânsk folget útin selle folchoarderkontrast by (iepentlike) foarnamwurdlike bywurden. It kontrast sels is dêrmei noch net ferklearre. Der is, mei oare wurd- en, noch gjin andert jün op 'e fraach, wêrom't yn 'e iene taal foarnamwurdlike

⁸ At alle plak- en rjuchtingoantsjuttingen ferhâldingswurdkloften binne, dan soe men *harren* en *hijire/dêre* analysearje kinne as foarnamwurdlike bywurden mei in affgaal efteropset ferhâldingswurd -en of -e, en mei *har-* yn *harren* as in allomorf fan *hijir* foar -en. In probleem is dan wol dat wy de *e*-útgong fan *hijire* en *dêre* skiede moatte fan 'e -e by oare emfatyske wurdjes (*dine*, *date*, *ikke*, *wisse*).

⁹ Willem Visser wiisde my der op dat der ien gefal is dêr *t hijire* en *dêre* sa't it liket al foar in modaal partikel komme kinne en sels moatte, namentlik by 'ynkoarte' anderten lykas yn (i):

- (i) (A) Wêr sil 'k it del sette?
(B) Dêre mar / ^{?"}Mar dêre

Sa't (ii) sjen lit, hälde en drage 'folle' ferhâldingswurdkloften har lykwols presizingelyk yn ditsoarte fan sintjes:

- (ii) (A) Wêr sil 'k it delsette?
(B) Op it bêd mar / ^{?"}Mar op it bêd

Dat wy ha yn (i) foar 't neist net te krijen mei scrambling, mar mei topikalisaasje; it andersintsje is dêr in 'ynkoarting' fan *Dêre* (*moatst it*) *mar* (*del sette*).

bywurden earder spjalt wurde as yn 'e oare.¹⁰ Dat andert sii sündér mis socht wurde moatte yn 'e aparte status fan R-pronomina/ foarnamwurdlike bywurden. Ik ha dêr lykwols op dit stuit neat bestekliks oer te sizzen.

Yn ferbân mei de fraach nei de fariaasje by it spjalten fan foarnamwurdlike bywurden sil ek sjoen wurde moatte nei de oare Westgermaanske talen. It is bygelyks nijsgrjrich dat de direkte buorlu fan it Fryske, it Westfrysk en it Grinslânsk, hoevol't se lykas it Fryske in foarkar ha foar spjalting by Wh-ferskowing (*Wer tinkt er oan?*) en relativisaasje (*It famke, dêr i'er oan tinkel*), sa't tit liket by scrambling lykop geane mei it Hollânsk. De Westfryske en Grinslânske wjergaders fan *hijr* en *dêr* kinne oan wjerskanten fan in modaal partikel stean:¹¹

- (41) a. Bloif *maar hier / hier maar* (in)!
b. Leg ut *den deer / deer den* (op)!

[Westfrysk]

- (42) a. Kom *mor hier / hier mor* (op)!
b. Zuik *ais doar / doar ais* (in)!

[Grinslânsk]

At de analyze dy't hijroppe jûn is, ynoarder is, dan soe men yn 'e oare Westgermaanske talen yn principe, d.w.s. ofsjoen fan alderhanne taalspesifike faktoren dy't der trochhinne rinne kinne, deselke parallelle verwachtsje kinne tussen 'hijr' / 'dêr' en foarnamwurdlike bywurden as yn it Fryske en it Hollânsk. Dy farsizing soe neier hifke wurde moatte.

De diskusje oer keale bywurdlike haadwurdkloten hat oant no ta beheind westta it Ingelsk, dat gjin 'produktive' foarnamwurdlike bywurden hat. Ik hoop je dat dit stik sjen littien hat dat Westgermaanske talen dy't soks àl ha, in orizionale bydrage leverje kinne ta dy diskusje.

¹⁰ In oare, sündér mis besibbe fraach is, wêrom oft yn ien bestate taal guon bywurdlike foarnamwurden earder spjalt wurde as oaren. Sjuch dêr oer, bygelyks Van der Horst (1992).

¹¹ Mei tank oan Jan Pannekeet en Siemon Reker foar respektyflik de Westfryske en de Grinslânske data.

Literatuur

- Bennis, Hans (1986) *Gaps and Dummies*, Dordrecht.
- Bresnan, Joan & Jane Grimshaw (1978) 'The Syntax of Free Relatives in English'. Yn: *Linguistic Inquiry*, 9, pp. 331-391.
- Breuker, Pieter e.o. (1984) *Foar de taalspegel. Koart oersjoch fan Hollânske ynslûpsels yn it Fryske*, Ljouwert.
- Buma, W.J. (1954) 'De wurden "sangen" en "harren"'. Yn: *De Pompeblêdden*, XXIV, pp. 75-76.
- Chomsky, Noam (1981) *Lectures on Government and Binding*, Dordrecht.
- Diesing, Molly & Eloise Jelinek (1993) 'The Syntax and Semantics of Object Shift'. Yn: *Working Papers in Scandinavian Syntax*, 51, pp. 1-54.
- Douma, S.W. (1946) *Frysk taeleigen-boekje I. It túch derút!*, Drachten.
- Emonds, Joseph E. (1987) 'The Invisible Category Principle'. Yn: *Linguistic Inquiry*, 18, pp. 613-632.
- Hoekstra, Jarich (1989) 'Bywurden fan tiid op -s'. Yn: *Tydskrif foar Frysk Taalkunde*, 5, pp. 1-32.
- Hoekstra, Jarich (1991) 'Preposition Stranding and Resumption in West Germanic', lezing houden op *The 7th Workshop on Comparative Germanic Syntax*, Universiteit fan Stuttgart, 22-24 novimber 1991 (Hs. Frysk Akademy, Ljouwert).
- Hoekstra, Teun (1984) *Transitivity. Grammatical relations in GB-Theory*, Dordrecht.
- Horst, J.M. van der (1992) 'Splitten of niet-splitten van voornaamwoordelijke bijwoorden'. Yn: *Forum der Letteren*, 33, pp. 127-147.
- Larson, Richard K. (1985) 'Bare-NP Adverbs'. Yn: *Linguistic Inquiry*, 16, pp. 595-621.
- Luif, Jan (1993) 'Over richtingsbepalingen'. Yn: E.C. Schermer-Vermeer, W.G. Klooster & A.F. Florijn, bes., *De kunst van de grammatica*, Faculteit der Letteren Universiteit van Amsterdam, pp. 157-167.
- McCawley, James D. (1988) 'Adverbial NP's: Bare or Clad in See-Through Garb?'. Yn: *Language*, 64, pp. 583-590.

- Riemsdijk, Henk van (1978)
A Case Study in Syntactic Markedness. Dordrecht.
Stienstra, J. (1982)
Taalboek foar beginners. Ljouwert.
Tsjepkema, H. (1978)
Efkes taelbuorkje. Ljouwert.

Friezen om utens. Migraasje, identiteit en taalbehâld by de Fryske Kriten en studinteferiënings

L.G. Jansma en G.H. Jelsma (*Fryske Akademy, Ljouwert*)

1. Ynlidding

Fryslnsit lykas oare regio's dy't in perifeare lizzing kriegen hawwe, al hiel lang tangele nei it probleem dat in grut part fan 'e befolking om utens moat om syn brea te fertsjinjen of om fierder studearje te kunnen. Friezen binne sa oer de jierren nei oare provinsjes fan Nederlân tein, mar ek nei it bûtenlân (Feriene Steaten fan Amearika, Austraalje en Kanada).¹ Benammen yn it lêste part fan de 19de ieu oant it begin fan de santiger jierren fan de tweintichste ieu wie der in grut negatyf migraasje-oerskot.² Net allinne arbeiders of heger oplate lju moasten har wark earne bûten Frysln fine, studinten moasten ek om utens om te studearjen oan in universiteit of in skoalle foar heger beropssûnderwijs. Nei't sokken har oplyding ôfsletten hiene, gyngen se measteitiids net nei Frysln werom, om't dêr gjin passend wark wie.

Sûnt de fyftiger jierren fan de tweintichste ieu is de sitewaasje wol feroare. Fan de kant fan it Ryksregear waard in yndustrialisaasjeprogramma opsetten. Yn Frysln waarden yndustrialisaasjekearnen oanwiisd; dêr soe wark skepen wurde, benammen foar dejingen dy't yn de agraryske sektor gjin wark krije koene.³ Dat yndustrialisaasjeprogramma en de (lettere) groei fan de tsjinstesektor hawwe foar gâns nije banen soarge. Dêr komt noch by dat Ljouwert in sintrum waard foar heger beropssûnderwijs, dat in stimulâns betsjuute foar de werkgelegenheid, mar ek in soad Fryske studinten de mooglikheid bea om yn de eigen provinsje in stûdzje te folgjen. Fierders wie it sa dat aardich wat lju út de Rânestêd (benammen yn de santiger jierren) nei Frysln kamen fanwege it wenklimaat. Al dy fûntjouwings hawwe deryn resultearre dat yn de santiger en begin tachtiger jierren meer minsken Frysln ynkamen as der út weigiene. Dy sitewaasje hat lykwols net lang sa west. Yn de tachtiger jierren nimt de werkliazens werta, en nettsjinstande in lytse, nasjonale ekonomieske oplibbing dy't yn 'e midden fan de tachtiger jierren ynsette, liket it mei de foartsichten fan

¹ Wildeboer, J.D. *Friesland verliest zijn kinderen*, Assen, 1954, pp. 13 e.f. Foar meer resinte sifers ferwize wy nei de rapporten fan it Centraal Bureau voor de Statistiek.

² Roosma, S.J.J., Economische ontwikkelingen in Friesland. Yn: *De Friese Arbeidsmarkt 1993*, Leeuwarden, 1993, p. 34.

³ Zoon, J.H., *Friesland tussen hoop en vrees*, Drachten, 1969, haadstik I en V.

de Fryske ekonomy net sa geunstich.⁴ Alhoewol't de migrasje- balâns hast yn it lykwicht is, is it al sa dat der wer near as foarhimre wark fûn wurde moat bûten Fryslân.

1.1 Fryske Kriteren en studinteferiënings

Ofsnien fan de bannen mei it heitelân hawwe guon Friezen om utens yn harren mij wenplak omsjoen nei kontakten mei oare lânsju. Guontiden late soks ta it oprijochtsjen fan in feriening, in saneamde Fryske Krite. Al yn de lêste jierren fan de njoggentjinde ieu binne der Kriteren oprijchte yn in stik of wat steden yn it westen fan Nederlân. It grutste part fan de Friezen om utens hat him lykwols nea by in Krite oansletten. Guon fielden net it ferlet om derby, oaren wiene net op 'e hichte dat der sa'n feriening wie. Der sil in gut ferskaat oan reden wêze om lid te wurden fan sa'n klup, mar de wichtichsten binne dochs wol de gesel- lichheid en de divedatasje.⁵

Yn de sechtiger jierren fan dizze ieu wiene der noch sa'n 50 Kriteren, mar yn letter jierren sjogge wy in stadich tebekgean. Der binne no noch sa'n 30. Guon besteane al om en de by de 100 jier. It tal leden fan de Kriteren kin neffens de opjectie fan de Kriteren sels rûsd wurde op sa'n 6000. Nije leden komme meastentids net út de twadde generaasje fan de migranten wei. Groei (ofsels stabiliteit) fan de Kriteren is fral ôfhinklik fan nije migranten út Fryslân wei.⁶ De funksje fan de Kriteren is net fûnemintel feroare oer de jierren, mar ús yndruk is wol dat se minder wichtich binne foar de leden as earder. In soad bestjoeren fan Kriteren kleie oer de lytse belangstelling fan de leden foar gewoane gearkomsten en wize derop dat minsken leaver foar de tillevyzie sitte as nei in Kritegearkomste geane.

Fryske studinten om utens hawwe har ek organisearre; der binne studinteferiënings oprijchte yn de measte Nederlânske universiteitsstêden. Dy klups hawwe ek ta doel om as Friezen ris byinoar te wêzen en om sa mei-inoar wat fan 'Fryskeens' te belibjen. Yn dit artikel sille wy gjin ûnderskie meitsje tusken

⁴ Vries, A. de, 'Public employment-finding in Friesland in the 20th century'. Yn: C.H.A. Verhaar, ed., *Frisian Long-term Unemployment*, Ljouwert, 1990, p. 151.

⁵ Dy reden jilden yn it ferline, nei't wy opneitsje kinne út de boarnen (Kritebleidsjes, earder ûndersyk). It binne ek no noch de wichtichste reden. Us respondenten seine, op ús fraach dêrmi, dat se lid wurden wiene fanwege de gesellikhed en foar sosjaal kontakt.

⁶ It is net maklik om it eksakte tal leden fan de Fryske kriteren fêst te stellen. Yn guon gefallen beskôgje man en vrou har beide as lid, wylst ien it lidmaatskipsjild betellet.

de studintferienings en de Kritten; allinne as soeks foar ús riddenaasje nedich is,
wurdt oan dat ûnderskie ominken jún.

1.2 Fryske ferienings om utens as ûnderyksobjekt

Yn 1991 hat de Fryske Akademy besletten om in ûndersyk te dwaan nei de ledenden fan Fryske ferienings om utens (Kritten en studintferienings yn de oare provinsjes fan Nederlân). Deredenom sa'n ûndersyk te dwaan wie yn it foarste plak om te sjen yn hoefer't de Fryske taal yn in folslein net-Fryske omjouwing bewarre bliwt. It gie dérby dus sawol om taaloerdracht as om taalfeardichheid. Fierder wie it doel, fanwege de spesifieke doelgroep, om ynformaasje te garjen oer migrasjemonitiven, oanpassingsproblemen, mieningen oer de Krite of studentferiening, ferbinningen mei Fryslân en oer in stikmannich eftergrûngegevens lykas slachte, âldens, berteplak, berop, opleding en godstsjinst. Ta in hichte slút dizze stúdzje dus oan by de eardere inventarisearjende stúdzjes oer taalfeardichheid ent taalgebrûk dy't troch de Akademy útfierd waarden; respektivelik oer de hiele provinsje Fryslân⁷ en oer it Grinslânske Westerkertier.⁸ Detaillearre, kwantitative ynformaasje oer de (oare) Fryskepraters bûtend Fryslân wie der net. Nei Friezen bûtend Fryslân, organisearre yn Fryske ferienings, is oant no ta noch net faak sosjaal-wittenskiplik ûndersyk dien. Der hat in ûnder syk west, opset fan de Fryske Akademy yn 1943, dêr't de risseltaten fan publicearre binne yn 1949. De wichtichste tema's fan dat ûndersyk wiene: de motiven foar migraasje, it fêsthâlden oan de Fryske taal en de bining fan de migrant mei it heitelân.⁹ Yn 1960 waard der in lytse enkête hâlden ûnder de Fryske migranten yn Rotterdam. Alhoewol't dat ûndersyk net mei sin rjochte wie op ledien fan Fryske ferienings, waarden der dochs in pear fragen steld oer it lidmaatskip fan de Kritten. Neffens dy stúdzje wie 14% fan de Friese yn Rotterdam lid fan in Krite.¹⁰ De measte respondinten seine dat se der wol súnder koene.

⁷ Gorter, D., et.al., *Taal yn Fryslân*, Ljouwert, 1984.

⁸ Jansma, L.G. and G.H. Jelsma, 'Language and Language Border'. Yn: *International Journal for the Sociology of Languages*, nr. 64 (1987), pp. 21-35; D. Gorter, L.G. Jansma en G.H. Jelsma, *Taal yn it Grinsgebiet*, Ljouwert, 1990.

⁹ Bouma, L.H., 'De Fries om utens, útkomsten fan in enquête'. Yn: *It Beaken*, 11 (1949), pp. 1-61.

¹⁰ Wellenga, E., *Frieseen to Rotterdam*, net útjûn, 1961, p. 7.

De fragen wiene:

- Binne Jo lid fan in Fryske Krite?

- Hwêrom?

Us respondintebestân befette mar in lysts part fan alle Friezen om utens. It feit dat ús ûndersyksmateriaal fan tapassing is op mar in diel fan de Fryske migranten, hâldt yn dat ús data yn guon dingen ôfwiike sille fan wat jildt foar alle Friezen dy't har bûten Fryslân nei wenjen set hawwe. Ut kramtestikken, Krite-blêdsjes, mar ek út ús eigen materiaal, is bygelyks ôf te lieden dat de leden fan Kriten en studinteferiënings harsels sterker mei Fryslân, syn taal en kultuer identifisearje as de oare Fryske migranten.¹¹

Sintraal stiet yn dit artikel it al earder sinjalearre probleem fan de oerdracht fan it Fryske fan minskien dy't har yn folslein net-Fryske omkriten nei wenjen set hawwe. It giet hîj om minskien dy't in sterke bining mei Fryslân hawwe. Wy wolle dêrom earst in koarte skets jaan fan in pear eftergrûnskaaimerken fan de migranten; oan 'e oarder komme dan benammen har 'talige' eftergrûn, dat wol sizze har Fryske taalfardigens, taalhâlding en har bining mei Fryslân. As twadde sille wy dan de taaloerdracht besprekke, dus yn hoefier't it Fryske oerdroegen wurdt op de twadde en tredde generaasje.¹²

1.3 It ûndersyksmateriaal

no overall sense could be made of the twenty-one runes of the Britsum legend (cf. Boëles (1906a: 140)), Bugge (1908) regarded the language of the inscriptiōn as both meaningful *and* Frisian. Bugge attributed the fact that Britsum exhibited no Anglo-Frisian runes to the early date (6th century) of the inscriptiōn, which he believed antedated the Harlingen and Arum finds (1908: 181). Bugge did not deny the degree of similarity between Britsum on the one hand and Kragehul and Lindholm on the other, but he explained this as an indication that the (H)erulian runic technique of which the Lindholm and Kragehul legends were exponents had been acquired by a Frisian carver of runes (1908: 183-4). The Old Frisian character of the Britsum language as presented by Bugge can be exemplified by the identification of *m̄l* as the Old Frisian object form *m̄l'me'*, *r̄r̄* as Old Frisian *ā* 'always', cf. Old English *ā* (< *aiw-), *r̄r̄* as Old Frisian *et*, cf. Old English *aet* 'at', and the absence of a nominative singular masculine marker, cf. Germanic *-az (1908: 176-9). Bugge's method of interpretation can be said to be circular in that his Old Frisian reading of the inscription is based on his a priori assumption that the language of the inscription is Frisian. Bugge only proves what he had initially presupposed (1908: 177). To me it is implausible to operate with fronting of *a* to *e* and monophthongization of *ai* to *ā* without the new runic character *r̄* being attested in the inscription. In my view both *a > e* and *ai > ā* suggest that West Germanic *ā* had been fronted to *ē* (or *æ*) and that a runic distinction between *r̄* and *r̄̄* was therefore required. Another weakness is in my opinion Bugge's interpretation of *r̄̄* as *i*. It would be difficult indeed to motivate the systemic status of *i* (twice) in *birid* 'carries' and in *bīn* 'this' (accusative singular masculine) as an intermediate phoneme in relation to *i* and *re*. Although far from following Bugge in all details, Von Grienberger (1909) did not question the essentially Frisian provenance of the Britsum legend. Also Von Friesen (1918-19: 21) seems certain that the Britsum staff is indigenous even if he thinks that neither Bugge, Von Grienberger nor any one else had managed to decipher the inscription. It should finally be mentioned that Arntz & Zeiss (1939: 166-7) find it essentially plausible to read and interpret the Britsum legend more or less along the lines proposed by Bugge. They did not see any discrepancy between positing the language of the inscription as Frisian and ascribing the similarity in runic form between respectively Britsum and Lindholm/Kragehul to (H)erulian influence. Arntz & Zeiss thought that a group of rune carvers in Friesland had acquired their art from (H)erulians living on the Rhine estuary.

2.4.

The Wijnaldum bone amulet was discovered in a *terp* in Friesland in 1914 and was first described in print by Boeles (1913-14: 7), who was struck by its

resemblance to the Lindholm 'snake' from Skåne. Boeles (1927: 127); (1951: 341-4)) eventually thought the Wijnaldum amulet to be a Norse import. Van Giffen (1928: 59, 65) was inclined to regard Wijnaldum as a non-imported runic object along with Arum and Britsum. According to Arntz & Zeiss (1939: 107), the runes inscribed on the Wijnaldum amulet tallied with neither the type of runes attested in Scandinavia nor with that found in the Anglo-Frisian area. Nevertheless Arntz & Zeiss (1939: 413-18) saw links to Scandinavia in the Wijnaldum amulet, even if their dating of the find (5th or 6th century) was earlier than the date assumed by Boeles. Wijnaldum showed particularly great resemblance to the shape of the Lindholm bone amulet (cf. Boeles), and both objects exhibited multiple-line runes (cf. Britsum). Arntz & Zeiss asked if the Wijnaldum inscription could not have been an exponent of the same (H)erulian influence as proposed for Britsum? They drew attention to the fact that the Køng bronze figure, which also derived from the '(H)erulian area' of southern Scandinavia (Fyn), exhibited the rune \diamond just like Wijnaldum. As for the meaning of the Wijnaldum legend, 'Eine sinnvolle Ausdeutung erscheint unmöglich', according to Arntz & Zeiss (1939: 417).

2.5.

The **Hantum bone piece** (NN⁽¹⁾), which had been excavated in 1914 and presented to the Fries Museum the following year, was read as *æhae* by Boeles ((1917-18: 50), cf. also (1927: 192-5)), \dag being given the Anglo-Frisian value *a*. Arntz & Zeiss (1939: 253-6) operate also with the possibility that it can represent *a (ahai:k)*, stemming from Germanic *a*, *ai* or *au*. The double-barred *h* shows that the inscription cannot be a 'North Germanic' one. Archaeologically, the Hantum find is such an insignificant object that it is unlikely to have been imported, and Arntz & Zeiss therefore see no reason to separate it from where it was found; in other words they consider it Frisian. Also Van Giffen had listed Hantum among the inscriptions he believed to be Frisian (1928: 64-5). There is a final suggestion in Arntz & Zeiss (1939: 256) that the object may have been a (H)erulian talisman, especially if \dag *a* stems from Germanic *au* and N represents *j*, which would identify NN⁽¹⁾ with the word *auja* 'good luck' attested on the Sjælland 2 and Skodborg bractees.

2.6.

The longest (41 runes) and perhaps most controversial of the 'Frisian' runic inscriptions is the **yew wand** which was found at Westeremden in the province of Groningen in 1917, and which is usually referred to as **Westeremden B** to distinguish it from the runic (yew) weaving slay found at Westeremden in 1928,

called Westeremden A. To Wolfgang Krause there was no doubt that Westeremden B was a forgery (cf. Arntz & Zeiss (1939: 389), Krause (1969: 94–7)), and its authenticity was questioned also by Krogmann (1953: 5). However, most other scholars have tended to accept it as genuine. Van Giffen (1928: 53) realized that Westeremden B, in addition to the usual Anglo-Frisian runes attested in e.g. the Arum legend, exhibited runes that did not belong there or occurred only in the late Anglo-Saxon manuscripts (**g*, *ñ*, *st*). Nevertheless Van Giffen listed Westeremden B among the ‘enigmatic’ runic inscriptions discovered in the Frisian *terpen* and comprising also Arum, Britsum, Wijnaldum and Hantum (1928: 64–5). Von Friesen saw no reason to raise doubt about the authenticity of Westeremden B, most of whose runes tallied ‘mit dem, was wir von anderen altfriesischen Runenschriften kennen’ (1928: 70). Runes like * and *n* did not have their Anglo-Saxon values because of the late occurrence of these runes in England. Therefore Von Friesen thought that e.g. *h* should rather be interpreted as a reflected image of *m e* (1928: 67–8). In view of all this it is the more surprising that Von Friesen saw no possibility of making any sense of the inscription (1928: 69). A more optimistic view was taken by Kapteyn (1932, 1933) with regard to reading the legend. Kapteyn agreed with Van Giffen and Von Friesen concerning the mixed character of the basically Anglo-Frisian runic letters (1933: 168, 172), but unlike Von Friesen he thought that e.g. *n* represented *st* just as in the late Anglo-Saxon runic alphabet. Kapteyn explicitly called the inscription a genuinely Frisian one (1933: 167–8), showing Frisian phonological development. Words that Kapteyn read as *hānu* and *āh* correspond to Old Frisian *hām/hēm* and *āh* (Old English *hām* and *āg*). It is noteworthy that the *ā* is not represented by *r* in these two cases (the rune occurs twice elsewhere in the legend), but by *k*, which, according to Kapteyn, shows resemblance to the *a* of the later Danish futhorak.⁴ A normal ‘Anglo-Frisian’ reading of *k* would be *k*, and one cannot help feeling a degree of circularity in Kapteyn’s Frisian reading and interpretation of the inscription. In this connection it is interesting that Kapteyn’s word for ‘Brandung’ (see fn. 4) *ūsf (ost)* does not show Old Frisian vocalism but Old Saxon.⁵ The proper Old Frisian form would have been **ēst*, cf. Old

⁴ Kapteyn’s reading of the inscription (1933: 205): ‘Auf Opheim nahm Stellung Amlup. Vor Eiben, hat sich die Brandung geduckt. Vor Eibe duckte sich die Brandung’ is associated with the mythical Danish Hamlet figure. Danish influence is thus assumed in the runic script.

⁵ In a letter dated 10 May 1953 to Anders Bæksted and Erik Moltke, L.L. Hammerich is inclined to classify the Westeremden B language as Old Saxon rather than Old Frisian. *ūsf* is characterized as ‘det kendie oldsaksiske ord for “branding, søgang”’.

English *jst* (1933: 193-5). Despite all difficulties Arntz & Zeiss (1939: 413) were fundamentally in agreement with Kapteyn's interpretation of the Westeremden B inscription.

2.7.

The Westeremden (A) weaving slay had the inscription *adugislu m[e]þ gisuh[i]du*, which Kapteyn ((1932: 53); (1933: 164)) translated as 'For Ådegisł and Gisehild(e)'. The inscription included the runic letters f, ā and * (palatal) g, the runic system being described as Anglo-Frisian by Kapteyn (1933: 161). The initial vowel in *Ādugislu* is called specifically Frisian in that it represents a reflex of Germanic *au* (*Ād*-<**Auð-*), cf. Kapteyn (1933: 163). Arntz & Zeiss (1939: 387, 465) and later scholars⁶ have followed Kapteyn in the etymology he posited for *adu(gislu)*. We may conclude that a linguistic criterion (*au* > *ā*) has been decisive for the classification of Westeremden A as a specifically Frisian inscription.

2.8.

Although the Ferwerd (bone) comb case was excavated in 1916 in a *terp* in Friesland, its runic legend (掣 r-1) was not recognized until 1933. The legend does not contain any Anglo-Frisian runic letters, but f was nevertheless read as *æ* by Kapteyn (1934) (*tékuræ*), Arntz & Zeiss (1939) (*f[i]l ure*) and Boëles (1939) (*mura*, alternative to *mura*). According to Kapteyn (1934: 307), the legend denotes the owner to whom the comb had been presented, *tékuræ* (or rather *tekkuræ*) being additive form corresponding to Old Frisian *tāk(er)e*'(derm) 'Schwager'. The accented vowel in Old Frisian *tākere* goes back to Germanic *ai*, and Kapteyn posits *æ* (â) as an intermediate stage which Kapteyn sees graphically reflected in *tékuræ* (= *tekkuræ*). Since runic vowel characters could indicate both long and short vowels, Kapteyn may be criticised for reading f as *æ* and not envisaging that the corresponding long vowel *ā* (= *ē*) would have to be expressed by means of the same rune and not by n e (in the combined rune f). More interesting from our point of view, however, is that Kapteyn takes it for granted that the inscription can be interpreted in terms of (pre-)Old Frisian

I would like to thank Marie Stoklund for drawing my attention to L.L. Hammerich's correspondence with Anders Bæksted and Erik Moltke on the Westeremden inscriptions.

⁶ For further references, see Nielsen (1984: 13).

language development. A rather similar kind of criticism may be levelled at Arntz & Zeiss (1939: 209-10): they translate their reading *t/i ll uræ* as 'für Ur' or 'gut [fü]l Ur', adding that 'In beiden Bedeutungen ist *til* im Altfriesischen belegt'. According to Boeles, the comb case had been imported from the Rhine area, but Arntz & Zeiss (1939: 206) thought it very likely that the runic legend itself had been carved in Friesland.

2.9.

The **Amay bone comb** is reported to have been discovered in the province of Liège in Belgium as early as in 1892, but its runic inscription (ᛖᚦᚢᚱ) was published only in 1935. Breuer (1935: 189-90 and 1938: 141 note) did not believe that the comb was an object of local derivation but that it stemmed from Friesland where similar combs had been found. The shining surface of the comb pointed in the same direction: it could have lain for a long time in water-logged Frisian soil. Finally, the runes themselves suggested Frisian provenance. Arntz & Zeiss (1939: 438-42) agreed with Breuer's conclusions. The *f* rune had exact counterparts in the Harlingen and Westeremden B inscriptions⁷ - and in England, of course. The reading proposed for Amay (*eda*) would also be reminiscent of the first half of the Arum legend (1939: 440-41).

3. Conclusion

In their attempts to determine the provenance of the ten runic inscriptions dealt with above the scholars concerned used an amazing variety of criteria: arguments derived from numismatics, ethnology, archaeology and runology were used along with geographical, onomastic and linguistic criteria. If we begin by looking at the criterion that would seem most important for classifying the inscriptions as Frisian, only two inscriptions show linguistic developments that would seem to make them Frisian rather than English.⁸ I am thinking here of the Westeremden (A) weaving slay and the *skanomodu* solidus whose relatively straightforward inscriptions both exhibit a stemmung from Germanic *au*. It is

⁷ Arum and Westeremden A exhibited the variant form *f*, which Boeles at one point believed to be the quintessential Frisian form (see Arntz & Zeiss (1939: 440)). Note that a later find, the Oostum inscription, exhibits both *f* and *r*.

⁸ Since six of the inscriptions exhibited runes found also in the extended runic alphabet used in England (see below), specifically Frisian linguistic features become decisive for classifying any of these inscriptions as Frisian.

true that Bugge treated Britsum as if it were a Frisian language monument, that the sare can be said of Kapteyn's interpretation of Westeremden B and Ferwerd, and that Arntz & Zeiss followed suit in all three cases. But apart from other weaknesses it is, as we have seen, a circular approach to take as one's starting point that these three difficult inscriptions were written in Frisian. Runologically, only six of the inscriptions (Harlingen, Arum, *skanomodu*, Westeremden A and B, Amay) showed any of the additional runic characters found in the so-called Anglo-Saxon, Anglo-Frisian or Ingveonic 28-letter *fuhore*, and one of these inscriptions (Westeremden B) showed traces of the further Anglo-Saxon extension of the runic alphabet to 33 letters. Two of the remaining four inscriptions, Britsum and Wijnaldum, had runes carved with multiple lines resembling the runes of the Lindholm amulet and the Kragehul spearhaft; in addition, the Wijnaldum amulet was shaped very much like the Lindholm amulet. Since Lindholm and Kragehul were associated (at that time) with the (H)erulian tribe, Arntz & Zeiss thought that Britsum, Wijnaldum and also the Hantum bone piece (if interpreted as a (H)erulian talisman, cf. above) had been exposed to (H)erulian influence, perhaps from a (H)erulian settlement on the Rhine estuary. Nevertheless Arntz & Zeiss maintained that the three inscriptions should be classified as Frisian. Other criteria used to tie inscriptions to a Frisian runic corpus were type of material employed and insignificance of find. An illustration of the former criterion is the yew wood used for the Britsum stick, which in Boëles's view linked the item to e.g. Westeremden B (cf. also Arum and Westeremden A). Insignificance of find was an important argument for claiming that a runic object had not been imported: this holds true of, e.g., Arum, Britsum, Wijnaldum and Hantum. In this connection it is interesting that one runic item discovered in a *terp* in Friesland, the Ferwerd comb case, was demonstrably an imported article, and that another article, a comb found at Amay in Belgium, was believed on archaeological grounds to have originated in Friesland. Does one sense an inconsistency here?⁹ However that may be, the nine *terpen* finds listed by Arntz & Zeiss (1939: 471) are identical with the nine continental runic inscriptions assigned by Arntz & Zeiss (1939: 472) to the Frisian tribe. These nine inscriptions plus the *skanomodu* legend have come to comprise the core of the so-called 'Frisian' runic corpus. When such a label is used, it should always be borne in mind how shaky the foundations of this concept are runologically and especially linguistically. Arntz

⁹ In terms of size, the Ferwerd comb case is 14.5 cm long and the Amay comb, 14.7 cm. This should be compared with the length of the Arum sword (24 cm), the Britsum yew staff (12.5 cm), the Hantum bone piece (6.9 cm) and the Wijnaldum amulet (9.6 cm).

& Zeiss were aware of the dangers. Nevertheless their runic classification, which could to some extent be seen as a corollary to the organization of their book, came to exert great influence on the later notion of a 'Frisian' runic corpus.

Bibliography

- Arntz, H. & H. Zeiss (1939)
Die einheimischen Runendenkmäler des Festlandes. Leipzig.
- Boeles, P.C.J.A. (1898-1899)
'Het zwaardje van Arum'. In: *71e Verslag der Handelingen van het Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde te Leeuwarden*, pp. 40-50.
- Boeles, P.C.J.A. (1899)
'Eene Friesche oudheid met runeninscriptie'. In: *De Nederlandsche Spectator*, no. 26, p. 210.
- Boeles, P.C.J.A. (1903)
'Nogmaals het zwaardje van Arum en de Hada-munt'. In: *De Vrije Fries*, 20, pp. 190-203.
- Boeles, P.C.J.A. (1906a)
'Een nieuwe runen-inscriptie, gevonden in Friesland'. In: *De Nederlandsche Spectator*, no. 18, pp. 139-41.
- Boeles, P.C.J.A. (1906b)
'De Terp te Britsum en de runen-inscriptie'. In: *Bulletin van den Nederland-schen Oudheidkundigen Bond*, 7, pp. 52-6.
- Boeles, P.C.J.A. (1913-1914)
'Verslag van den Conservator van het Friesch Museum, over het jaar 1914'. In: *86e Verslag der Handelingen van het Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde te Leeuwarden*, pp. 7-11.
- Boeles, P.C.J.A. (1917-1918)
'Verslag van den Conservator der archaeologische verzamelingen over het jaar 1918'. In: *90e Verslag der Handelingen van het Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde te Leeuwarden*, pp. 48-51.
- Boeles, P.C.J.A. (1927)
Friesland tot de elfde eeuw. 's-Gravenhage.
- Boeles, P.C.J.A. (1939)
'Zu den friesischen Runendenkmälern'. In: *Rumenberichte*, vol. 1, pp. 116-22.
- Boeles, P.C.J.A. (1951)
Friesland tot de elfde eeuw. 2e druk. 's-Gravenhage.
- Boeles, P.J.C.A. (1954)
'De inheemse runen-inscripties uit Friesland en Groningen'. In: *Oudheid-kundige mededelingen uit het Rijksmuseum van Oudheden te Leiden*, Nieuwe reeks 35, pp. 18-32.
- Breuer, J. (1935)
'Les Vikings en Belgique'. In: *Bulletin de la Société Royale d'Archeologie de Bruxelles*, 6, pp. 182-91.

- Breuer, J. (1938)
'Découvertes archéologiques à Arion'. In: *Bulletin de l'Académie Royale de Belgique, Classe des Lettres*, 24, pp. 136-41.
- Bugge, S. (1908)
'Das Runendenkmal von Britsum in Friesland'. In: *Zeitschrift für deutsche Philologie*, 40, pp. 174-84.
- De Man, M. (1894)
'Soud'or barbare trouvé en Frise'. In: *Revue de la Numismatique Belge*, 50, pp. 305-27.
- Dirks, J. (1859)
'Monnaies anciennes trouvées en Frise'. In: *Revue de la Numismatique Belge*, 15, pp. 362-4.
- Düwel, K. & W.-D. Tempel (1970)
Knochenkämme mit Runeninschriften aus Friesland. Mit einer Zusammenstellung aller bekannten Runenkämme und einem Beitrag zu den friesischen Runeninschriften'. In: *Palaeohistoria*, 14 (1968), pp. 353-91.
- Gysseling, M. (1980)
Corpus van Middelnederlandse teksten (tot en met het jaar 1300). Reeks II: Literaire handschriften. Deel 1, Fragmenten. 's-Gravenhage.
- Kapteyn, J.M.N. (1932)
'Twee runeninscripties uit de terp van Westerenden'. In: *Dertiende, Veertiende en Vijftiende Jaarverslag van de Vereeniging voor Terpenonderzoek*, pp. 47-93.
- Kapteyn, J.M.N. (1933)
'Zwei Runeninschriften aus der Terp von Westerenden'. In: *Beiträge zur Geschichte der deutschen Sprache und Literatur*, 57, pp. 160-226.
- Kapteyn, J.M.N. (1934)
'Neue Runenfunde'. In: *Beiträge zur Geschichte der deutschen Sprache und Literatur*, 58, pp. 299-312.
- Krause, W. (1969)
'Die Haunletstrophe Snæbjörns'. In: C. Gellinek, ed., *Festschrift für Konstantin Reichardt*, Bern, pp. 87-97.
- Krogmann, W. (1953)
Zur Frage der friesischen Runeninschriften (Estrikkens 2), Groningen.
- Miedema, H.T.J. (1974)
'Dialecten runen van Britsum en de oudste Anglofriese runeninscripties'. In: *Taal en Tongval*, 26, pp. 101-28.
- Nielsen, H.F. (1984)
'Unaccented Vowels in the Frisian Runic Inscriptions'. In: N.R. Århammar et al., eds., *Miscellanea Frisica*, Assen, pp. 11-19.

- Quak, A. (1990)
‘Runica Frisica’. In: R.H. Bremmer Jr. et al., eds., *Aspects of Old Frisian Philology*, Amsterdam/Groningen, pp. 357-70.
- Siebs, T. (1902)
‘Friesische Literatur’. In: *Grundriss der germanischen Philologie*, vol. II (2. Auflage), Strassburg, pp. 521-54.
- Van Giffen, A.E. (1928)
‘Het runenhoutje van Westeremden’. In: *11e en 12e Jaarverslag van de Vereniging voor Terpenonderzoek*, pp. 52-66.
- Von Friesen, O. (1918-1919)
‘Runenschrift’. In: *Reallexikon der Germanischen Altertumskunde*, vol. IV, Strassburg, pp. 5-51.
- Von Friesen, O. (1928)
‘Het runenhoutje van Westeremden’. In: *11e en 12e Jaarverslag van de Vereniging voor Terpenonderzoek*, pp. 67-70.
- Von Grienberger, T. (1900)
‘Neue Beiträge zur Runenlehre’. In: *Zeitschrift für deutsche Philologie*, 32, pp. 289-304.
- Von Grienberger, T. (1909)
‘Drei westgermanische Runeninschriften’. In: *Zeitschrift für deutsche Philologie*, 41, pp. 419-37.
- Von Grienberger, T. (1910)
‘Zwei Runeninschriften aus Norwegen und Friesland’. In: *Zeitschrift für deutsche Philologie*, 42, pp. 385-97.
- Von Grienberger, T. (1926)
‘Runensachen’. In: *Zeitschrift für deutsche Philologie*, 50, pp. 274-83.
- Westergaard, K.-E. (1987)
‘Frisland i den germanske runetradisjon’. In: *Middelalderforum/Forum mediaevalis*, 12 (1986), pp. 9-20.

Hendrik Rintjes (1630-1698): in meniste printer/útjouwer en dichter yn Ljouwert

Piet Visser (*Universiteitsbibliotheek Amsterdam/Universiteit fan Amsterdam*)

Ynlidening

Yn in drok alliterarjend en nochal bombastysk fers út 1655 wurdت Hendrik Rintjes syn earste priuwke as printer troch de Bolserter bard, Gysbert Japicx, op dizee wize tasongen:¹

t'Wijlste' ick doz druwl-dod dutte² oer Lourinz wol-fuwn' nutheyt'³
Jouwt *Hindrick* d' holp-hânn' my, in luwckt m' uwt dod in dutheyt'.
'k Belooyts⁴ sijn boeckstoay'-sfâll', ick sjog sijn bled print⁵ steam,
Rjuecht-riggjend'eijn fetsoen', gneep, himmel ijn sijn klean,
Beslijp't, bestrijp't, beknijp't ijn proncx twangg', ploay'⁷, ô puwck-çier!
Doz 'k⁸ weer, az *Frieslân* det, mijn moed, ijn him, opluwck, blier.⁹
Hier wier-ljiek't SAMOS siz.¹⁰ t Schijnt klear, kloeck' CLAUD gien' gaest
Yn *Rintjus* huwz't.¹¹

¹ 'Ney 't Erag-weydien op HINDRICK RINTJUS eerste priuw-druweksille fen sijn nije op-rjuechtge DRUWCKERYE.' Sitearre nei de redaksje fan 1668, yn: Ph.H.

Breuker, *It wark fan Gysbert Japix I* (Ljouwert 1989), s. 91, r. 11.-18a (lofter rigelnûmering). It wurdkomintaar is üntilend oan de *Oantekeningen*, fan J.H. Brouwer e.o., diel II fan *Gysbert Japicx Wurken* (Bolsert 1966), s. 91-92. G.A. Wumkes, *Paden fan Fryslân. Samle opstellen IV* (Bolsert 1943), s. 202, seit der oer-'harsenskrabjen dit fers fen 24 rigels, dy't op leadeen fuotten riinne'.

² Lusteleas bin (om't earder referearre wurdt oan 'e dea fan de Ljouwerter printer Claude Fonteyne yn 1654).

³ De útfining fan de drukkeunst troch Lourens Jansz Coster.

⁴ Besjoch.

⁵ Letterfoarm.

⁶ Ofprintsel op papier.

⁷ Ferserd yn 'e twingende ploai fan 'e prond.

⁸ Sadat ik.

⁹ Ik troch him wer nije moed kriji.

¹⁰ Hjir wurdt wier wat op Samos sein wurdt, it berieplak fan Pythagoras, dy't de sielsferhuizing learde.

¹¹ It docht bliken dat de ferterine geast fan de skrandere Claude Fonteyne no yn Rintjes wemmet.

Wy hawwe híjre in nijsgjirrich berjocht oer Rintjes syn begin as printer, nei alle gedachten al yn 1655. It jiers dêrmei, 1656, it earste jier dêr't printwurk fan him út bewarre is, soe Rintjes it earste diel útbringje fan *Klioos Kraam*, *Vol verscheiden gedichten*, in sammelbondel mei gelegenheidspoëzji, dêr't tek dichtwurk fan Gysbert Japicx yn opnommen waard: trije Hollânske fersen. Fan oare 'Friezen' waard ek Nederlânsktalige poëzij opnaam: lykas fan Rintjes syn mestne freonen kollega-printier fan Harns, Hero Galama, fan Petrus Geestdorp en de gelearde Simon Abbes Gabbema. Fan Gabbema kamen der seis fersen yn; oan him waard de bondel ek opdroegen, om't er nei alle wierskyn mei de hân hân hat yn de gearstalling fan de blomfêzing.¹² Fierwei de measte fersen binne lykwols fan Hollanners, lykas Reyer Anslo, Gerard Brandt, P.C. Hooft, Constantijn Huygens en benammen Joost van den Vondel en Jan Vos. Al dy pommeranten neamt Rintjes yn syn opdracht oan Gabbema 'de beroemste Geesten van onze tid en taal, waar van op verr na UE. niet een der minnste zit.'

Hij is in ynteresante konstatearring te dwaan yn it ramt fan Gysbert Japicx syn oantsjutting fan Rintjes as de werberne Fonteyne en as nijje hope foar typografisk Fryslân. Want út it foarwurd fan *Klioos Kraam* soe men ôfliede meie dat Rintjes himsels perfoast net seach as in printer en útjouwer foar inkeld Fryslân en de Fryskje boekemerke. Myn frage is dêrom dan ek simpelwei: wie dat ek sa?

Om dêr antwurd op te jaan, moatte wy witte wa't Rintjes wie en yn hokker ferhalding oft er stie mei syn saaklik, literêr en yntellektueel fermiddien yn en buiten Fryslân. Yn it ramt fan dit artikel kin dêr net wiidweidich op yngien wurde. Ik behein my dêrom ta trije aspekten fan de man syn warksumens, dy't yn 'e titel al oantsjutten binne: Rintjes as printer en útjouwer, Rintjes as dichter en Rintjes as menistefermoanner.

¹² Sjoch Ph.H. Breuker, 'Master H. (Gysbert Japicx, brief XIX): Wa't er wie en wat de Scheitema's der fan makken', yn: *Us Wurk* 31 (1982); *Earefrissel foar prof.dr. E.G.A. Galama ta syn sanctiche jierdei*, s. 34 en 37. Fr. Breuker, *Gysbert Japicx II-1*, s. 253. Ik ynterpretearje it ferfolch: 'die daar in bezondere eigendommen bezitten [= Gabbema syn oandiel]', as in temjite kommen oan Gabbema syn part yn de tarieding. Ek 'die dobbele eigendomm' wiist neffens my op it oparbeidzjen mei Gabbema. It twadde diel fan *Klioos Kraam* is opdroegen oan Pieter Meijontsma, de lettere grytman fan Achtkarspelen. Rintjes hie him earder alris fereare mei syn eigen houlikfers 'Mintrionf ter bruilofte van Monstr. Pieter Meijontsma En Juffr. Titia van Andla' yn it earste diel; sjoch *Klioos Kraam* I, s. 239-43.

De men̄ ist

Wa't de *Memnonite Encyclopedia* opslacht ûnder 'Rintjes' wurdت net in soad wizer oer de man as fermonanner fan de Ljouwerter gemeente fan saneamde Waterlanders. Dat wie ien fan de doetiids minder yn tal wurdende streamingen fan menisten: hja hearden trochstrings ta it meast frijsinnige diel fan Menno Simons' nochal bûnte geastlike netteam.¹³

Fan tsjerke like kant waard it de menisten yn dizze tiid ek noch faken net maklik makke. De Ljouwerter kalvinisten hiene it benammen net stean op alles dêr't in luchtsje oan siet fan kollegantisme en sosianisme, sa't oeral oars yn 'e Republyk ek faken it gefal wie.¹⁴ Sa waard yn 1687 Rintjes syn kollega-fermoanner Jacob Jansen Voogt, ferballe om'ter fansosianisme fertocht waard. De fertinkings wiene earnstich en de oerheid koe him beroppe op in plakkaat út 1662 tsijn 'Sosianen, Quakers en Dompelaars'. Dat wie yn it jier 1687 nochris fernijd troch Hendrik Kasimir II út namme fan de Fryske Steaten. Doe waard der eksplisyt by sein:

¹³ *The Mennonite Encyclopedia* (hjrmei: ME) IV, 338. Sjoch fierders oer him: *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek* (hjrmei: NNBW) X, I, 816-17; J.J. Halbertsma, *Hulde aan Gijsbert Japiks* (Bolsward 1824), II, s. 378-80; B. Glasius, *Godeleerd Nederland* ('s-Hertogenbosch 1856), s. 179 e.f.; F.H. Pasma, 'Hendrik Rintjes', yn: *Doopsgezind Jaarboekje* (1968), s. 54-59 en Wumkes, *Paden* IV, s. 201-10.

Yn Rintjes syn dagen wiene der noch trije meniste gemeenten yn Ljouwert oerbleauin: de grutste wie dy fan de Flamingen, dy't by de Waach nei de fermonanie gienen (sa'n 200 leden yn 1695). De Waterlanders, mei de helte minder leden, tsjerken oan 'e Wurdumerdyk. It lyst wie de groep fan saneamde Alde Friezen, of Jan Jacobsgesinden, dy't op it Switsers Wâlsje byinoar kamen (yn 1695 noch mar 21 lidmaten). Mooglik wie der ek noch in lytse gemeente fan it saneamde Piter Jeltsjes-folk.

¹⁴ Bartids wie it de grifformearde tsjerkerie fan Ljouwert slagge om Rintjes syn yllustere foargonger, de skilder Lambert Jacobsz, it libben soer te meitsjen: twa kear rûn er tsjin in boete op fan 'e Ljouwerter magistraat om't er it preekjen yn 'e nije tsjerke oan 'e Wurdumerdyk net litte woe. Sosianisme (in oan it begin fan de 17de ieu út Poalen oerwaide leare, neand nei de Italiaan Faustus Socinus, dy't bygelyks de triniteit üntstried), wie in etiket dat troch de rijochsminniched op alles plakta wâard dat sa't it liek ek mar efkes fan de 'rychtle leare' ôfwiék. Sjoch ú.o. W.J. Kübler, *Het Socianisme in Nederland*. Voorzien van een inleiding van A. de Groot en vermeerderd met een register samengesteld door D. Visser (Leeuwarden 1980).

dat veele Socinianen ende andere Dwaalgeesten ... onder de Doops-gezinde haar vermengen, om veilig, ende zonder verstooringe haar Godis-lasterlyke gevoelen over al te komen zaaijen ... ja zelfs met het uitgeven en divulgeren van Boeken openbaar te maken tot grote ergerisse en onrustinge van veele vrome gemoederen, tot onteeringe ende verlochening van de Heylige Aanbiddelyke Goddelyke Drie-eenheid ... Wy verbieden ook het drukken van Sociniaansche ende andere Ketterische ... Boeken, hoe die ook genaamt mogen wezen ... belasten diësvolgens gansch serieuselyken alle Boekdrukkers ende Boekverkopers in deze Onze Provincie, geen dierge-lyke onbehoorlyke schandeleuse en oproerige Boeken, Liedekens ende geschriften te drukken, doen drukken, ofte elders gedruckt, alhier in te voeren, om te veilen ofte verkopen ...¹⁵

De lêstebepaling, oer de boekprinterij, wie mij neffens it plakkaat fan 1662. Mei oare wurden: nei 1687 waard it der op dat mêt foar Rintjes en syn kollega's net better. Op Earder hie der yn de Ljouwerter gemeente ek al in soad opskuor west troch de kollegiantistske mijjochterij fan fernoanner Arrien Jansen.¹⁶ Hy krike de gemeente yn 1682 safier om nije lidmaten, lykas yn Rijnsburg, troch ünderompejlen te dopen en it jünsmiel by jûntryd yn stee fan oerdei te hâlden. Der waard sels in stiennen tobbe yn 'e fernooanje boud, dat in soad heibel joech en dêr't in splitsing troch drige. It kaam safier dat de Staten úteinlik yn 1720 in ein aan it gekreau meisje moasten: de dooptobbe waard op harren lést sloopt.

Op papier waard de menisten it libben ek rochal soer makke. Sa hie de Sweachster dümny Johannes Schuyring yn 1661 yn Ljouwert net sa'n séftsin-nige bestrijding fan de dopersen printsje litten, de *Dool-Hof der Mennisten, Beplant met 84. Vruchteloose Boomien*, wylst ek *De gronden der Memistery*,

¹⁵ Oanhelle út S. Blaupot ten Cate, *Geschiedenis der Doopsgezinden te Friesland. Van derzelver ontstaan tot dezen tijd, uit oorspronkelijke stukken en echte berigten opgemaakt* (Leeuwarden 1839), s. 313-14, taheakke VIII. Sjoch side 205 oer de kwestje mei Voogt.

¹⁶ It kollegantisme hie syn úntstein yn de 20-er jierren fan de 17de ieu yn Rijnsburg en omkriten, nei it útwizen fan de Arminianen troch de Synoade fan Doardt (1618). It propageare ûnder oaren it saneamde frijsprekken yn foar elts tagonklike gearkomsten, de kollezesjes, dêr't elts him op teologysk mêt frijsprekken koe. Benammen ûnder de menisten soe it kollegantisme grutte ynfloed hawwe. Sjoch ú.o. J.C. van Slee, *De Rijnsburger Collegianten. Geschiedkundig onderzoek*. Met een inleiding van S.B.J. Zilverberg (Utrecht 1980); sjoch side 206 oer Jansen. De Ljouwerter kollegianten kamen faken byinoar yn it Ayta-hûs op de Weaze.

offe Waerchouwinge over 't Bloedtooneel der Doopsgezinden van T.J. van Braght fan de Frijentsjerter heechlearaar Christiaan Schotanus, útjûn yn 1671 yn opdracht fan de Synoade fan Frijentsjer, op syn minst like fûleindich de roskaamr oer de meniste ketterijen helle.

Oan de oare kant doch blikken dat it wrâldske bewâld yn maatskiplike oangelegenheden lang sa krekt net seach as de grifformearden takken wol woennen. Sa koe Marcellis Govers it ta stedsarsjtekt bringe en waard ðer him en syn vrou neat yn 'e wei lein om yn 1659 in hofke foar âldde frouljus te stiftsjen, hoevol't de Ljouwerter grifformearden der poer op tsjin wielen.¹⁷ Yn sa'n klimaat fan skipperjen neist God, gebod en grifformearde leare hat de meniste fermoanner en boekhaneler syn libben yrjochtsje moatten.

Hendrik Rintjes tsjinne de Ljouwerter Waterlanders as harren learaar, fermoanner, oant syn dea op 23 maaie 1698. Wanneer't er yn dat amt beneamid is, is net bekend, mar ofgeande op syn meniste publiekases, soe men sizze meidat er sùntlikernôch 1680 learaarskip en útjouwerij opinoard ofstînd hat. De gemeente hie yn syn dagen noch twa oare learaaren: de niisneamde Arrien of Reyner Janssen, dy't ek yn 1698 ferstoar, en Ruierd Gerbens, dy't fijouwer jier earder storar.¹⁸

Wat hat Rintjes as menist yn printe foarm neilitten en wat kinne wy dêrút leare oangeande syn meniste 'Sitz im Leben'? Lit my beginne mei de doperske saken út syn fûns, en dêrnei syn eigen bydragen, as dichter, yn dat ramt te beskôgjen.

Fan de 110 útjeften fan Rintjes binne krapoan 15 as meniste skriften te ty-

¹⁷ ME III, 309; sjoch ek J.G. de Hoop Scheffer, 'De Doopsgezinden te Leeuwarden in 't begin der 18de eeuw', yn: *Doopsgezinde Bijdragen* (1874), s. 59-61 en Blaupotten Cate, *Geschiedenis der Doopsgezinden in Friesland*, s. 145-50.

¹⁸ Sa doch teminsten blicken út it foaropwurd (troch de soan) fan learaar Ruierd Gerbens syn *Korte Belydenisse des Christelijken Geloofs*, s. *3^v, postum útjûn troch de widdo fan Rintjes en dyselde Pieter Ruijerd, dy't de saak mei de widdo fan Rintjes oant likernôch 1702 oanholt. Rintjes syn stierdatum wurdt jûn troch A. Tymens, 'Ter Gedachtenisse, Op de Dood van den Godzaaligen Hendrik Rintjes, In leeuen, Voornaam Leeraar der Doopsgezinde Gemeente binnen Leeuwarden', in sonnet dat foarkomt yn: H. Rintjes, *Ziel-en-Zucht Aan God, Om een blijde verwachtinge des Doods* (Ljouwert, widd. H. Rintjes, 1698), s. A3^v (Taheakke nr. 109). Nuvergenôch naamt J.J. Kalma, *Naamlijst der Friese Doopsgezinde lekte- of liefdesprekers en Predikanten* (Leeuwarden 1952), s. 58, Janssen en Gerbens niet, mar al yn dizze tiid noch Claas Thomas (ca. 1680-nei 1705), Klaas Carsten Tigler (1680-1725) en de al earder neamde sosinian Jacob Jansen Voogt (1687). De beide earsten moatte dan hast wol de opfolgers fan Rintjes en syn oare ferstoarne kollega's west hawwe.

pearjen.¹⁹ Lit ik foar 't gemak syn eigen skriuwerij der noch efkes bûten - trije titels - dan giet it om twa trakteatebondels, fijouwer lieteboekjes, in Biestkens-testamint, in prekebondel en in histoarje fan Kristus. Dêrfan binne inkeld ien trakteatebekje, twa lieteboeken en de prekebondel nije útjeften; by al it oare wark giet it om werprintingen. Mei de Biestkentestamintjes (1681 en 1697) en de lieteboekjes, *Een Nieuw Sang-Boek* (1679) en de *Geestelike Goudschaele* (1683), betsjinne er fansels streektjocht it meniste tsjerksfolk fan Fryslân.²⁰ Dat sil ek it gefal west hawwe mei de oare útjeften, alhoewol't ien titel, in lytsje samling traktaatsjes, perfoast ek in oar doel tsjinne. Dat is it *Klaer Bewijs Van de Eeuwigheyd ende Godheyd Jesu Christi* (1688) fan de Waterlander âldste (haad-)learaar, ek wol biskop neamdt) Hans de Ries út Alkmaar, dy't yn 1638 ferstoarn wie. Rintjes fûn dat stik yn De Ries syn skriftlike neilittenskip, dy't er foar in part yn eigendom krigie hie. It *Klaer Bewijs* is in polemysk traktaat tsjin de opfettingen fan de 'Poolse broeders' yn it begin fan de 17de ieu. It boekje wol sjen litte dat Kristus behalven as minske ek as soan fan God berme is; it ferset him dêrmei tsjin itsosiaanske antytrinitarisme. Rintjes bringt it no lykwols yn stelling tsjin de ultra-sosiminaanske opfettings fan Daniel Zwicker, benammen syn boekje *Nieuwe Testamentische Josias*, dat rûnom in bulte op-skouren jûn hie.²¹ Bring ik noch efkes it niisneamde fernijde plakkaat fan 1687 yn it omtincken, dan kin it suver gjin tafal wêze dat Rintjes dit bondeltsje krekt

¹⁹ Sjoch de Taheakke, ûnder 'mennonitika', nrs. 93-98, 100-108. J.J. Kalma (ed.), *Men meldt ons uit Friesland. Een aantal zeventiende-euwse geschriften die opzien baarden met een lijst van 17de eeuwse kleine Friese gelegenheidsgeschriften* (Leeuwarden 1973), s. 349 jout in totaal fan 95 op.

²⁰ Taheakke nrs. 94, 98, 101 en 102. Sjoch oer it *Nieuw Sang-Boek*: P. Visser, *Het lied dat nooit verstomde. Vier eeuwen doopsgezinde liedeboekjes* (Den IJp 1988), s. 28-29; it wie foar meniste gemeenteeny Fryslân ornearre en giet feitlikken werom op in liete-boekje út 1593. De *Geestelike Goudschaele* (tredde printinge; benammen populêr by de Amelanner menisten) wie foar 't eerst yn Ljouwert útbrocht troch Jan van den Rade, yn 1647. Fr. ME II, s. 443, dêr't as earste jier fan ferskinnen 1662 opjûn wurdت. Beide lieteboekjes wiene tijfyn yn 'e mande mei boekhammeler Karst Teunis Pleckenoel fan Ljouwert. De *Geestelike Goudschaele* wie sels netiens troch Rintjes printe, mar troch Johannes Jacobs Banga, dy't by him yn de Peperstrjitte wenne.

²¹ Taheakke, nr. 96. *Klaer Bewijs*, 'Voor-reden', s. A3^r: 'Onder dese [= de bestriders fan Zwicker en syn gelikens] heeft zich mede laten sien, onsen eerwaerdigen Vrient *Hans de Rijs*, welkers Schriften voor een ghedeete by my berustende, alsoo daer onder vondse dit tegenwoordigh Tractaetje, raeckende de voornaemste Saken, welke *Daniel Zwicker* voorbrengt, die hier bequamelijck zijn wederleydt, en dat met een zedighe en klaere stijl.' Sjoch oer Hans de Ries: *ME IV*, s. 330-32.

yn 1688 úbrocht. Dat híjre dan ek earder politike (mooglik sels opportunistyske) as religieus-ideologyske motiven yn 't spul wiene - ek al lit Rintjes it krekt oars foarkomme -, mei ófaat wurde út it feit dat Zwicker syn *Nieuwe Testamente ritische Josias* al yn 1670 ferskynd en yn 1680 jitis weprinte wie. Wier pôlemysk-aktueel wie de útjefté fan De Ries syn wukje dus net meer. Leit it dan dêrom net yn 'e reden om te tinken dat Rintjes him net allinnich as meniste learaar, yn 't foaren al fertocht, mar foaral ek as útjouwer op dizze wize frij pleitsje woe fan mooglike fertinkings fan Poolske ketterij? Betraapje wy Rintjes híjre dus net op in meniste fyt, in 'menniste schijnheiligeid', dat de 'broeders' yn Hollân sa faak neiroppen waard? Om syn 'apology' noch oer-tsjûgjender te meitsjen, printet er efteryn it boekje ek noch de opfettings fan Menno Simons oer de triniteit of, mei dy fan in oare Waterlander learaar, Jan Philipsz Schabaelje (d. 1656).²² It is de fraach oft er mei sok dwaan - 'Ik bin mei myn útjouwerij suver op 'e graat' - by de oerheid wol safolle beriklt hat. It liket der yn alle gefallen op dater as in 'stille in den lande', krektlyk as syn oare 'doopsgezinde broeders en zusters', hoeden lavearje moast tusken hebel en hoflikheid. Hoe prinsipeel oft menisten harren faktentiids ek foardienen, it wiennen yn it deistige libben measteentiids ek masters yn pragmatisme. Sa sil Rintjes him ek wol réden hawwe.

De dichter

Hendrik Rintjes hat gâns fersen yn it stichtlike sjenre skreaun. Hja binne foar in diel ferspraat oer ûnderskate lietebondels, mar ik behein my ta it trijetal lange fersen dy't apart útjûn binne. Yn 't foarste plak is dat syn *Gedachten Op den Jongsten Dag*, In Verssen vertoont út 1681, dan *De Morgen-Stond*, In haar Somersche vermaeklijkheden vertoont fan 1684 en tredes it koart foar syn dea reekommen *Ziel-en-Sucht Aan God*, Om een blijde verwachtinge des Doods, dat yn syn stjerjier 1698 troch de widdo útjûn is.²³ Ik jou earst in algemiene karakterystyk fan syn wuk; dêrmei stean ik wat langer stil by in inkeld fastet derfan.

²² P. Visser, *Broeders in de Geest. De doopsgezinde bijdragen van Dierick en Jan Philipsz Schabaelje tot de Nederlandse stichtelijke literatuur in de zeventiende eeuw* (Deventer 1988) II, s. 210-11, nr. 19. It stikje fan Schabaelje besiet winlikken út twa oaninoar breide passaazjes út syn *Historische Beschrijving van het Leven Onses Heeren Jesu Christi*, dêr't Rintjes de twadde printinge fan útjûn hie yn 1681 (Tab. nr. 93). Oan 'e ein fan it bondetsje stiet in krystsang fan de remonstrant Gerard Brandt sr.

²³ Sjoch Taheakke nrs. 104, 105 en 109.

Mar ek̄ wer net te lang, om't de man as dichter net bjustere ynteressant is.

Syn dichtwurk lit him it bêste oantsjutte as from meniste, devosjonele ge-brûks-poëzij, dy't sünd'er barokke taal of stilijske opsnolkerij rijocht út it hert fan in Godsfreon de lêzer oansprekke en fermoanje wol. Wumkes seit der fan: 'Hwa't de Doopsgesinde siel en sfear út dy tid kenne wol, kin by Hindrik Rintjes poëzije torjuchte'.²⁴ Dat mei sa wêze, mar oan de oare kant is sa'n konstataering ek in iepen doar. Mei it grutste gemak kin namentlik itselde sein wurde fan tsjinstelde foarbylden fan meniste dichters - lykwols net út Fryslân - lykas bygelyks heit en soan Joannes Antonides en Anthony Janssen van der Goes, of de 'barokke' bruorren Bidloo, waans wurken in hiel oar byld jouwe fan 'meniste' poëzij. Foarsafier't syn fersen dêr wat fan sizze, kin Rintjes beskôge wurde as in fertsjintwurdiger fan in beskate streaming binnin it 17de-jeuske doperdom, en wol fan dyjingen dy't in mystyk-piëtiystysk soart Kristen-dom praktisearje, wylst in beskaat rasjonalisme harren ek net frijemd is. It leauwen is foar harren in hyper-yn dividuale oangelegenheid, dêr't God, Kristus of de Hillige Geast streekkjocht yn diaolloch is mei de minske; dêr't Gods oan-wêzichheid him yn 'e natuer, oeral en direkt, manifestearret. Benammen ûnder Waterlanders wie dit type leauwen súnt de tweintiger jierren fan de 17de ieu wer aktiearie troch de saneamde 'Vredestadsburgers': fermoanners en dichters yn Hollân dy't harren dêr tagelyks ek mei fersettten tsjin alle rykdom en materialisme dêr't harren tiid sa fol fan rekke. Sa'n spiritualistysk en soms ek mystyk leauwe, as in reaksje op in geastlik slokke tiid, hat foar in part syn boarnen yn it iere doperdom. Foar in diel gie dizze beweging oer yn dy fan it kollegiantisme. In pendant fan de 'Vredestadsbeweging' by de grifformearden wie de Neiere Reformaasje. Sa't Breuker op ferskate plakken yn syn Gysbert-studzjes sjen litten hat, sloech dy streaming yn Fryslân foar master op, yn rûnten dêr't Rintjes as printer en útjouwer in ferneaam part fan syn klandyzye fine soe.

In dji geande analyze fan syn dichtwurk giet yn dit ramt te fier, mar om de typearring hjerhoppe wier te meitsjen, is net sa'n swier stik. Yn it foarste plak is der it eksterne gegeven dat niis al oan 'e oarder kaam is: Rintjes wie yn it besit fan in diel fan de hânskriflike neilitenskip fan Hans de Ries, de wich-tichste lieder fan de Waterlanders en as spiritualist ek de ynspirator fan de 'Vredestadsburgers'. Boppedat hat Rintjes wunk fan Jan Philipsz Schabaelje, ien fan de lieders fan de 'Vredestadsbeweging', op 'en mij útjûn'.²⁵ Treds soe

²⁴ Wumkes, *Paden IV*, s. 210.

²⁵ Taheakteke nr. 93 (sjoch ek noat 22). It soe my gijn mij dwaan as Rintjes it De Ries-legaat kriegen hat fan die widdo fan Jan Philipsz Schabaelje, dy't yn 1656 te Amsterdam as earnoedich boekhammeler ferstoarn wie.

men bygelyks neist syn bondeltsje *Gedachten Op den Jongsten Dag* sait boekje fan in oart Vredestads-skriuwer lizze kinne, dat fan Pieter Pietersz ú Saandam: *De weg nae Vreden-stadt* (1625). Lykas dy proazadielooch giet Rintjes syn lang fers fan 1986 rigels yn 331 strofen eins ek oer in soarte fan geastlike pelgrimaazjefan de minske en syn siele nei de einbestemming, it Nije Jeruzalem of 'Vredestad'.²⁶ Sels wurdlik hast binne der oerienkomsten te finen, lykas de reifolgende strofen, dy't hielendal yn 'Vredestad'-trant skreaun binne:

Ons Hoop vervoeg sich, sonder merren,
Verr boven 't licht der vaste Sterren,
En volg ons Hertog [Kristus], in sijn reis,
Om met hem, door all's Hemels Boogen,
Te naaken, derwaarts, in den hoogen,
Het Nieuw Jerusalens Palleis.

Wy nad'ren, gins, geen Vest of Wallen,
Waar voor veel Oorlogshelden vallen;
Een Vredestad staat daar gebouwt,
Uit eed'len Steen gemaakt haer Muinen,
Die ook all' Eeuwen sal verduuren;
De Straaten zijn van louter Goud.²⁷

Rintjes is oan de oare kant ek wer sa ûnmiskenber 'oer-menist' dat by him ek hiel sterk de clam leit op de etryske aspekten fan it leauwen, op de praktyk fan soberens en ienfâld, op it libjen nei de died. Sjoch bygelyks in pear fan de punt-dichten dy't er ek skreuan hat en dy't hielendal op it mèd fan de *mores*, de deugdelear, lizze:

Yd'le Eere.

Daer is so menig Man, so menig Vrouw met eeren,
Wiens eer alleen bestaat, in't welstaan van hun kleeren.

²⁶ Sjoch Visser, *Broeders in de Geest* I, s. 123-30.

²⁷ Gedachten Op den Jongsten Dag, s. 58-59. Ferl. P. Pietersz, *Wegh na Vreden-stadt, Waer in ghewesen wordt hoemen die Vrede mach bekomen* (De Rijp [ca. 1625]), s. 4-5.

Dengd treft geen schande.

Wie waarlijk onmeer [sic] vreest, moet sich voor d' ondeugt wachten,
De schemp schampet van hen af die hier de dengd betrachten.²⁸

Mear foarbylden út syn fersen binne wol yn Wumkes' fjirde diel fan de *Paden sen Fryslân* te finen. Wumkes wie benammen tige ynnaam mei de natoerbeschriuwingen fan de *Morgen-Stond* (1684), dy't yntspirearre binne troch it Fryske lân.

Wêr't noch wol wat oer sein wurde moat, is syn wize fan dichtsjen. Hy uteret him híjrsels oer yn it foaropwurd fan de *Morgen-Stond*, dat in soarte fan poëтика-yn-in-nutedop is. Hy ljochtet ta wêrom't er dichtet 'naer onses Lands aer'd', dat yn syn terminology safolle sizze wol as it folgjen fan de gewoane sprekaal (Hollânsk dus) en sadwaande follein oars as yn it sjenre fan de geastlike lieten, dêr't 'de taele Kanaäns, of sprekwisen des Euangeliums' de prosody beskiede. Dat betsjut net dat er himsels yn dit frijere sjenre nei de moade fan de tiid útlibbet - perfoarst net: hy moat neat hawwe fan de dichterlike prontkerij mei de Klassiken. It dwepen mei it heidendom past in Kristen net. It giet Rintjes yn de poëzij inkeld om it oanlearen fan de wierheid, net fan 'bedenkingen' dy't troch 'fersierselen aengaen' makke wurde, sa't de heidenske dichters dogge. Foarsafier't der fersiering yn 'e taal fan it fers oanbrocht wordt, moat dat net meer as in 'seendige en eenvoudige konstgrep', wêze. Wol mei der yn syn eagen gebruik wurde fan ferlikings, dat de sielle 'als gaende maekt': nijsgjirrich makket nei de betsutting fan it fers. De styl moat sa wêze, seit Rintjes, dat de lêzer, as driuwkjend op in stream, súnder muoite mei nei de ein ta naam wurde kin. It is dúdlik, dat de dichterlike taalyн Rintjes syn optyk follein yn tsjinst stiet fan it stichtlike fers.

Op datstik fan saken tinkter gelyk as de troch him bewûndere Dirck Rafaelsz Camphuysen, 'die so seer geächten Zeederijmer,'²⁹ dy't yn in poëтикаal-grammatysk fers wijdweidich útlein hat wêr't in kristlik fers oan foldwaan

²⁸ *Toegift Van enige Puntdichten*, s. 8 (Taheakke nr. 107). It lytse bondeltsje fan tolve siden is ynbûn by de *Gedachten Op den Jongsten Dag* fan 1685, mar hat dochs in eigen katern- en sidenfûmering.

²⁹ Sjoch it foaropwurd fan de troch him oanleine samling fan stichtlike lieten: *Het Lust-prieeel der Zeden* (1685), s. *2* (Taheakke nr. 23). Dizze bundel befettet 122 lieten en fersen fan ú.o. G. Brandt, J. de Decker, H. de Groot, J. van Lodenstein, R. Rooleeuw, H. Sweerts, J. Luyken en Camphyusen seis - alle gearre dichters dy'tappeleatje oan in mystyk-piëtistske devosjonaliteit.

moat: dē saneamde 'Wel-rijmens wet' út de *Stichtelyke Rymen* fan 1624. Schenkeveld-van der Dussen hat dat fers skôge yn de didaktysk-retoaryske tradysje fan de saneamde *virtues dicendi* (ântliend oan Cicero en Quintilianus). Dêryn binne de suvere taal (*latinitas*), de helderheid fan de taal (*perspicuitas*), de by it doel fan de tekst meast tapaslike styl (*decorum*) en de stilistyske fersiering (*ornatus*) de haadsaken. Hja beslút dan dat oangeande it geastlik rym fan Camphuysen dy retroaryske deugden it bêste útkomme yn de ienfâldige styl of it *genus humile*. Dêryn is de taal hielendal ûnderhearrich makke oan de didaktyk fan it fers, ûnderwijs yn deugdsumheid: suvere en kleare taal, gjin oerdreaune fersiering dy't fan de ynhâld ôfliede kin, gjin oerbizige geleardens of pronkjen mei de Klassiken.³⁰ Net allinnich Rintjes, mar ek syn folle talint-riker goekunde, de Waterlander kollegiant en dichter Joachim Oudaan fan Rotterdam, soe der soksoarte opfettings op neihâlde, benammen oer de mytologyske prôkerei, dêrt hy ek poer op tsjin wie.³¹

Ik beslút hjirút dat Rintjes him as meniste dichter oriëntearre hat op wat der op dat mês yn syn runten yn Hollân barde. Ferliking mei de dichterlike praktyk en rûnten fan Gysbert Japix (foarsafier't soks al mooglik is) lit dêryn dan ek in grut ûnderskied sjen - lykwols minder yn it religieuze as yn literêr-poëtikale. Behalven de ynspiraasje dy't it Fryske lân, de greiden en de wâlden him hjir en

³⁰ M.A. Schenkeveld-Van der Dussen, 'Camphuysen en het *genus humile*', yn: H.Duits e.o. (red.), *Eer is het Lof des Deuchts. Opstellen over renaissance en classicisme aangeboden aan dr. Fokke Veenstra* (Amsterdam 1986), s. 141-53.

³¹ J. Melles, *Joachim Oudaan. Heraut der verdraagzaamheid 1628-1692* (Utrecht 1958), s. 153. Sjoch ek M. Spies, 'Mennonites and literature in the seventeenth century', yn: P. Visser e.o. (haadred.), *From Martyr to Muppy. A Historical Introduction to Cultural Assimilation Processes of a Religious Minority in the Netherlands: the Mennonites* (Amsterdam 1994), s. 93-94. 'In this, as in other aspects of his religiosity, he [= Oudaan] resembles Camphuysen, whom he greatly admired and of whose works he provided a critical edition. No wonder then that in the question of mythology he took the same stand as the older poet. Pagan gods were to be anathema, not only in religious but in all poetry. Even the mere metaphorical application practised by most Calvinist poets was unacceptable.' Foar de *Morgen-Stond* hat Oudaan, dy't ek de sangkeunst fan Rintjes syn vrou bewûndere ('myne uitverkorene Vriendinne, die ik ken'), yn de edysje 1691 noch in lofdicht skeaun, Melles, idem, s. 163. It komt ek foar yn J. Oudaan, *Poëzy* (Rotterdam, 1724) II, s. 111-12. Letter, yn 1699, soe de widlo fan Rintjes noch wûrk fan Oudaan útjaan, met dat fan Adriaan Tymens en Jeremias de Dekker, yn: *Heilsame Bederkingen Op de Geboorte, Lijden en Dood Onses Heeren Jesu Christi. In Rijn voorgestelt Door ... Als meede Zielen-zucht tot God, Met eenige Punt-Dichten door Hendrik Rintjes*.

dêr yn benammen de *Morgen-Stond* joegen, is der eins hielendal neat dat him yn syn dichthwurk oan en mei Fryslân ferhynt.

De printer en útjouwer

Wêr leit syn bertsjutting foar Fryslân dan wol? Ik kom dan no ta oan syn funksje as printer, útjouwer en boekferkeaper. Gauris wurdت útholden, dat Rintjes de opfolger wie fan Claude Fonteyne, de fermeamde Frânske printer en útjouwer fan rym en ûmrym foar de Fryske hofkultuer, dy't sels ek dichte en mei gâns Fryske gelearden nauwe kontakten hie.³² Dat moat dan wol yn figuerlike sin ferstien wurde, want feitlik naam Sytse Rinnerts de printerij fan Fonteyne yn de Grutte Tsjerkstrjitte oer, wylst Rintjes foar't neist de saak fan Jan van den Rade fuortsette. Hy is dêrmei al yn 1655 begong. De boekwinkel en printerij, 'in de Zaadzaajjer', stiene yn de Peperstrjitte. Breuker typearret syn bedriuw op dizze wize: 'Van meer belang dan van wie ook sinds Fonteyne waren gedurende een aantal jaren de werken, uitgegeven door Hendrik Rintjes'.³³

It earste produkt dêr't er namme mei makke, datearret fan 1656 en is it al neamde *Klioos Kraam*. Dêr ferskynde it iers dêrmei noch in twadde diel op. Dit 'début' is al typearjend foar it útjeftebelied fan Rintjes oan likernôch 1687-88 ta. De man lit him út syn füns fan mear as 100 titels kenne as in kommersjeel betift útjouwer dy't fan alle wâltjes wat meiyt en amper de nekke ústekkt foar finansjeel risiko, foar besûndere typografy (hoe deeglik oft syn printwurk ornaris ek is) of foar ideologieske weachhalzerij. Dêr is fansels ek neat op tsjir: sa moatte jo in saak rinnende hâlde en sa hawwe ek hiel wat fan syn meniste 'broeders' yn de hannel it skip mei jild ymhelle.

Klioos Kraam past yn syn soarte hielendal yn 'e kream fan de tiid. Yn 1651 wie as earste 'trendsetter' yn dit slach blomlêzingen fan retroarske gelegenhedsfersen by Lodewijk Spillebout te Amsterdam útkommen de *Verscheyde Nederduytsche Gedichten*, dêr't yn 1653 noch in twadde diel op folge. Rintjes hat dy bondel grif ûnder eagen hân doe't er syn kar makke, want mar leafst 39

³² Ferlykje bygelyks Kalma, *Men meldt ons*, s. 259: 'Hij was de opvolger van de ook bekende Claude Fonteyne', mei s. 349: 'Misschen opvolger van Cl. Fonteyne' (myne kursivering).

³³ Ph.H. Breuker, 'Eekhoffs geschiedenis van de Leeuwarder drukkers en uitgevers tot 1870', yn: C.P. Hoekema c.o., *Eekhoff en zijn werk. Leven en werken van Wopke Eekhoff (1809-1880) stadarchivaris en boekhandelaar te Leeuwarden* (Leeuwarden 1980), s.187, en fierder, s. 188: 'Bovendien kwam Rintjes met uitgaven van vreemde [sic] schrijvers en vertalingen, wat tot dusverre zeldzaam geschiedde en van zijn ondermingsgeest getuigde.' Sjoch oer it begin fan Rintjes: Breuker, *Gysbert Japix II-1*, s. 252.

fan de 17% fersen út it earste diel fan *Klios Kraam* steane ek al yn it earste diel fan de *Verscheyde Nederduyngsche Gedichten*.³⁴ Dat binne mei myn gefoel te folle om fun tafal prate te kinnen. Rintjes hat dúdlik de keunst ófsjoen, mar der in lokale draai oan jún troch it opnimen fan in grut ferskaat fan yn it Noarden wenjende dichters. Yn de kar dêrfan sjoch ik foaral de ynfloed fan in man as Gabbemaa³⁵ Dizze praktyk foel oaren ek op. De ynlieder fan in konkurrerende bondel, de *Bloemkrans van Verscheiden Gedichten* (Amsterdam 1659), skriuwt: 'In Klios-kraam [sic], en Apollos Harp worden verscheide vaarzen gevonden, die in voorgaande Rijnverzamelingen gedrukt zijn'. De naamme fan dy twadde bondel, *Apollos Harp*, yn 1658 útjûn troch de meniste boekferkeaper Jan Rieuwertsz fan Amsterdam, wie fansels dûdlik in knypeach nei Rintjes sym produkt. Mo wie, oars as *Klios Kraam*, *Apollos Harp* folle meer in weachstik, om't dêr, njonken algemiene gelegenheidsfersen ek gâns kontroversjele fersen yn opnommen binne, dy't grif yn swiere grifformeade rintten net yn de smaak falle soen. Rieuwertsz wie wat dat oambelanget dan ek in printer en útjouwer fan in hieloar kaliber as syn Ljouwerter fak- en geloofsgenoat. Hawar, Rintjes hat al meil al wol each hân foar de literêre moade; troch it noardlike en foaral Fryske aksint - fansels ek in opstekker foar de Fryske dichters, dy't dêrmei ta de 'kanon' fan de hiele Republyk rekkene waarden - lit er him kenne as is in be-tuft sakeman.

Lit ús no it fûns, dat yn de taheakke mei koarte titels werjûn is, ris fierder delirinne. It beslacht gearfetsiend de neiôfjgende mèden: fierwei it grutste part bestiet út teologyske en religieus-stichtlike wurken; fierder algemiene en stichtlike literauer, dêrfan in grut del gelegenheidsfersen; politike pamphletten; militêr-strategyske, natuerwittenskiplike en botanyske boeken, en it earder al behan-nelle meniste wurk. Dy lêste kategory begjint net earder yn syn fûns te ferskinnen as yn de tachtiger jierren. Fòar dy tid falt just it grutte tal grifformeade titels op fan Fryske dûmny's - alteast sa op it earste each. Dêrindert binne boeken fan de Lekkumer dûmny Paulus Mensonis, de Ljouwerter 'hofpreker' Gellius Boëtius end ek yn Ljouwert werksumme Herman Witsius; fan Sixtus Brunsvelt, foargonger op 'e Jouwer, fan Johannes Janssonius, dûmny fan Sleat en de foar-man fan de Bolserter tsjerke, Everhardus Bornaeus of gewoan: Evert fan Boarn.³⁶ Hast súnder útsûndering binne it allegearre fertsjintwurdigers fan de

³⁴ Sjoch: P. Visser, 'Frisia non cantar? Boekverkopers, bloemlezers en poetenbakkers op de Helicon van 't Heitelân', yn: H. duits e.o. (red.), *Klinkend boeket. Studies over rennessancesommetten voor Marijke Spies* (Hilversum 1994), s. 162-68.

³⁵ Ferl. Breuker, *Gysbert Japix* II-1, s. 253. Sjoch earder noot 12. It belang foar Fryslân komt yn it twadde diel fan *Klios Kraam* noch better út: Breuker, *idem*, s. 279.

³⁶ Sjoch Taheakke nrs. 1, 2, 3, 8, 12 en 14.

Neiere Reformaasje; lju ek dy't mei harren kommeksjes oanhingje tsjin, of hearre ta de Fryske hofkultuer. Dat orangeande liket dit diel fan Rintjes syn fûns hielen-dal yn it kulturele klimaat te passen, lykas Breuker dat sketst hat yn syn Leidske oraasje.

Dochs moatte wy wat dit oanbelanget it saaklike belang fan Rintjes op it foarste plak sette, en perfoarst gijn ideologyske kongenialiteit oannimme, lykas dat by de yn syn dagen yn Amsterdam aktive printer en útjouwer Johannes Boekholt al it gefal wie.³⁷ It grutste part fan dizze útjeften hat Rintjes nammentlik net as útjouwer mei anneks west: foar de boeken fan Mensonijs, Boëtius en Witsius hat er inkeld as printer fungearre. Dat wiene dus opdrachten dêr't gijn finansjeel risiko oan fêstsiert, mar dêr't Rintjes simpelwei as produsint foar betelle krije. Utjouwers dêrfan wiene de lytsere Ljouwerter boekferkaopers Thomas Willems Luyrtsma en syn widdo, Lambert Dronryp en Jacob Pieters Hagenaar. By de produkasje fan it werk fan Janssonius, Brunsvelt en Bornaeus dielde Rintjes it risiko mei oare útjouwers, te witten: Pieter Allertsz van Tongeren, Dominicus Lens en Hauke Egberts Haeringa - sa't it liek ferkochten dy skriuwers better as de earsten. Dat jout twa dingen te sjen: oan de iene kant waard syn fakmanskip as printer tige wurdearre, wylst er oan de oare kant risiko's dielde al neigeraden dat de merkferwachtingen wiene.³⁸ Dat jildt ek foar theologysk werk dat net spesifyk foar de Fryske merk ornearre wie. Sa behelle er yn 1666 yn syn twadde printinge fan it út it Frânsk en Ingelsk oersette *Puik van Lelyen en Roosen* (1664) de lytse Amsterdamske útjouwer Jacobus Wagenaar.³⁹

Mei ien grifformearde skriuwer moat er lykwols in mear besûndere relaasje hân hawwe: de foarâlzer fan de noch jonge Waalske tsjerke yn Ljouwert, de út Orléans ôfkomstige Michel Noé, dy't ek de gravearkeunst ferstie. Dizze Noé, dy't sùnt 1665 yn Ljouwert wenne, hat Rintjes grif ek wol bystien by it saaklike risiko. Sjoch noat 20.

³⁷ Sjoch J.B.H. Alblas, *Johannes Boekholt (1656-1693). The first Dutch Publisher of John Bunyan and other English Authors* (Nieuwkoop 1987). Boekholt syn fûns fan 127 titels stie hast follein yn tsjinst fan de Neiere Reformaasje.

³⁸ Ek mei guons fan syn meniste útjeften, foaral in pear lieteboekjes, dielde er it saaklike risiko. Sjoch noat 20.

³⁹ Sjoch Taheakke nrs. 6 en 9. Earder wie dit boekje mei wark fan Jean de la Montagne, Arthur Warwick en Joseph Hall al útbrocht troch de Hamzer menist Hero Galama yn 1661. Dêryn komme loffersen foar fan Galama sels, fan I. Boogaard en Gysbert Japicx, mar dy binne yn de Rintjes-útjeften weillitten: wie de Fryske lof in beïndering foar de omset yn Hollân? Jacobus Wagenaar (akyf 1666-72) soe foaral namme meitsje as útjouwer fan Jan Luyken syn ronmrofte earsteling: *Duytsche Lier* (1671).

reemeitsjón of neisjen fan Frânsk printwurk. Fan Noé fine wy ferskate útjeften ûnder it saneamde lytsguod, de gelegenheidsfersen. Dat soarte fan printkultuer wie earder al by Claude Fonteyne ta ûntjouwing kaam. Besjogge we de nammen fan de oare auteurs dêrfan, dan bliuwe wy noch hielitten yn it selde hof-fermiedden. Behalven guons fan de nisneamde dûnnys hearre dêr ek by gelegenheidsdichters as J. Buning, de Ljouwerter abbekaat Dominicus Coops, de sekretaris fan Himaarderadel Joan Dullaert, de Ljouwerter abbekaat Neihusius, de sekretaris fan de Steaten en grytman fan Achtkarspelen Isaac de Schepper en fanselsde Fryske histoarieskriwer Simon Abbes Gabbema. Dy trochstrings lytse, markreas fersoarge boekjes yn net te grutte oplaach hawwe Rintjes ek in geregeld ynkommen besoarge. Mei-inoor hat er sa'n 34 gelegenheidsfersen útjûn.⁴⁰

Foar safier hie Gysbert Japicx yn 1655 gin tûngelyk, doe't er skreau dat Rintjes dewerberne Fonteyne wurde soe. Rintjes hat kwalitatyf in goed produkt ôflevere; dêrom kaam de grifformearde hegerein fan Fryslân by him foar printwurk, dat yn it algemien foar in beheind en primêr Fryske ôfsetgebiet ornearre wie. Mar Rintjes syn fûns hold noch folle near yn.

Oar lytsgood, politike pamfletten, wiene de saneamde *Weekregisters*, dy't byholden wat der barde by de belegering fan Grins yn it rampjier 1672. Rintjes hat der, fan 27 july oan de 30ste augustus ta, alle wiken sa'n seis, sân plano's oer útjûn. Dy waarden ek yn Hollân lêzen, sa't blikken docht út guon werprintringen.⁴¹ Dat Rintjes wol in noas foar de politike ûntjouwingen hie, blykt ek

⁴⁰ Sa'n sifer seit fansels neat oer de feitlike produkksje. Betroubere gegevens kriget men troch it tal katernen bynoar op te tellen, dat wol sizzé: troch it feitlike tal plijmzen dat brûkt is te tellen. It lytsguod stiet kwa papieromset yn gin sterhâlding ta de hiel wat gruttere rubryk teology: fan de 34 gelegenheidspunktwurkjes binne al 18 ienblêdsprintsels, of plano's. Wy witte oan de oare kant ek wer net oft Rintjes foar dat typografysk moaiere printwurk meer yn rekken brocht hat as foar it mear reguliere printwurk. Yn de Taheukke binne allinnich de formaten opjûn - net de kollaasje-formule, om't net alle eksimplaren kontrolearre binne.

⁴¹ Sjoch de rubryk 'Polityk & skiednis' fan de Taheukke, nrs. 63 o/m 69. Ferl. foar in Hollânske werprintinge bygelyks *Oprecht Journael van het Aemmerckenwaerdige*,

tot noch toe voorgevallen in de belegeringe van Groeningen, beginnende met de 31 July, en eyndigende met den morgenstond van den 7 Aug. nieuwe styl, 1672. Dizze plano wie 'Gedrukt na de copye, van Hendrick Rintjes, Boekverkoper in de Peperstraet tot Leeuwarden', 1672 (eks. UB Leien, koll. Tysiana 3853); foar 't neist kaam *Over de Declaratie van Oorlogh der Koning van Vrankyjk en Engeland ek fan de parse fan Rintjes: 'Na de Copie van Leeuwarden in de Peperstraat'* (Tiele, nr. 5838).

út de fjouwer brieven dy't fan him bewarre binne oan syn menistre freon Antonius van Dale fan Haarlim, de man dy't noch foàr Balthasar Bekker him tsjin it byleauwe en de tsjoenderij yn 'e kamp sette soe. Ut dy korrespondinsje út de jierren 1677 oant 1687 docht bliken, dat it grutste part fan de ynhâld nijs oer it Fryske politike krewearjen behannelet.⁴²

Dy komeksje mei Van Dale bringt my op in oar aspekt fan syn útjeftebelied. It docht nammentlik bliken dat Van Dale ek as yntermediêr fungearre hat foar advertinsjes fan guons fan Rintjes syn boeken yn de *Haarlemsche Courant* fan alwer in meniste útjouwer, Abraham Casteelyn.⁴³ It giet om twa warkjes fan Pierre Jurieu út 1687 (ien yn werprinting), dy't út it Frânsk wei oersetten binne troch Joan Dullaert en Nicolaas Wieringa. De kostens dêrfan moasten der fânsels út en dêrom wie it saak om hiel de Republyk op de publikaasje yndachich te meitsjen. Folle earder al hie Rintjes, ek yn deseide krante, advertearre mei in wark fan Sixtus Brunsvelt, *De leevende Christen In de Doode Wereldt* (1665, 1666).⁴⁴ Dat boek, sa't earder al sein is, hie er foar eigen rekken besoarge. Dizze Hollânske merkferkenningen jouwe oan dat Rintjes him folle breder oriënteare as allinnich mar op it Fryske ôfsetgebiet. Dat jildt ek foar gâns oare boeken mei in grutter debtyt, sa as de wurken fan Menno van Coehoorn (Tahekke nrs. 77-79), Carolus Battus, *Het Secret-Boek Vol Heerlijcke Konsten* (1664)⁴⁵, de *Friesche Lust-Gaarde Ofte Boom-Heester-Bloem-en Kruyden-Waarande* (1686) fan Gabbema (Tahekke nr. 85), de *Gedenkveerdeige spreukken* fan Erasmus (Tahekke nr. 89), in oersetting fan de *Apophthegmata* troch

⁴² De brieven datearje fan 25-02-1677, 29-04-1678, 23-03-1679 en 09-03-1687 en wurde bewarre yn de Universiteitsbibliotheek fan Amsterdam, ôfdeling Hand-schriften, sinj.: I 47rd. Sjoch oer Van Dale: M. Gijsswilt-Hofstra, 'Doperse geluiden over magie en toverij: Twisck, Deutel, Palingh en Van Dale', yn: A. Lambo (red.), *Oecumenisme. Opstellen aangeboden aan Henk B. Kossen ter gelegenheid van zijn afscheid als kerkelijk hoogleraar* (Amsterdam 1989), s. 78-82.

⁴³ Oer him NNBW IX, 1. 132-34.

⁴⁴ It wark fan Jurieu komt op it aljemint yn it lêste brief oan Van Dale, nr. I 47^d. Sjoch Tahekke nrs. 17 en 18. De oankondiging fan Brunsvelt syn boek (Tahekke nrs. 8 en 10) stie yn de krante fan 29-12-1665; fuort dêrnei waard der advertearre yn de kranten fan 12-01 en 09-03-1666. Dy lêste opjeftie komt út it saneamde Apparaat Van Stockum, fan de 'Bibliotheek van de Vereeniging', UB Amsterdam. Systematyk ûndersyk nei krante-advertinsjes ha ik net dien: soks soe foar Rintjes grif noch wol near opleverje.

⁴⁵ Tahekke nr. 81. Dat wie in tige populêr resepteboek foar allerhande kwalen troch de stedsdokter fan Doardt, Carel Batien. It ferskynde foar 'earst yn 1594; lettere printingen binne derfan bekend út 1600, 1650, 1656 en 1661.

Lambert van den Bosch (1672) en wis ek de *Waare Oeffening Der planten ... Met 40. Kopere Platen van de Raarste Planten vergierd* (Taheakke nr. 83), dat yn 1671/2 útkam en gearstald wie troch de Grinzer botanikus Abraham Munting⁴⁶, in sweager fan Gabbema. Yn dat boek, ien fan de hichtepunten fan Rintjes sijn füns, komme gâns lofdichten foar, makke troch ûnder oaren Gabbema, Noé, De Schepper en Rintjes sels. Grif ek mei it each op 'e kostbere ylustraasjes hat Rintjes sa'n topproduksje - it sil us gjin nij meer dwaan - net op eigeren manneboet reemakke. Sterker noch: it boek hat as iennichste yn syn füns in Printersprivileeze kriegen fan de Steatten fan Hollân en West-Fryslân - in oantsjutting dat de útjouwer der wat fan ferwachte en dêrom syn ynvestering beskermje woe. Hoewol't Rintjes it boek printe hat, stiet it privileeze net op syn namme, mar op dy fan de niis neamde Amsterdamske kollega Jan Rieuwertsz. Rieuwertsz moat yn dizze lûkse ko-produksje fungearre hawwe as boarch, net allinnich finansjeel, mar fansels ek as wichtigste ofsetmooglikheid foar it boek yn Hollân. By de twadde printinge yn 1682 - it wie dus wol in sukses - barde der wat nuvers. Der wie sa't it like nochal wat haast by om dy útjefte op de merk te bringen, want Rintjes hat gjin kâns sjoen om it mânske wark fan foech 700 siden kwaro op eigen manneboet fan de parses te krijgen. Oan 'e ein fan it boek stiet in nijsgjûrige opmerking, ien sa't mar komseiden yn 'e Nederlânske boekhistoarje oantreffen wurdت:

Alsoo de tweede Druk van dit Werk *op drie Winkels is gedrukt* [myn kursiveauring], soois'er, in't uitdeelen der Copie, of andersins in't taftellen of verloopen der Paginâs, misrekening ontstaan, waar by toegekommen is, dat'er, in't tweede A. B. de Letter F. te kort komt, ende in't derde de K. tweemaal is.⁴⁶

Hat de kopij doe behalven by Rieuwertsz (dy't ek stedsprinter wie) ek by de allike meniste Hero Galama yn Harns op 'e parse lein? Dêr is gjin bewiis foar,

⁴⁶ Abraham Munting, *Waare Oeffening Der planten* (1682), ein. It boek hat in frontispys fan Romeyn de Hooge en in stik of seis loffersen (de measte dârfan yn de geleerdeataal, it Latyn), dy't lykwols makke binne troch *noarderingen*, ú.o. in Nederlânktalich fers fan Rintjes sels. Dochs kriget men der net hielendal hichte fan wat yn sa'n gefal, neist de ynvestering foar de printen, no de trochslach jûn hat om in privilegeeze oan te freegjen: ek de 'akademyske' status? Want it hjirmei te ferlykjien wark fan S.A. Gabbema, *Friesche Lust-Gaarde* (1686/87), mein moai frontispysfan Jan Luyken, hat gjin privilegeeze, dochs wol wer meast Nederlânktalige loffersen fan Hollanners as J. Vollenhove, T. Asselyn en H. Sweerts (ju dy't inoarren èn de skriuwer oars allegearre wol koenen).

mar hielendal útsletten is it net. Want eerder hie dat meniste trijtal ek al meinoar opanbeide by in oare mânske útjeſte, de foech 780 siden tellende kwarto fan Kardinaal Guido Bentivoglio, *Historie der Nederlandsche Oorlogen* (1674), dy't oerset wie troch de romrofte meniste kartesiaan, Jan Hendriksz Glazemaker út Amsterdam.⁴⁷

Ta besluit

As men all dizze werksumheden oereaget, dan kin sein wurde dat de betsjutting fan Rintjes as meniste dichter mar tige beheind wie en dater as sadanich ta de dominante (hof-)kultuer yn Fryslân suver neat bydroegen hat. As printer en útjouwer lei dat wol oars. Foar in diel hat er wier it paad fan Claude Fonteyne fierder folge, mar oan allinnich in Fryske merk fan en foar preekjende griffor-mearden en gelegenheidsdichtsijende pommeranten hat er sa't it liet gijn gehôch hân. Syn ôfsetgebiet hat er kleardernôch ek bûtien de provinsjegrinzen socht. Twads kin konstatearre wurde, dat er saaklike risiko's sa folle mooglik tefoaren komme woe: yn Fryslân fûn er foar de grifformearde boeken fan Fryske dûmmy's partners yn boekhammelaers dy't sa't it liet op dat spesifie mêd wol wat oandoarsten; foar útjeften foar in gruttere algemiene merk yn de hiele Republyk die er wat de ynvestearringen oanbelanget yn 'e mande mei measteitiids meniste kollega's - in nijsgjirrich faset fan it leauwe as bynmiddeI fan in ekonomysk netwurk, dat yn dy tiid oars neat net úngewoan wie. Treds is op-merklik dat der nei it jier 1687, doe't it fernijde plakaat útkaam, gâns minder útjûn wurdت. Eins rûn de produkjsje al wer werom sùnt 1680-81. Fòâr 1688 binne der mar leafst 93 titels útkommen (trochinoar sa'n trije jiers); dêrmei soe er de lêste tsien jier fan syn libben noch mar acht titels útjaan: wat grutte en risiko oangiet, hie dat hast neat meer om 'e hakken.⁴⁸ Oft dat wier mei de sosiniane-jacht te meitsjen hân hat, is net te sizzen - opfallend is it al en it soe fansels.

⁴⁷ Taheakke nr. 72. M. Keyser e.o., *Glazemaker 1682-1982. Catalogus bij een tentoonstelling over de vertaler Jan Hendriksz Glazemaker in de Universiteitsbibliotheek van Amsterdam* (Amsterdam 1982), nrs. 103, 104 en 105. Rintjes wie ek yn dit gefal de printer fan it boek.

⁴⁸ Taheakke nrs. 57 (in gelegenheidsfers), 86 (foar de auteur), 87 (in werprintinge), 88 (mei J. ten Hoom, Amsterdam) en fierders mennonitika en eigen wulk: nrs. 96, 97, 98 en 108. De widdo fan Rintjes en kompanjon Pieter Ruijds soenen fan 1698 oant 1702 noch sân titels útjaan, dêrby guon werprintingen fan Hendrik Rintjes syn wulk (Taheakke nrs. 19, 20, 24, 58, 99, 109 en 110). Sjoch foar de betreklikens fan it tal titels noat 40.

kinne, mar foarsafer't it füns no bekend is, sit der wat dat oanbelanget gjin kontrov̄erjeel guod by. Dochs jout de útjeftie yn 1688 fan it boekje fan Hans de Ries wolt tinken. Boppedat kin Rintjes fansels ek noch wol anonym spul op 'e mērk brocht hawwe dat it ortodoxe deljocht net ferneare koe. In oare ferklearring is, dat er hieltien near troch it fermoannerskip yn beslach naam is, sadat de útjouwerij derby ynskeat - it lēste wurd is hij noch lang net oer sein.⁴⁹

S'a't w̄yit no besjen kinne, bestie Rintjes syn boekeproduksje út in būnt ferskaat, dat foar in brede, benannen ek Hollânske merk onnearre wie, en dēr't fansels de lezers yn Fryslân ek fan profitearre hawwe. As er yn 1697, in jier foar syn da, tegearde mei de Amsterdamske útjouwer Jan ten Hoorn in werprintinge útjōt fan in populêr boekje fan de Ingelskman Kenelmus Digby, *Theatrum Sympaticum, Ofte Wonder-Toneel der Naturs Verborgentheden*, fette er yn it foaropwurd syn taak as boekferkeaper sa gear:

En gelyk wy doorgaans trachten de Studien, en fraye Wetenschappen, voor zo veel als in ons vermogen is, te doen bloeyen, en 'er den Liefhebbers, door het uigeven van braave Werken, geen geleegentheid toe te laten ontbreken ...⁵⁰

⁴⁹ Yn fierder ûndersyk sil dan ek omtinken jün wurde moatte oan en sil in analyze makke wurde moatte fan it troch Rintjes brûkte typografyske materiaal. Sa soe bygelyks Franciscus Arcaeus syn *Kortbondige, Ende Rechte Middel, En Kunst; om allerhande zoorten van wonden op de korste ende zeekerste manier te geneezen* (12°), yn 1667 útjûn troch de Ljouwerter boekhameler Yvo Takes Wielmsma út de Spylmansstritte, troch Rintjes printe wêze kinne, om't it deselde soart inisjalen en finjetten hat as de troch him produsearre wurken fan S. Brunsvelt, *Spiegel der Zonde* (1670), G. Buys, *Kort Begryp* (1685) en H. de Ries, *Klaer Bewijs* (1688). Itselde jildt foar't neist ek foar it yn itselde jier troch Lambert Dronrijp útjûne wark fan Tobias Gutberleth, *Tobiae Gutberlethi Crusbonensis Cattii Gymnasiarchae Leowardensiis Poëmata Pleraque aque postuma* (12°). (In ekstra argumint is dat wy foar it jier 1667 gjin oare drukken fan him kenne.) Sa sil der grif wol near fan soksoarte heal en ek folstein anonym printwurk west hawwe dat fan Rintjes syn parse ôfkomstich wie. Dêrmeist soe der ek argyfundersyk dien wurde moatte om it 'útdroegjen' fan de printerij nei 1687 te ferkleainen.

⁵⁰ Kenelmus Digby, *Theatrum Sympaticum*, s. *3^r. (Tanteakkje nr. 88). It hat in frontispys fan Jan Luyken. It wie foar it earst yn 1681 útjûn troch Jakob van Royen en Timotheus ten Hoorn yn Amsterdam. Dizze twadde printinge hat in loffers fan Adriaan Tymens.

Ik tink net, dat Gysbert Japiex dat yn 1655 krecht sa bedoelde, doe't er Rintjes syn útjouwerstaak foar *Fryslân* sa bombizich yn 'e hichte stieck. Gysbert, fol fan ferwachting oer syn fersen yn *Klioos Kraam*, koe doe de fromme mar tûke menist Hendrik Rintjes noch net sa goed. It mei dan wol efkes sa like hawwe as wie Rintjes yn it Fonteyne-nêst fallen, hy is deryn alle gefallen net yn lizzzen bleaun: hy fleach ek út mei syn hannel oer it weiter fan de Sudersee, dêr't er genôch konneksjes hie.⁵¹ Eins is Rintjes syn saak dêrmei it bêste te typearjen as in Hollânske útjouwerij yn Fryslân, dy't ek each hân hat foar de lokale merken; de hegerin om en fan it Fryske hôf likegoed as it gewoane folk fan Menno Simons.

⁵¹ Net allinnich fia menisten, mar ek fia oaren, lykas de nijsneamde dichter Adriaan Tymens (sjoch *NNBW X*, 1. 1064), dy't kunde hie oan withoefolle dichters yn en bûten Fryslân en sels lid wie fan it dichterlike Genootskip 'Nil Volentibus Ardum' yn Amsterdam. Foar ditsoarte fan 'netwurken' jouwe de drompefersen yn de útjeften oanwizingen. Mei de piëtistsyske rûnter fan de Amsterdamske dichter en printer Hieronymus Sweerts (aktef 1663-1692) leinen der ek gâns ferbiningen.

Utejetten en drukken fan Rintjes en syn opfolgers oardere nei soart

Dizze short-title list fan útejetten fan Rintjes sil net syn folseleine fûns omfiemje om't noch net alle boarnen rieplachte binne. Dochs binne der meer titels yn opnommen as dat J.J. Kalma, *Men meldt ons uit Friesland* (Leeuwarden 1973), s. 349, opjout. Taskriuwingen fan (foar in diel) anonym printwurk (sjoch noat 49) binne hjer net yn opnommen. Dizze fûnslist op basis fan de printerskatalogy fan de Universiteitsbibliotheek fan Amsterdam, de Keninklike Bibliotheek yn Den Haach (met ynbegrip fan de Centrale Catalogus), de (ek printe) katalogy fan de Provinciale Bibliotheek en de Stedsbibliotheek yn Ljouwert, it saneande, 'Apparaat Kalma' fan de Fryske Akademy (mei dêrfoar tige tank oan prof.dr. Philip-pus Breuker) en noch in ferskaat oan printe pamphlettekatalogy. Hjir en dêr is de yndieling yn kategoryen wol wat arbitré. Mei opsetsin is de 'meniste' produktsje los helle fan it oare printwurk. Binnen elts kategory binne de titels gronologysk oardere.

Behalven de auteur, de koarte titel, it jier fan útejette en it formaat binne yn foarkommende gefallen de nammen fan oare printers en útjouwers ek opjûn (impr. = impressum; kol. = kolofon). Hat Rintjes inkeld printer en gijn útjouwer west, dan is dat oanjûn mei: pr. De nûmering tsjintet allinnich it gemak fan ynterne ferwizing en hat folselein gijn oare pretinsjes.

teology (sûnder mennonitika)

1. Paulus Mensonis, *Thien Siv-en Spreuk-rijke Predicatiën* (1658) 12° (impr.: Leeuwarden, Thomas Willems Luytsma; pr. yn kol.)
2. Paulus Mensonis, *Christelijke en Stichtelyke Meditatien over eenige Texien der H. Schrifture* (1660) 12° (impr.: Leeuwarden, Lambert Dronrijp en de Wed. van Thomas Willem Luytsma; pr. yn kol.)
3. Gellius Boëtius, *De Prophetische Duyve Met een Olifftaxken ... Bedenkingen over het Eerste Capittel des Propheten Jone* (1660) 4° (impr.: Leeuwarden, Lambert Dronryp) (pr. yn kol.)
4. Sixtus Brunsvelt, *De Spiegel der Zonde voorgehouden aan de tegenwoordige Weereldt, en bezonder aan het zondige Nederland* (1662) 8° (2e pr.)
5. Paulus Mensonis, *Fasciculus Dat is Twintig Christelijke en stichtelyke Bedenkingen Over verscheiden Texien der Heiliger Schrifture* (1662) 8°

6. *Puk van Lelyen en Roosen*, dat is: *Christelijke gedachten van Jean de la Montagne en de Engelsche godgeleerden A. Warwik en Joseph Hall* (1664) 12°.
 7. Johannes Janssonius, *Apostolische Toet-steen, Ontdeckende De valsche Munte van de verdwaelde Prae-adamiten* (1664) 12° (2e pr.)
 8. Sixtus Brunsvelt, *De levenige Christen in de doode Wereld Gedaan in verscheidene predicatien* (1665) 8° (yn 'e mande mei Dominicus Lens)
 9. *Puk van Lelyen en Roosen*, dat is, *Christelijke Gedachten ... van den doorluchtigen Franschen Heer De la Monagne Ende ... Arth. Warvik en Jos. Hall* (1666) 12° (Roar in part ek útjün troch Jacobus Wagenaar fan Amsterdam) (sjoch ek nr. 6)
 10. Sixtus Brunsvelt, *De Leevedinge Christen In De Dode Wereld* (1666) 8° (2e pr.; sjoch nr. 8)
 11. Jean Puget de la Serre, *Het onderhoud der goede geesten op d'Ydelheden van de Werelt* (1666) 8°
 12. Everhardus Bornaeus, *De Getrouwne Harder* (1669) 4° (yn 'e mande mei Hauke Egberts Haeringa)
 13. Michel Noé, *Prières chrétiennes, dédiées à Monsieur Pierre de Harinxma de Sloote* (1669) 4°
 14. Hermannus Witz, *Twist des Heeren met syn Wyngaerdt* (1669) 8° (impr.: [Leeuwarden], Jacob Pieters Hagenaar; pr. yn kol.)
 15. Sixtus Brunsvelt, *De Spiegel Der Zonde, Voorgehouden aan de tegenwoordige Wereldt* (1670) 8° (3e pr.; sjoch nr. 4)
 16. P. Jurieu, *Verhandeling van de Godvruchtigheit ... Vertaalt door J. Dullaard* (1678) 8°
 17. P. Jurieu, *De Plichten der Volstandigheid in twee Predication vertaalt door N.W. [= Nicolaas Wieringa]* (1687) 12°
 18. P. Jurieu, *Verhandeling van de Godvruchtigheit ... Vertaalt door J. Dullaard* (1687) 12° (2e pr., sjoch nr. 16)
-
19. Caspar Neumans, *Kern Aller Gebeden, In weynig woorden, ... Waar achter zijn gevoegt Generale Regulen van een Godvruchtig Leeven* (1698) 12° (widd. H. Rintjes & Pieter Ruijerts)
 20. Edwin Sandis, *Verhaal van den Staat der Religie ... Benevens enige merkwaardige Byvoegselen. Gezamenlijk uyt het Fransch vertaalt door Joachim Oudaen* (1700) 8° (widd. H. Rintjes & Pieter Ruijerts)

literatuur (sünder gelegenheidsfersen en menisse lieteboekjes)

21. *Rlios Kraam*, vol verscheiden gedichten (1656-1657) 8°, 2 dln.

- gelegenheidsfersen
22. Philippe le Noir, *Emanuel, ou Paraphrase évangélique ... Poëme Chrestien devisé en Quinze livres* (1671) 8°
 23. *Het lust-Priëel Der Zeeden. Om te dienen tot Vermaak en Stichtinge, der zeeelde sanghevende Gemoeden ... Uit verscheiden van de beste Rijmers* (1685) 8°

 24. J. Oudaan, J. de Dekker, A. Tymens, *Heilsame Bedenkingen Op de Geboorte, Lijden en Dood Onses Heeren Jesu Christi. In Rijm voorgestelt Door ... Als meede Zielen-zucht tot God, Met eenige Punt-Dichten door Henrik Rintjes* (1699) 12° (widd. H. Rintjes & Pieter Ruijds)

- Burum ... avecque la Jolie Demoiselle, Mademoiselle Marie de Vierse* (1669) 4°
38. Michel Noé, *Vers funebres et concolations sur la mort de feu Monsieur Pierre de Haninxma de Sloote* (1669) 4°
 39. J. Buning, *Epigraphe tumuli ... Dni Caroli à Roorda territorii, quod dicitur Idaerdadeel praetoris* (1670) pl°
 40. Jacobus Geusius, *Plichtschuldige Klachte op het ... verscheyyden van ... Carel Roorda ... mitsgaaders van ... Sophia van Roorda* (1670) pl°
 41. *Op 't overlijden van de heer Tammo Sibema van Rosema ... tot Kollum op Tadema Uytterdijkken* (1670) pl°
 42. Isaac de Schepper, *Elegia in obitum ... Nicolai Igrami ab Achlum* (1670) pl°
 43. Michel Noé, *Dialogue entre la République ...* (1672) 4°
 44. H. Neihusius, *Altò principi Henrico Casimiro ... cum, ex gloriosa militia redux* (1675) pl°
 45. Michel Noé, *Vers funebres ... sur le decés de feu Son Altesse Madame la Princesse Douairiere d'Orange* (1675) 4°
 46. Joan Dullaart, *Zangh der bruiloft van ... Isaac de Schepper, ... en Mejuffrouw Sibille Mejontsma* (1676) pl°
 47. S.A.G. [= Simon Abbes Gabbema] H. Friesiae, *Bruijlofts-tent gevlogten en geopent ter verbindunge van ... Isaac de Schepper ... en Jonkvrouw Sibille Mejontsma ... binnem Buitenpost den XVII van Winter-maand des Jaars MDCLXXVI* (1676) pl°
 48. H. Neihusius, *In acerbum finus magnarum virtutem ... matronae Rinskiae Faber ... conjugis ... Antonii Kan* (1676) pl°
 49. Henricus Neihusius, *Celsissimo, Illustrissimo ... Dat is: Aan den Magtigsten en Doorlugtigsten Prince, Hendrik Casimir, ... Doen hy in de Friesche Franeker Hooge-Schoole wierde verkooren tot Oppersetn Voorzorger* (1678) 4°
 50. Joh Antonides, *Cardialgia in ... obitum ... D Edzardi a Groustins* (1679) pl°
 51. Michel Noé, *Chansons pour Epithalamie, sur le mariage du ... Monsieur François Duco de Camminga ... avec Mademoiselle Lucie d'Aylua* (1679) 4°
 52. Michel Noé, *A monsieur ... Hessel Vegelin de Clarberge ... sur son mariage avec ... Anne Marie de Viersen. Sonnet.* (1683) pl°
 53. Michel Noé, *Ode sur l'entrée solennelle de ... Henry Casimir ... et de madame Amélie ... dans la fameuse ville de Leuwarde* (1684) f°
 54. Henricus Neuhusius, *Votum Neuhusianum super Jubilaum Academiae Franekerensis, oblatum celissimo ac serenissimo principi Wilhelmo Georgio Frisoni* (1685) pl°

55. *Iszaai de Schepper Elegia... Binhardo Heringa à Grovestins* (1686) 4°
56. Paulus de Ghemmenich J.C., *Applausus publicus in felicem, ... Johannis Gulielmi Frisonis cum Dessavia Fristiam versus* (1687) f°
57. *Lacrymae effusae ... viri ac domini Isaci de Schepper ... denati die XVIII maij. Anni MDCLXXXVIII* (1688) f°
-
58. Wijnbrand de Geest, *Prunk-altaar der Schilder-konst* (1698) 8° (widd. H. Rintes & Pieter Ruiers)
- polityk & skiednis* (ynkl. pamphletten)
59. Carel Roorda, *Brief Aan den Heere Adriaen Veth ... Dienende tot een sedige Verantwoordinge van ... wijlen de Heere Carel Roorda, d' Oude* (1660) 4° (De KB yn Den Haach hat in printinge mei setfarianten op it titellblêd, sign. 8369)
60. Simon Abbes Gabbema (ed.), *Vigili Zwichemi ab Ayitta Epistolae politicae et historicae ad Joachimum Hopperum* (1661) 8°
61. Philips de Comines, *Historien, Behelsende De Daaden van Lodewik de XI. en Karel de VIII. Beroemde Koningen van Vrankrijck* (1665) 8°
62. Simon Simoniades, *Korte Openinge Aengaende De Laesie Uyren Van den wel Ed. Heere, Lieveve van Aitzema* (1669) 4°
63. *Week-Register ... Belegering van Groeningen, Beginnende met den 21 en eindigende met ... den 27 July 1672* (1672) pl°
64. *Week-Register Zijnde het Vervolg ... Beginnende met den 27 July en eindigende ... den 3. Augusti. 1672* (1672) pl°
65. *Week-Register Zijnde het Vervolg... Beginnende met den 6. en eyndigende met den 13 dito 1672* (1672) pl°
66. *Week-Register Zijnde het Vervolg ... Beginnende met den 10. en eyndigende met den 17. Augusti 1672* (1672) pl°
67. *Week-Register Zijnde het Vervolg ... Beginnende met den 13 Augusti en eyndigende 20 Augusti 1672* (1672) pl°
68. *Week-Register Zijnde het Vervolg ... Beginnende met den 20 Augusti en eyndigende met 27 Augusti 1672* (1672) pl°
69. *Beslyt van het Week-Register Zijnde het Vervolg ... Beginnende met den 27 en eyndigende met den 30 Augusti 1672* (1672) pl°
70. *Wederlegginge van de Deductie der heeren vergadert tot Sneecck* (1673) 4°
71. *Remonstrantie voor de Heeren Horatius Knyf, Assuerus van Grovestins en Jarich van Ockinga* (1673) 4°
72. Guido Bentivoglio, *Historie der Nederlantsche oorlogen, sedert het ver-*

- trek van Filippus II uit de Nederlanden, tot aan het twaalfjarig bestant ... uit d' Italiaansche ... Taal door J.H. Glazemaker, vertaalt (1674) 4° (der binne ek troch Rintjes printe eksimplaren mei it adres fan Jan Rieuwertsz fan Amsterdam en Hero Galama fan Harns)*
73. *Copye van een Brief, uit Londen den 6 Febr. 1674 (betr. de Vredes-handelingen) (1673 [sic]) p[°]*
 74. *Lettre du Roy d'Angleterre aux Etats Généraux des Provinces Unies. Brief van de Koning ... (10 Febr. 1674) (1674) 4°*
 75. Jean-Louis Guez, sieur de Balzac, Aristippus, of van Het Amt der Hooge Staatsbedienaaars, van den Heere van Balzac. Vertaalt door J. Dullaart (1677) 12° (kol.: Leeuwarden, Eelke Symons Nauta [printer])

militaria

76. [Izaak Dusart & Jacob van Doe], *Optocht der Batavieren ... zijnde een ontwerp, om vyt Holland alleen .. Honderd duyzend weerbare Mannen in't veldt te brengen (1673) 4°*
77. Menno van Coehoorn, *Versterckinge des Vyf-Hoecks ... Geselt tegens die van den Ingenieur en Capit. L. Paen. (1682) 8°*
78. Menno van Coehoorn, *Wederlegginge Der Architectura Militaris, ... insonderheyf die op de Stadt Coevorden zijn toegepast (1683) 8°*
79. Menno van Coehoorn, *Nieuwe Vestingbouw, Op een natte of lage Horizon (1685) f°*

-
80. Menno van Coehoorn, *Nieuwe vestingbouw, op een natte of lage horizon* (1702) f° (erven widd. H. Rintjes)

medisinen en natuerwittenskippen

81. Carolus Battus, *Het Secret-Boek Vol Heerliche Konsten in Veelerley Materien* (1664) 12°
82. Johannes Greydanus, *Institutiones physicae libris undecim absolutae* (1664)⁵²
83. Abraham Munting, *Waare Oeffening Der planten ... Met 40. Koperen Plaaten van de Raarste Planten vergiert (1671) 4° (yn 'e mande mei J. Rieuwertsz, Amsterdam, dy't ek it privilegee op syn namme hat)*


⁵² Sjoch C.L. Thijssen-Schouten, *Nederlands Cartesianisme (avec sommaire et table des matières en Français)* (Amsterdam 1954), s. 504. Hja neamt in eksimplaar yn partikulier besit enien yn de Bibliotheque National fan Parys, mar jout gjin formaat.

- 83a. Abraham Munting, *Waare Oeffening Der Planten* (1672) 4°
 (mei it Rieuwertsz-adres op it frontispys)
84. Abraham Munting, *Waare Oeffening Der planten ... Den Tweeden Druk*
 (1682) 4° (sjoch nrs. 83 en 83a)
85. Siron Abbes Gabbema, *Friesche Lust-Gaarde Ofte Boom-Heester-*
Bloem-en Kruyd-Waarande (1686) 4°
- 85a. Siron Abbes Gabbema, *Friesche Lust-Gaarde Ofte Boom-Heester-*
Bloem-en Kruyd-Waarande (1687) 4° (mei in tige útwreide titelblad, mar
 fierders deseidle ynhalde)
86. Liëwe Willensz de Graef, *D'Eerste Opening en Gewis onderwijs van de*
Waere Vinding der Lengte van Oost en West (1691) 4° (?) (toar de auteur)
87. Carolus Battus, *Het Secret-Boek Vol Heertijke Konsten; Als van De*
Hooftstoffen in elks gebruik (1694) 12° (ferl. nr. 81)
88. Kenelmus Digby, *Theatrum Sympaticum, Offe Wonder-Toneel der*
Natuurs Verborgentheden ... Den Tweeden Druk, vermeerderd en ver-
beetert (1697) 8° (yn 'e mande mei Jan ten Hoorn fan Amsterdam)
- ferskaat*
89. Desiderius Erasmus, *Gedenkweerde spreken ... Uit het latijn vertaelt*
door L.v.B[osch] (1672) 8°
90. *Verkoopinge van ... Saten en Stater, sampt losse Parcelen Landen,*
geleegen tot Bossum, Marssum, Ternaerd, Hantum, Nykerck, by Dockum
en Wolterswolde (1674) pl°
91. Michel Noé, *Plusieurs Énigmes, Ou Descriptiōns Enigmatiques* (1682)
 12° (easte samling fan 149 riedsels)
92. Michel Noé, *Plusieurs Enigmes Ou Descriptions Enigmatiques* (1684) 12°
 (twadde samling fan 160 riedsels)
- mennonitika**
- proaza*
93. Jan Philipsz Schabaelje, *Het leven onses Heeren Jesu Christi* (1681) 4°
 (2de pr.)
94. *Dat Nieuwe Testament... Gedruckt naer het oude Exemplaer van Nicolaes*
Bieskens (1681) 12°
95. G. Buys, *Kort Begrypp Van de Godheydt Christi Vervolgens de Texten des*
Ouden ende des Nieuwen Testaments (1685) 12°
96. Hans de Ries, *Klaer Bewijs Van de Eeuwigheyd ende Godheydt Jesu*
Christi (1688) 12°

97. Cornelis Claesz Bruyn, *Vijf-en-Veertig Predicatien, Over verscheyden Texten* (1692) 4°
98. *Dat nieuwe testament ons liefs Heeren Jesu Christi. Ghedruckt naer het oude exemplaar van Nicolaes Biesikens* (1697) 8° (wêr't er mei 'in compagnie' wie, is net bekend - mooglik wie Rieuwertsz fan Amsterdam derék by)
-
99. Ruijerd Gerbens, *Korte Belydenisse des Christelijken Geloofs, ... Benefens de Laatste Predicatie van den selven Autheur* (widd. H. Rintjes, 1698) 8°
- poëzij* (ynkl. lieteboeken)
100. *De Geestelijcke Basuyn ... In houdende enige Psalmen, Vermaenreden, Gebeedesangen, Lofsgangen en andere Geestelijcke Liedekens* (1668) 12°
101. *Een Nieuw Sang-Boek, Ofte anders genaemt, Jan Sents Liedtboek ... Den Lesten Druck van veel Fouten verheert* (1679) 12° (yn 'e mande mei Karst Teunis Pleckenpoel, op 't Fliet)
102. *De Geestelijcke Goudschaele ... Geestelijke Liedekens, Psalmen en Lofsgangen* (1683) 8° (3de pr.) (yn 'e mande mei Karst Teunes [sjoch nr. 101]; it kol. jout as printer Johannes Jacobs Banga, ek yn de Peperstrijtte)
103. P.A. Dreyer, *Stichtelyke Liedekens* (1684) 12°
- wurk fan Rintjes*
104. H.D.R.J. [Hendrik Rintjes], *Gedachten Op den Jongsten Dag, In Verssen vertoont* (1681) 4°
105. Hendrik Rintjes, *De Morgen-Stond, In haar Somersche vermaeklijkheden vertoont* (1684) 12°
106. Hendrik Rintjes, *Gedachten Op den Jongsten dag, In Verssen vertoont, en Voor de Tweedemaal ... in druk gebracht* (1685) 12° (2de pr.; sjoch nr. 104)
107. Hendrik Rintjes, *Toegift Van eenige Puntlachten* ([1685]) 12°
108. Hendrik Rintjes, *De Morgenstond In haer Somersche Vermaeklijkheden vertoont ... Deesen Tweeden Drukk meer als de helft vermeerdert* (1690) 4° (2de pr.; sjoch nr. 105)
-
109. Hendrik Rintjes, *Zielens-Sucht Aan God, Om een blijde verwachtinge des Doods* (1698) 4° (widd. H. Rintjes) (op s. A4^r stiet it 'laastste Vers van den Auteur, hem selfs tot Opwekking gemaakt, ontrent drie weken voor zijn versterven' [= 23 maaie 1698])


110. H ndrik Rintjes, *Ziel-en-Sucht Aan God, Om een blijde verwachtinge des Doeds ... Waar achter zijn gevoegt eenige Punt-Dichten Van den selven Auteur* (widd. H. Rintjes, 1699) 12° (sjoch ek nr. 24)

Boekferkeapersmerken fan Hendrik Rintjes:




- 1a. 'Den Zaadzaaijer', op it titelbl ed fan *Klioos Kraam* (1656-57) (fergrutte)

- 1b. Idem, op it titelbl ed fan *Gedachten Op den Jongsen Dag* (1685) (fergrutte)



- 1c. Idem, lykwols it  nderste diel fan it frontispys fan *De Geestelijke Goudschaele* (1683), mei de 'zaadzaaijer' tsjin it dekor fan it Ijouwerter stedsproyf (fergrutte)



2a. It lytse HR-monogram, op it titelbléed fan *De Plichten der Volstandicheid* (1687)
(fergrutte)



2b. It grutte HR-monogram, op it titelbléed fan *Gedachten Op den Jongsten Dag*
(1681) (fergrutte)



't e L E E U W I J D E N . b y H E N D R I K R I N T J E S 1686 .

3.
It troch Jan Luyken graveare frontispys fan S.A. Gabbema, Friesche Lust-gaarde
(1686) (ferlytse)

